PHILOLOGIA FRISICA

ANNO 1988

LEZINGEN EN NEIPETEAREN FAN IT ALFTE FRYSK FILOLOGEKONGRES JANNEWARIS 1988

Nr. 699

FRYSKE AKADEMY - LJOUWERT - 1989

IT ALFTE FRYSK FILOLOGEKONGRES

ORGANISEARRE TROCH DE FRYSKE AKADEMY
OP 6, 7 EN 8 JANNEWARIS 1988

"2000 JIER FRIEZEN"

KONGRESFOARSITTER:
Prof.dr. H.D. Meijering

DEIFOARSITTERS:
Drs. D. Gorter
Dr. G.J. de Haan
Prof.dr. A. Feitsma

TARIEDINGSKOMMISJE:
M. Bosma
Drs. Ph.H. Breuker
Drs. D. Gorter
Drs. J.F. Hoekstra
Dr. L.G. Jansma
Drs. F.J. v.d. Kuip, *skriuwer*
Prof.dr. H.D. Meijering

Coulonhûs, Doelestrjitte 8, Ljouwert

Nr. 699

CIP-GEGEVENS KONINKLIJKE BIBLIOTHEEK, DEN HAAG

2000

"2000 jier Friezen" : it alfte Frysk Filologekongres : organisearre troch de Fryske Akademy op 6, 7 en 8 jannewaris 1988 / kongresfoarsitter: H.D. Meijering ; deifoarsitters: D. Gorter, G.J. de Haan, A. Feitsma ; tariedingskommisje: M. Bosma ... [et al.]. - Ljouwert [Leeuwarden] : Fryske Akademy. - (Philologia Frisica ; Anno 1988) (Fryske Akademy ; 699)
Met lit. opg.
ISBN 90-6171-699-3
SISO frie 830 UDC 803.92
Trefw.: Friese taal.

© Fryske Akademy, Ljouwert 1989

Fan dit boek mei neat fermannichfâldige en/of iepenbier makke wurde troch printsjen, fotokopiearjen, it meitsjen fan mikrofilm of op hokker oare wize dan ek, sûnder dat de Fryske Akademy yn 't foar skriftlik tastimming jûn hat.

Foarsafier't it meitsjen fan kopyen út dizze útjefte tastien is op grûn fan artikel 16B Auteurswet 1912 j°, it Beslút fan 20 juny 1974, Stbl. 351, lykas wizige by it Beslút fan 23 augustus 1985, Stbl. 471 en artikel 17 Auteurswet 1912, moatte de dêrfoar wetlik ferskuldige fergoedingen foldien wurde oan de Stichting Reprorecht (Postbus 882, 1180 AW Amstelveen).
Foar it oernimmen fan part(en) út dizze útjefte yn blômlêzingen, readers en oare komplikaasjewurken (artikel 16 Auteurswet 1912) moat kontakt opnommen wurde mei de útjouwer.

Printe by it Administratyf Sintrum 'Oostergo', Mitselwier.

YNHALD

	side
Programma	7
H.D. MEIJERING, Iepening.	9
O. VRIES, De skriuwtaalwiksel fan de Fryske stedskânselarijen: fan Latyn oer Frysk nei Nederlânsk?	11
F. CHIOCHETTI, Zweitausendjähriges Ladinisches Jubiläum: Mythus und Politik.	26
T. HOFSTRA, Ier-Aldfrysk neist Aldingelsk en Aldsaksysk.	38
W. VISSER, Ta de nominale ynfinityf yn it Frysk.	51
D.H. VEENSTRA, It projekt Fonology en morfology fan Fryske dialekten op basis fan fjildwurk: oanlieding, doelstelling en opset.	75
N.R. ÅRHAMMAR, Zur Rekonstruktion des altfriesischen Lexikons mit Hilfe der neufriesischen Dialekte.	94
E.J. BROUWER, De taal is gansch het volk. De Friese volksschrijverij als bron voor mentaliteitsgeschiedschrijving.	129
J. KROL, Tusken libbensfeit en libbensbeskriuwing. Oer mooglikheden en beheiningen fan de bibliografy.	149

De neipetearen steane ôfprinte fuortdaliks nei de oanbelangjende lêzing.

PROGRAMMA
FAN IT ALFTE FRYSK FILOLOGEKONGRES

TEMA: "2000 JIER FRIEZEN"

Woansdei 6 jannewaris 1988. LJOUWERT. FRYSKE AKADEMY

10.00 Iepening fan it kongres troch de kongresfoarsitter.
10.30 O. VRIES, De skriuwtaal fan de Fryske stedskânselarijen: fan Latyn oer Frysk nei Nederlânsk?
11.15 Neipetear en kofjeskoft.
12.00 Untfangst troch it stedsbestjoer fan Ljouwert yn it stedhûs.
13.00 Kofjemiel, troch it stedsbestjoer fan Ljouwert oanbean, yn de eardere Synagoge by Sealen Schaaf.
14.15 H.D. MEIJERING, De ideologyske funksje fan de Aldfryske literatuer.
15.00 Neipetear en teeskoft.
15.45 F. CHIOCHETTI, Zweitausendjähriges Ladinisch Jubiläum: Mythus und Politik.
16.30 Neipetear.
17.00 Ofsluting earste kongresdei.

Tongersdei 7 jannewaris 1988. STARUM. DE KAAP

09.30 T. HOFSTRA, Ier-Aldfrysk neist Aldingelsk en Aldsaksysk.
10.15 Neipetear en kofjeskoft.
11.00 W. VISSER, Ta de nominale ynfinityf yn it Frysk.
11.45 Neipetear.
12.30 Kofjemiel.
14.00 D.H. VEENSTRA, It projekt Fonology en Morfology fan Fryske dialekten op basis fan fjildwurk: oanlieding, doelstelling en opset.
14.45 Neipetear en teeskoft.
15.30 Ofsluting twadde kongresdei.
16.30 Untfangst troch it gemeentebestjoer fan Nijefurd op it gemeentehûs yn Warkum.

Freed 8 jannewaris, FRJENTSJER. MARTENAHUS

09.15 N.R. ÅRHAMMAR, Zur Rekonstruktion des altfriesischen Lexikons mit Hilfe der neufriesischen Dialekte.
10.00 Neipetear en kofjeskoft.
10.45 E.J. BROUWER, De taal is gansch het volk. De Friese volksschrijverij als bron voor mentaliteits-geschiedenis.
11.30 Neipetear.
12.15 Untfangst troch it gemeentebestjoer fan Frjentsjerteradiel.
12.45 Kofjemiel, troch it gemeentebestjoer fan Frjentsjerteradiel oanbean, yn de Koornbeurs.
13.45 J. KROL, Tusken libbensfeit en libbensbeskriuwing. Oer mooglikheden en beheiningen fan de bibliografy.
14.30 Neipetear en teeskoft.
15.00 Ofsluting fan it kongres.

Iepening

Prof.dr. H.D. Meijering
(Stúdzjerjochting Frysk, Frije Universiteit Amsterdam)

Achte oanwêzigen,

It kongres dat ik no iepenje mei, is al wer it alfte Fryske Filologekongres. It foarige kongres hie as tema: "Frysk, juster, hjoed en moarn": in titel dy't in lykwichtige ferdieling tusken bestudearring fan it ferline en besinning op de takomst fan it Frysk suggerearret. Ik wit net at dat kongres ek sa op de doe oanwêzigen oerkommen is, mar yn alle gefallen liket de titel fan it alfte kongres: "2000 jier Friezen", allinne mar nei it ferline te ferwizen. Dy titel is fansels ek wat ludyk bedoeld: der is filologysk ynsjoch foar nedich om in útspraak oer Friezen yn it jier 12 f. Kr. by in skriuwer dy't mear as twa ieuwen letter libbe, ek eksakt op dat jier slaan te litten, en sels al soe dat slagje: it is hiel ûnwierskynlik dat der fóár dat jier gjin praat fan Friezen wêze soe, dat wy ha amper mei in echt jubileum te dwaan. Mar hoe grutsk at de Fryske Akademy ek op de fyftich jier eigen skiednis wêze kin, it is goed om har jubeljier 1988 yn folle grutter ramt fan de skiednis fan de Friezen - en it Frysk - te setten.

No leit it keazen kongrestema amper beheiningen op oan de sprekkers. Der is gjin lêzing by dy't net ûnder it sintrale tema te beflappen wêze soe, mar dat seit faaks mear oer dat tema as oer de lêzing. Dochs binne der ûnderwerpen by dy't krusjale punten út de skiednis fan de Fryske taal en de literatuer beljochtsje, - in skiednis dy't trouwens wer koarter is as 2000 jier! Mar ien lêzing past hiel yn it bysûnder by it tema: dy oer de ladinyske taalmienskip en de útwurking fan it 2000-jierrich jubileum dêr yn 1985. De yn-teresse fan de frisistyk foar de sitewaasje fan oare minderheidstalen is grut. Ik neam allinne mar de ôfdieling taalsosjology hjir op de Akademy, en inkelde YSF-konferinsjes, mar der is mear.

Dr. Chiochetti, Cher Collègue, en ce qui concerne leur origine nos communautes linguistique sont loin l'une de l'autre. Votre langue peut porter le nom de l'ancien latin avec fierté, mais ce n'est pas la langue romane moderne, qu'on enseigne ici dans les écoles, alors je dois me servir d'une autre langue romane pour m'adresser à vous. Pourtant il y a des faits sociolinguistique que nous avons en commun: le fractionnement de nos régions linguistiques à cause de la naissance des états européens moderne et avec eux les langues dites nationales, une position souvent menacée de nos langues, et maintenant deux mill ans de tradition historique documentée, vous avez même une avance de trois ans. Nous sommes convaincus que nous pouvons apprendre beaucoup de choses de vous. Soyez le bienvenu ici à notre conférence.

Yn ien opsicht is dit in opfallend kongres: hast alle lêzingen binne yn it Frysk. Dit kin in utering fan isolemint wêze: allinne frisisten hâlde har mei Fryske tema's dwaande, en dán moatte wy mei de op trije lêzingen nei realisearre ientaligens fan dit kongres mar net al te wiis wêze. Mar it kin ek in fierdere stap ta de emansipaasje fan it Frysk as wittenskipstaal betsjutte. Net allinne om't der ûndersikers binne dy't har (en har wurk) net te goed achtsje foar it Frysk - dy wiene der earder ek wol - mar ek om't der sa stadichoan in grutter publyk foar har sa presintearre wurk is. Fan datoangeande jout de dielnimmerslist wol oanlieding ta optimisme. Sa jout dit kongres dat 2000 jier *skiednis* fan Friezen as útgongspunt hat, ek hoop foar de *takomst* fan de taal dy't dy Friezen yn it grutste part fan dy twa millennia praten ha. Mei dizze wurden iepenje ik dit Alfte Fryske Filologekongres.

De skriuwtaal fan de Fryske stedskânselarijen: fan Latyn oer Frysk nei Nederlânsk?

Dr. O. Vries (Frysk Ynstitút, Ryksuniversiteit Grins)

It ûnderwerp fan myn lêzing leit op it mêd fan de útwindige skiednis fan it Frysk. Wy kinne wol sizze dat dêr noch net sa hiele folle oan dien is. In stúdzje ferlykber mei De Vooys syn *Geschiedenis van de Nederlandse taal*, dy't oars al wer aardich ferâldere is, bestiet der foar it Frysk net.[1] Sels bin ik op it stuit dwaande mei in aspekt fan de Fryske taalskiednis, dêr't Kloeke en Fokkema as earsten ûndersyk nei dien ha[2], te witten de skriuwtaalwiksel Frysk-Nederlânsk yn de 15de en 16de ieu. My ynteressearret lykwols net allinne de skriuwtaalwiksel Frysk-Nederlânsk, mar ek dy fan Latyn nei folkstaal, dy't him, lykas hast oeral yn West- en Midden-Europa, ek yn Westerlauwersk Fryslân ôfspile hat.[3]

Wy kinne fêststelle dat yn de 15de ieu yn Westerlauwersk Fryslân it Frysk, dus de autochtoane folkstaal, de meast brûkte skriuwtaal wie, mar dat dêrnjonken ek in net-autochtoane folkstaal, it Nederlânsk, as skriuwtaal funksjonearre. Yn de 16de ieu is it Frysk as skriuwtaal rûnom yn Westerlauwersk Fryslân troch it Nederlânsk ferkrongen. Der hat dus sa't it liket yn it gefal fan Westerlauwersk Fryslân twa kear in skriuwtaalwiksel west: earst fan Latyn nei almeast Frysk en dêrnei fan almeast Frysk nei inkeld Nederlânsk.

No leit it yn 'e reden dat skriuwtaalferoaringsprosessen it bêste nei te gean binne, as der út de tiid dêr't dy har yn ôfspile ha, in soad skreaune boarnen oerlevere binne. Dat is foar Westerlauwersk Fryslân spitigernôch net it gefal: wy kinne foar de tiid dêr't it om giet sels sprekke fan in tige ûngeunstige boarneoerlevering. Dêrom is it namstemear fan belang dat wy yn ús ûndersyk de risseltaten behelje fan stúdzjes oer ferlykbere skriuwtaalwiksels yn likernôch deselde tiid.

Yn dizze lêzing woe ik jimme meinimme op in soarte fan skriuwtaalhistoaryske alvestêdetocht. It is nammentlik myn bedoeling om it skriuwtaalgebrûk nei te gean yn de kânselarijen fan de stêden yn Westerlauwersk Fryslân en wol oant it tiidstip dat wy dêrút inkeld noch Nederlânsktalige stikken tsjinkomme. It belang fan kânselarijen, dat binne de skriuwkeamers fan oerheids- en ek tsjerklike ynstellings, foar de skriuwtaalskiednis moat heech oanslein wurde, benammen yn de tiid dat de boekdrukkeunst noch net útfûn wie of noch gjin hege flecht nommen hie.[4]

De Westerlauwerskfryske stedskânselarijen binne, alteast oant likernôch 1500, fan noch mear as gewoane betsjutting en wol mei't der yn it tiidrek fan de Fryske frijheid yn Westerlauwersk Fryslân gjin lânshearlike kânselarij bestie. Nèi 1500 wie dat oars: doe waard ek hjirre in lânshearlike kânselarij ynrjochte en wol ien dy't fan it begjin ôf oan it Nederlânsk as administraasjetaal brûkte.[5]

Men moat jin fan dy Fryske stedskânselarijen oars net in al te oerdreaune foarstelling meitsje. Yn de 15de en it begjin fan de 16de ieu bestienen se, foar safier bekend, út mar ien persoan: de stedsskriuwer. Dy die boppedat ek noch wol mear as inkeld mar skriuwe foar it stedsregear. Oant yn de 16de ieu skreauwen de stedsskriuwers ornaris ek foar de gerjochten fan gritenijen yn de omkriten fan de stêd dêr't se har domisylje hienen. Ek ferrjochten guont fan har it skriuwwurk fan de kolleezjes dy't beskôge wurde kinne as foarrinders fan de Fryske Steaten. Fierders namen se fansels graach skriuwopdrachten fan partikulieren oan.[6]

Foar it ûndersyk dêr't ik hjoed ferslach fan útbring, ha ik it folgjende dien. Ik ha yn it foarste plak besocht om alle stikken te sammeljen dy't oant likernôch 1530 fan de regearen fan de alve Fryske stêden útgien binne, foar safier bewarre fansels. Dêrnei ha ik it materiaal yndield yn trije skiften: iepenbiere oarkonden, korrespondinsje en stikken fan de ynterne administraasje. By oarkonden en korrespondinsje ha ik boppedat ûnderskie makke tusken stikken dy't ornearre binne foar persoanen of ynstânsjes binnen it Fryske taalgebiet en stikken foar bûten dat taalgebiet. As lêste ha ik prebearre om de hânskriften fan de ferskillende stedsskriuwers te identifisearjen en har nammen en sa mooglik ek har komôf fêst te stellen. Ik besjoch no earst de tiid oant 1400, dêrnei it tiidrek 1400-1500 (dus oant de ein fan de Fryske frijheid) en by einsluten de tiid fan 1500 oant 1535, it tiidstip dat foar it lêst it gebrûk fan Frysk yn in stedskânselarij fêststeld wurde kin.

Noch twa opmerkingen yn it foar. Ik sjoch yn dizze lêzing net nei de oarsaken fan de skriuwtaalwiksel en ik gean ek net yn op 'e fraach oft der yn it Nederlânsk fan de Fryske stedskânselarijen faaks spoaren fan 'eastlike' taal te ûntdekken binne.[7]

De tiid oant 1400

De skriuwtaalwiksel Latyn-folkstaal hat him yn de gebieten om Westerlauwersk Fryslân hinne net oeral tagelyk ôfspile. Navenant ier hat de lânshearlike kânselarij fan Hollân foar it brûken fan folkstaal keazen: om 1290 hinne wurde dêr al hast gjin stikken mear yn it Latyn opsteld.[8] Yn de Hollânske stedskânselarijen leit de omslach yn de jierren 1280-1325.[9] Let mei it oerskeakeljen op folkstaal wienen dêrtsjinoer de kânselarijen fan de liedende Hânzestêden. Dêr falt de omslach net earder as yn de jierren 1370-1380.[10] De kânselarij fan de stêd Grins makke de oergong yn 1370.[11]

De fraach is no hoe't it yn de Fryske stedskânselarijen gien is. Wy moatte alderearst fêststelle dat ús dêr mar in hantsjefol oarkonden en brieven fan fóár 1400 út oerlevere is. Boppedat binne dy sûnder ek mar ien útsûndering ornearre foar bûten it Fryske taalgebiet. Dêr komt noch by dat fierwei it grutste part dêrfan út Starum ôfkomstich is en krekt by Starum giet it om in bysûnder gefal en wol om't dy stêd fan 1292 oant 1411 de greve fan Hollân as lânshear erkende en doe dus eins in Hollânske stêd wie. Om

dan fuort mar mei Starum troch te gean: it âldste ús bekende stik fan dy stêd is út 1246.[12] De taal dêrfan is - hoe soe 't ek oars - Latyn. Dochs binne der al ier ek stikken op namme fan it Starumer stedsregear útjûn yn it Nederlânsk, mar dy binne sûnder mis yn de greeflike kânselarij fan Hollân klearmakke.[13] As wy dyselden útslute, kinne wy fêststelle dat de Starumer kânselarij yn alle gefallen sûnt 1327 it Nederlânsk brûkte, al waarden der ek nei dy tiid (op syn minst oant 1369) noch wol stikken yn it Latyn klearmakke.[14]

Wannear't de kânselarijen fan de stêden dy't de Hollânske greve net erkenden, op it brûken fan folkstaal oergien binne, is folle dizeniger. De stedsregearen fan Harns, Hynljippen en Warkum skreauwen yn 1355 oan de machtige Hânzestêd Lübeck yn alle gefallen noch brieven yn it Latyn.[15] Dat is op himsels lykwols gjin bewiis dat yn de kânselarijen fan dy stêden yn dy snuorje noch gjin stikken yn de folkstaal opmakke binne. Der waard yn it brieveferkear nammentlik gauris rekken hâlden mei de skriuwtaal fan de destinataris. Sa wienen stikken út Hollân wei foar de Hânzestêden, dy't - lykas sein - it Latyn pas let slûpe litten ha, langer yn it Latyn steld as oare korrespondinsje dêrwei.[16] It soe dus wêze kinne dat de kânselarijen fan Harns, Hynljippen en Warkum om 1355 hinne ek wol folkstaal brûkten. Dochs leau ik dat net. Sjogge wy nammentlik nei it skriuwtaalgebrûk fan de kolleezjes fan prelaten, grytmannen en meirjochters fan Eastergoa en Westergoa, dan falt op dat de oarkonden en brieven dêrfan oan likernôch 1370 ta yn it Latyn steld binne.[17] It liket my oannimlik ta dat de measte Fryske stedskânselarijen om dyselde tiid hinne, dus letter as dy fan it op Hollân oriïntearre Starum, mar lykop mei dy fan Grins en de liedende Hânzestêden, fan it Latyn ôfstapt binne. Ik soe sels sa fier gean wolle en stel dat der fan dat stuit ôf yn Westerlauwersk Fryslân frij algemien in oergong op it brûken fan folkstaal as skriuwtaal west hat en wol op grûn fan it feit dat fuort nei 1370 de oerlevering fan Frysktalige oarkonden ynset.[18] It earste ús bekende stik yn folkstaal út in Fryske stedskânselarij - Starum net meirekkene - is in frijgeliede fan it stedsregear fan Warkum foar de boargers fan Amersfoart út 1385.[19] De taal dêrfan is it Nederlânsk. Dúdlik is dat de skriuwers fan de stikken foar de Fryske stêden (oft der doe al fêste stedsskriuwers wienen, witte wy net) al oan de ein fan de 14de ieu Nederlânsk skriuwe koenen.

De fyftjinde ieu

Ut it tiidrek 1400-1500 ha wy mear materiaal ta ús foldwaan as út it foargeande. Ear't wy dat neier besjogge, soe ik wat sizze wolle fan de risseltaten fan ûndersyk nei de skriuwtaalwiksel Leechdútsk-Heechdútsk, dy't him, nei't my foarkomt, goed mei dy fan Frysk nei Nederlânsk ferlykje lit en dêr't boppedat frijwat stúdzje fan makke is. Yn it bysûnder woe ik it omtinken freegje foar Agathe Lasch har dissertaasje oer de skriuwtaalskiednis fan Berlyn.[20] De reden dêrfan is dat yn Berlyn, oars as yn alle oare Leech-

dútske stêden dêr't de skriuwtaalskiednis fan ûndersocht is, de oergong op it Heechdútsk him trochset hat ear't de boekdrukkeunst ta bloei kaam en de Reformaasje har oantsjinne.

Men kin jin fansels ôffreegje oft de ferskillen tusken in mânske stêd as Berlyn en de lytse Fryske stedsjes net fierstente grut binne om de gong fan saken mei inoar ferlykje te kinnen. Ik leau dat wy ús op dy ferskillen net fersjen moatte. Yn de 15de ieu bestie de kânselarij fan Berlyn út in stedsskriuwer mei nei alle gedachten mar ien ûnderskriuwer. It letter yn Berlyn opgiene Köln, dat Lasch ek yn har ûndersyk behellet, hie sels allinne mar in stedsskriuwer.[21] Der moat noch op wiisd wurde dat der yn Berlyn al sûnt lang ek in lânshearlike kânselarij fêstige wie, dy't it Heechdútsk as administraasjetaal brûkte.

Lasch stelt fêst dat de kânselarijen fan Berlyn en Köln yn de 15de ieu de oarkonden en brieven dy't binnen it Leechdútske taalgebiet bleauwen, ek yn it Leechdútsk stelden.[22] Yn 1504 krige Berlyn in nije stedsskriuwer, dy't - ek al wie er fan Leechdútsk komôf - inkeld mar Heechdútske oarkonden en brieven skreau. Ek it part fan de ynterne administraasje dat dizze stedsskriuwer sels byhold, waard ûnder him Heechdútsk. Neffens Lasch hat it eigenskip dat it stedsregear him by syn oanstelling opdroegen hat om Heechdútsk te skriuwen. Opfallend is dat in part fan de ynterne administraasje, nammentlik de skepenboeken, dy't troch in ûnderskriuwer byhâlden waarden, ynearsten noch Leechdútsk bleau. Dochs naam ek dêryn it tal Heechdútske ynskriuwingen ta en wol sadanich dat dêr yn 1529, as der in hiaat yn de oerlevering begjint, al hast gjin Leechdútsk mear yn te finen is. Opfallend is dat der yn dy skepenboeken ek ynskriuwingen foarkomme dy't yn it Heechdútsk begjinne, mar dan ynienen op it Leechdútsk oergeane. De ferklearring dêrfan is dat de skriuwer 'Vorlagen' yn lêstneamde taal brûkt hat, dy't troch belanghawwenden ynlevere wêze sille. In belangrike waarnimming is noch dat de stedsskriuwer fan Köln om 1510 hinne foar de korrespondinsje binnen it Leechdútske taalgebiet it Heechdútsk brûkt, mar yn de ynterne administraasje en ek yn syn privee-brieven oan it Leechdútsk fêsthâldt. Lasch har konklúzje is dat it stedsregear foar stikken dy't nei bûten ta gienen, it Heechdútsk as skriuwtaal winske, mar de stedsskriuwer yn it byhâlden fan de ynterne administraasje yn syn taalkar frijliet.[23] Hja wol der dan ek op út dat de wikseling fan skriuwtaal yn it útwindige gebrûk hast altiten earder pleatsfynt as yn de ynterne administraasje. Oare ûndersiken nei de skriuwtaalwiksel Leechdútsk-Heechdútsk ha dat befêstige.[24]

En dan no it skriuwtaalgebrûk fan de Fryske stedskânselarijen yn de 15de ieu. Lykas te ferwachtsjen binne de oarkonden en brieven dy't ornearre wienen foar bûten it Fryske, mar binnen it Nederlânske en ek it Leechdútske taalgebiet, allegearre yn it Nederlânsk steld. Stikken foar noch wer oare taalgebieten sille Latynsktalich west ha.

De foar binnen Fryslân ornearre oarkonden en brieven, hjirnei oan te tsjutten as yntern-Fryske stikken, moat wat langer by stilstien wurde. Dêrby kinne wy de trije lytste stêden (Drylts, Hynljippen en Sleat) oer-

slaan, want dêrwei binne ús gjin stikken bekend fan de kategory dy't no oan 'e oarder is. Yn it gefal fan Starum kinne wy fêststelle dat it ophâlden fan de Hollânske hearskippij dêre yn 1411 blykber gjin gefolgen foar it skriuwtaalgebrûk fan de kânselarij hân hat. Wy ha nammentlik fan nei 1411 trije skepenbrieven (dat binne foar skepenen opmakke oarkonden, dêr't op fersyk fan partikuliere belanghawwenden in rjochtshanneling yn fêstlein is) en ien oare yntern-Fryske oarkonde ta ús foldwaan, dy't allegearre Nederlânsktalich binne.[25] Dochs waard it regear fan Starum wol achte Frysk te kennen. De regearders fan Snits stjoerden teminsten yn 1491 in Frysktalige brief oan har Starumer konfraters.[26] Hokker taal oft de Starumers yn har eigen korrespondinsje binnen it Fryske taalgebiet brûkten, bliuwt ús spitigernôch ferburgen.

Ut Dokkum, Harns en Warkum is mar in lyts tal stikken oerlevere, mar dy binne wol allegearre Frysktalich.[27] Ek út Frjentsjer is mar in hantsjefol yntern-Fryske stikken bewarre bleaun. Oerienkomsten mei Harns en Ljouwert binne Frysktalich.[28] In ferklearring fan it stedsregear oer de kwaliteit fan it wurk fan trije goudsmidden is dêrtsjinoer yn it Nederlânsk steld.[29] De nammen fan dy goudsmidden binne net typysk-Frysk en boppedat moast it stik faaks ek wol oan lju fan bûten Fryslân fertoand wurde, dat dêrom sil it Nederlânsk brûkt wêze. Nederlânsktalich is ek in troch skepenen fan Frjentsjer útjûne konsintbrief (dat is in oarkonde, dêr't it gerjocht fan in stêd of gritenij tastimming ta eigendomsoerdracht fan ûnreplik goed yn jout; ek wol 'ferdban' neamd, alteast oant 1504). Yn dat gefal hat de persoan dy't it konsint krijt, in net-Fryske namme: Huyghe die Koninck.[30] Wy beskikke ek oer it formulier fan in konsintbrief út Frjentsjer, alteast in part dêrfan, en dat lit sjen dat it Frysk de normale taal fan datsoarte oarkonden west ha sil.[31] Faaks meie wy konkludearje dat de Frjentsjerter kânselarij it Nederlânsk brûkte, as der belanghawwenden wienen dy't it Frysk net koenen of net brûkten.

Dan no Snits. Ut dat plak is, njonken in pear Frysktalige stikken, in Nederlânsktalige oarkonde fan it stedsregear út 1434 bewarre bleaun.[32] Dêryn ferklearje boargemasters, skepenen en riedslju dat se lân hierd ha fan hear Albrecht, prior fan it kleaster Hospitaal. My tinkt dat dit stik, dat gjin Fryske ynslach fertoant, troch ien fan it kleaster skreaun is, mei oare wurden dat it om in 'Empfängerurkunde' giet. In dúdlike oanwizing dêrfoar is it feit dat in ferklearring fan de haadling Bocka Harinxma foar itselde kleaster fan acht jier letter mei deselde hân skreaun is.[33] Opfallend is dat dy oarkonde yn it Nederlânsk begjint ('Ick Bocka Harinxsma houelingh in Sneke doe cond allen luden mit desen openen brieue') en ophâldt ('In kennisse der waerheit soe heb ic Bocka voirs. myn seghel beneden an desen brieff ghehanghen' etc.), mar dat de rjochtsynhâld Frysktalich is ('dat ic een wandela meckat habba to jens den commenduer ... '). It Frysktalige part sil de skriuwer fan it stik oerskreaun ha fan in troch Bocka Harinxma levere 'Vorlage', sa meie wy oannimme.

Fan belang is dat wy út Snits ek in stik ynterne administraasje ta ús foldwaan ha, te witten it skepenboek oer 1490-1495.[34] Dêryn fine wy ûnder

mear ôfskriften fan 17 brieven fan it Snitser stedsregear. Op ien nei, in brief oan de stêd Inkhuzen, binne dy allegearre yn it Frysk. It eigentlike skepenboek, de 'stedstiole', bestiet út goed 1700 ynskriuwingen. De taal dêrfan is konsekwint it Frysk. Wy kenne de namme fan de stedsskriuwer dy't it skepenboek byhâlden hat, en witte sels syn komôf. It giet om Jourik Feika zin, dy't ôfkomstich wie út Snits sels, dêr't syn heit as boargemaster neamd wurdt.[35]

Hoe wie de sitewaasje yn Ljouwert? De korrespondinsje binnen Fryslân, sa stelle wy fêst, waard yn it Frysk fierd. De yntern-Fryske oarkonden fan it stedsregear dy't bewarre bleaun binne, binne ek Frysktalich, op twa nei.[36] Ien fan dy twa is in gildebrief foar de wevers fan de stêd út 1482.[37] Fokkema tinkt dat dy faaks oernommen is fan in foarbyld út in net-Fryske stêd. In oare mooglike ferklearring foar it brûken fan it Nederlânsk dy't er jout, is dat de wevers gauris fan bûten Fryslân kamen.[38] Ik tink dat de taal fan de gildebrief gearhinget mei it feit dat de Fryske stêden spesjalisearre ambachtslju lykas wevers fan bûten Fryslân oanlûke wold ha. It oare Nederlânsktalige stik is in konsintbrief út 1442.[39] De belanghawwende is dêr in Ywe die schroeder, fâd fan it Sint Anthony-Gasthûs te Ljouwert. Ik bin it mei Fokkema iens dat net dúdlik is wêrom't dy oarkonde net yn it Frysk steld is.[40] Dêr kin oan tafoege wurde dat likemin dúdlik is wa't it stik skreaun hat. De skriuwershân is nammentlik nèt dy fan de stedsskriuwer fan Ljouwert út dy tiid, Sicko Wybrens sen.[41]

De iennichste stêd dêr't wy it noch net oer hân ha, is Boalsert. De skepen- en konsintbrieven fan it Boalserter regear binne sûnder útsûndering - en dat is nei it foargeande in ferrassing - Nederlânsktalich.[42] Dat ek de gildebrief foar de 'schroders en scheriers' yn dy taal steld is, komt minder ûnferwachts.[43] De fraach is dus hoe't it Nederlânsk fan de skepen- en konsintbrieven ferklearre wurde kin. Hie de takomstige Gysbertstêd syn stedsskriuwers faaks bûten Fryslân rekrutearre? Dat wie sa't it liket dochs net it gefal, want brieven oan Ljouwert en Snits binne Frysktalich en in haadling út Ljouwert wurdt ek yn it Frysk foar it rjocht sitearre.[44] De stikken út de Boalserter kânselarij út de jierren 1460-1484 binne fan de hân fan in net mei namme bekende stedsskriuwer. Ik ha ek Frysktalige stikken fan him fûn[45], dat Frysk skriuwe koe er wol. De namme fan syn opfolger, fan wa't wy stikken tsjinkomme út de jierren 1486-1504, is Gerrijt Dowa zoen.[46] Fan syn hân binne ek Frysktalige oarkonden bewarre bleaun, wêrûnder konsintbrieven fan it gerjocht fan Wûnseradiel.[47] Boppedat hat er as notaris in kopy fan in oarkonde in neiskrift yn it Frysk meijûn.[48] Ik konkludearje dan ek dat it brûken fan it Nederlânsk foar it opmeitsjen fan de skepen- en konsintbrieven fan Boalsert yn opdracht fan it stedsregear bard wêze sil. Wat de taal fan de ynterne administraasje fan Boalsert wie, witte wy net, mar it is hiel goed mooglik dat it Frysk dêr wòl yn brûkt wurde koe.

Hiel koart gearfette wie de sitewaasje yn de Westerlauwersk-fryske stedskânselarijen oan de ein fan de 15de ieu sa: de iepenbiere oarkonden wienen òf yn it Nederlânsk steld (Starum, Boalsert) òf yn it Frysk, mar mei

romme talitting fan it Nederlânsk (Ljouwert, Snits, Frjentsjer en faaks ek de seis oerbliuwende plakken); de korrespondinsje binnen it Fryske taalgebiet liket alhiel Frysk te wêzen (al binne wy benammen fan Starum net wis); de ynterne administraasje sil yn 'e regel wol yn it Frysk byhâlden wêze (foar Starum is dat wer it minst wis).

De tiid nei 1500

Krekt foar 1500 wie it út mei de Fryske frijheid. Albrecht fan Saksen fêstige doe yn Westerlauwersk Fryslân in krêftich lânshearlik bestjoer, dat it oant 1515 úthold. Nei in roerige tiid wie de lânshearlikheid sûnt 1524 stevich yn hannen fan de Habsburgers. It seit himsels dat de regearen fan de Fryske stêden yn dizze tiid mei hiel wat feroarings konfrontearre waarden. Sa pleatste it Saksyske regear yn Ljouwert, Snits, Frjentsjer en Harns in 'amptman', dy't mei de lieding fan bestjoer en rjochtspraak belêste waard. Meastentiids waard dy post oan in Saksyske jonker opdroegen, mar soms ek wol oan in Fryske haadling. Wat hat de útwurking fan ûnder mear dizze feroarings op it skriuwtaalgebrûk fan de stedskânselarijen west?

Alderearst moat fêststeld wurde dat der mei de lânshearlike autoriteiten yn Westerlauwersk Fryslân yn it Nederlânsk korrespondearre wurde moast.[49] Hoe sit it lykwols mei de restearjende korrespondinsje binnen it Fryske taalgebiet en mei de yntern-Fryske oarkonden? Ut Dokkum, Drylts en Hynljippen ha wy gjin materiaal. Ut Harns, dêr't in Saksyske 'amptman' stie, beskikke wy allinne oer in oarkonde fan it stedsregear út 1503. De taal dêrfan is it Nederlânsk, mar dêr moat wol by sein wurde dat ien fan de belanghawwenden faaks fan bûten Fryslân kaam.[50] Frjentsjer hie yn 1512 in Fryske 'amptman' (Hessel Martena), mar likegoed is in oarkonde út dat jier yn it Nederlânsk steld.[51]. Sûnt likernôch 1525 hie Frjentsjer boppedat in skoftlang net-Fryske stedsskriuwers, earst meijster Jan en dêrnei Dirck Gerrits van Delft.[52] Warkum wie in stêd sûnder 'amptman'. Ut dat plak is in skepenbrief út 1513 bewarre bleaun en dy is yn it Frysk. De folgjende, fan acht jier letter, is lykwols yn it Nederlânsk steld, al is it noch wol mei in sterk Fryske ynslach.[53] Wy kinne de taalwiksel yn de iepenbiere oarkonden fan it Warkumer stedsregear dus datearje op 1513/1521.

Ut Ljouwert is in stikje ynterne administraasje oerlevere út de tiid dat Hemma Odda zin dêr stedsskriuwer wie, te witten de 'stedstiole' út 1502-1504.[54] De taal dêrfan is it Frysk. Foar 't neist yn 1508 is Wilko Folkert zoen stedsskriuwer wurden en hy hat dat west oan 1537 ta. De beide âldste bewarre bleaune stikken fan it Ljouwerter stedsregear dy't fan syn hân binne, datearje pas út 1516. Dy binne yn it Frysk. Alle lettere stikken dy't Wilko foar Ljouwert skreaun hat (oerlevere fan 1521 ôf), binne lykwols yn it Nederlânsk steld. Hy hat ek noch wol Frysktalige oarkonden skreaun, mar dat wie altiten yn opdracht fan partikulieren.[55]

Kinne wy no, mei Fokkema, konkludearje dat it Ljouwerter stedsregear yn alle gefallen oant 1516 it Frysk as administraasjetaal brûkte, alteast yn

stikken dy't foar Frysktaligen ornearre wienen?[56] Ik bin dêr net sa wis fan. Wilko hat nammentlik al yn 1515 in Nederlânsktalige ferklearring opmakke oer in foardering fan syn foargonger Hemma op 'e stêd Ljouwert.[57] Myn yndruk is dat it by Wilko krekt oarsom wie as by syn foargongers: allinne as de belanghawwenden der op stienen, levere er as stedsskriuwer oarkonden yn it Frysk, alteast oant 1516. Fierders hâld ik der rekken mei dat er ek yn syn ynterne administraasje fan it begjin ôf oan it Nederlânsk brûkt hat. Bewize kin ik dat lykwols net.

Ut Boalsert, mei syn tradysje fan iepenbiere oarkonden yn it Nederlânsk, falt wat bysûnders te melden. Yn 1509 wurdt dêr nammentlik ynienen in Frysktalige konsintbrief jûn, dy't skreaun is troch stedsskriuwer Bocko Peter zoen. It aparte is dat Bocko yn foargeande jierren konsintbrieven yn it Nederlânsk skreaun hat.[58] Hoe kin dat? Ik tink dat it sa sit. Bocko skreau ek de konsintbrieven fan Wûnseradiel. Dêr binne mar leafst 18 fan oerlevere: 16 Frysktalige en twa Nederlânsktalige, de lêsten sûnder dat der in net-Fryske belanghawwende yn behelle wie.[59] My tinkt dat Bocko syn beide administraasjetalen net goed útinoar holden hat. Mear sil men achter dat iene Frysktalige konsint fan Boalsert net sykje moatte.

Ut 1518 is ien oantekening út it recesboek fan Boalsert oerlevere, dy't skreaun is troch wer in nije stedsskriuwer, Aesgo Pieter zoen.[60] Dy oantekening is yn it Frysk. Moat men dêr no út opmeitsje dat de ynterne administraasje fan Boalsert oant dy tiid altiten yn it Frysk byholden is? Ien tafallige oantekening liket my te min om sa'n fiergeande konklúzje te lûken, al kinne wy wòl fêststelle dat it Frysk yn de ynterne administraasje fan Boalsert oant 1518 op syn minst út en troch brûkt waard. It skriuwtaalgebrûk fan de folgjende Boalserter stedsskriuwer kin gjin inkelde twivel oer bestean. Dat wie nammentlik in man fan bûten Fryslân, Albertus de Boircklo (faaks ôfkomstich fan Borculo yn Gelderlân), dy't it Frysk net behearske. Under him sjogge wy ek de konsintbrieven fan Wûnseradiel Nederlânsktalich wurden.[61]

Ut Snits is in flink stik ynterne administraasje bewarre bleaun, te witten it recesboek oer 1506-1517 en dêrnjonken it boargerboek, dat sûnt 1517 fan it recesboek losmakke is.[62] Mei dat recesboek ha wy in rike boarne foar it bestudearjen fan it taalgebrûk yn de ynterne administraasje fan in Fryske stedskânselarij ta ús foldwaan. Wy sille dêr dan ek it nedige omtinken oan jaan moatte. It recesboek begjint mei de meidieling dat de Saksyske jonker Grombach ta 'amptman' oansteld is. Dy syn opfolger wie de haadling Lou Donia, dy't yn funksje west hat fan 1510 oant de ynstoarting fan it Saksyske gesach yn Snits yn 1514. Fan dat stuit ôf regearren boargemasters, skepenen en riedslju wer sûnder in 'amptman'.[63] By al dy wikseling wie der ek kontinuïteit: Jourik Feika zin, dy't al yn 1483 stedsskriuwer wie, soe dat bliuwe oant syn dea yn 1515.[64]

Ik ha de taal fan it recesboek ûndersocht foar de jierren 1507 (Grombach 'amptman'), 1512 (Donia 'amptman') en 1515-1517 (gjin 'amptman' mear). Yn 1507 hat Jourik it grutste part fan syn oantekeningen yn it Nederlânsk makke en in folle lytser diel yn it Frysk. It falt net ta en ûntdek in sys-

teem yn syn taalkar. Oantekeningen oer it ferlienen fan konsint binne soms Nederlânsk-, soms Frysktalich. De tsjûgeferhoaren binne foar it measte part yn it Nederlânsk optekene. Yn oantekeningen oer gerjochtssittingen wikselje Nederlânsk en Frysk inoar op in bytiden bizarre wize ôf. Yn 1512 is Jourik almeast wer op 'e Fryske toer, al hat er altemets ek noch wol ris wat yn it Nederlânsk opskreaun. In systeem kin ik der net yn fine. Syn út Ljouwert ôfkomstige opfolger Hero Abba zin[65], dy't it recesboek oer de jierren 1515-1517 byholden hat, skriuwt - op in te ferwaarleazgjen tal útsûnderingen nei - Frysk. Ek it boargerboek fan Snits hat Hero trochhinne yn it Frysk byholden.[66] Al mei al liket it der op dat de oanwêzigens fan in net-Fryske 'amptman' de Snitser stedsskriuwer brocht hat ta it brûken fan it Nederlânsk yn syn ynterne administraasje, ek al hold er dat net konsekwint fol. Sûnder dy útlânske bestjoerder koe it Frysk sels wer weromkomme. Spitigernôch witte wy hast neat fan de taal dêr't de iepenbiere oarkonden fan it Snitser stedsregear yn de jierren 1506-1517 yn steld wienen. Wy meie lykwols oannimme dat, as sels yn de ynterne administraasje it Nederlânsk al sterk nei foaren komt en noch wol ûnder in stedsskriuwer dy't foarhinne alles yn it Frysk delskreau, de taal fan de oarkonden it Nederlânsk west ha sil. De pear oarkonden út 1506-1507 dêr't ôfskriften fan opnommen binne yn it recesboek, binne yndied Nederlânsktalich, lykas ek de út likernôch dyselde tiid oerlevere ordonnânsjes fan de stêd.[67]

Fan 1518 oant 1522 komme wy ek yn Snits in net-Fryske en dus ek net Frysk skriuwende stedsskriuwer tsjin, te witten Albert Berent zoen.[68] Ut hânskriftferliking docht bliken dat dat deselde is as de niis neamde Albertus de Boircklo, dy't it skriuwerskip fan Snits foar dat fan Boalsert ferruile ha moat. De folgjende stedsskriuwer fan Snits wie Kempo Jello zoen, grif in Fries. Under him is it Frysk lykwols net weromkommen.[69] Wy kinne der dan ek wol fan útgean dat de definitive skriuwtaalwiksel yn de ynterne administraasje fan Snits fan 1517 op 1518 pleats fûn hat en wol mei de komst fan in net-Fryske stedsskriuwer.

Mei sin ha ik Sleat foar it lêst bewarre. Foar safier't wy witte is nammentlik yn de kânselarij fan dat stedsje it langst oan it Frysk fêstholden. Sa binne noch Frysktalige konsintbrieven út Sleat oerlevere út 1526 en 1532.[70] Boppedat is út 1535 in oerienkomst fan Sleat mei it oanbuorjende doarp Wikel bewarre bleaun, dy't ek yn it Frysk steld is.[71] Wy ha dêr allinne in kopy fan, dat wy kinne net sjen oft de stedsskriuwer fan Sleat dy skreaun hat, mar oannimlik is it wol. Soe it Frysk it yn Sleat as taal fan de ynterne administraasje dan net nòch langer útholden ha? Wy witte it net, dat sadwaande moatte wy de ûndergong fan it Frysk as skriuwtaal fan Fryske stedskânselarijen ynearsten stelle op it jier 1535.

Konklúzje

Wy kinne konkludearje dat sûnt de oergong op folkstaal yn de measte Westerlauwerske stedskânselarijen net allinne it Frysk, mar ek it Nederlânsk

de skriuwtaal west hat. Sa sil sûnt de lêste desennia fan de 14de ieu foar oarkonden en brieven dy't foar it Nederlânsk/Leechdútske taalgebiet ornearre wienen, altiten it Nederlânsk brûkt wêze. Fierders waard ek in part fan de yntern-Fryske oarkonden yn it Nederlânsk opmakke en wol – foar safier't wy dat besjen kinne – as der belanghawwenden wienen dy't dêr mei geriifd wurde koenen. De kânselarijen fan Starum en Boalsert brûkten nei alle gedachten sels foar àl har yntern-Fryske oarkonden it Nederlânsk. By dat alles moat lykwols ek wer net út it each ferlern wurde dat yn de 15de ieu de Fryske stedskânselarijen, ôfsjoen fansels fan dy fan Starum en Boalsert, echte sintra fan it brûken fan it Frysk as skriuwtaal foarmen en dat de stedsskriuwers doe nei alle gedachten de meast produktive Frysk-skriuwers wienen.

De gong fan saken nei 1500 is spitigernôch min nei te gean. Sa is der foaral út de Saksyske tiid mar in benaud bytsje materiaal bewarre bleaun. Dochs is wol dúdlik dat it Frysk doe al syn plak yn de stedskânselarijen oan it ferliezen wie. Foar safier't dat yn 1515 noch net bard wie, is it brûken fan it Frysk yn de kânselarijen fan de gruttere stêden, ek foar de ynterne administraasje, opholden yn de jierren 1515-1524. Allinne fan ien fan de lytse stêden witte wy mei wissichheid dat it dêr wat langer trochgien is. Yn ien gefal kin oantoand wurde dat de taalwiksel yn de ynterne administraasje gearfalt mei de oanstelling fan in net-Fryske stedsskriuwer. Yn 'e regel moat it loslitten fan it Frysk lykwols ta stân kommen wêze ûnder Fryske stedsskriuwers, dy't ek noch wol Frysk skriuwe koenen. Sa binne yn koarte tiid de belangrykste bolwurken fan it Frysk as skriuwtaal fallen.

OFKOARTINGS FAN BOARNE-UTJEFTEN EN ARGYFYNVENTARISSEN

Blok:	P.J. Blok, *Verslag aangaande een onderzoek in Duitschland naar archivalia, belangrijk voor de geschiedenis van Nederland, 1886-1887.* 's-Gravenhage, 1888.
Chbk.:	G.F. thoe Schwartzenberg en Hohenlansberg, *Groot Placaat en Charter-boek van Vriesland.* 6 dln. Leeuwarden, 1768-1795.
Colmjon:	G. Colmjon, *Register van oorkonden, die in het Charterboek van Friesland ontbreken, tot het jaar 1400.* Leeuwarden, 1884.
Fr.Br.:	*Friese brieven uit de vijftiende en zestiende eeuw.* Grins, 1967 (Estrikken 42).
Keikes:	W.H. Keikes, *Inventaris der archieven van Bolsward.* Bolsward, 1952.
Keikes-Obreen:	W.H. Keikes en H.T. Obreen, *Workum, inventaris der archieven.* Bolsward, 1966.
0 I-III:	P. Sipma, *Oudfriesche Oorkonden.* 3 dln. 's-Gravenhage, 1927-1941.
0 IV:	O. Vries, *Oudfriese Oorkonden*, dl. IV. 's-Gravenhage, 1977.
OGD:	P.J. Blok e.a., *Oorkondenboek van Groningen en Drent(h)e.* 2 dln. Groningen, 1895-1899.
OSU:	S. Muller e.a., *Oorkondenboek van het Sticht Utrecht tot 1301.* 5 dln. Utrecht-'s-Gravenhage, 1920-1959.
Obreen:	H.T. Obreen, *Franeker, inventaris der archieven.* Franeker, 1974.

SAG:	*Oorkonden der geschiedenis van het Sint Anthonij-Gasthuis te Leeuwarden uit de 15e en 16e eeuw.* 2 dln. Leeuwarden, 1876.
Singels:	J.C. Singels, *Inventaris van het oud-archief der stad Leeuwarden.* Leeuwarden, 1893.
Sn. Reces.:	M. Oosterhout, *Snitser Recesboeken 1490-1517.* Assen, 1960.
UBL:	*Urkunden-buch der Stadt Lübeck.* 11 dln. Lübeck, 1843-1932.

NOATEN

1. C.G.N. de Vooys, *Geschiedenis van de Nederlandse taal.* Groningen, 1975[6] (earste druk: 1931).
2. G.G. Kloeke, *De Hollandsche expansie in de zestiende en zeventiende eeuw en haar weerspiegeling in de hedendaagsche Nederlandsche dialecten* ('s-Gravenhage, 1927) 75-81; K. Fokkema, *Het Stadsfries. Een bijdrage tot de geschiedenis en de grammatica van het dialect van Leeuwarden* (Assen, 1937) 20-60.
3. Ferl. B. Looper, '"Ta in better begryp'. Latyn en folkstaal yn de oarkonden út de Fryske lannen tusken Fly en Wezer, 1200-1400", *It Beaken*, 46 (1984) 1-14.
4. Yn de 16e en 17e ieu giet de taallieding fan de kânselarijen oer op 'e boekprinterijen: A. Gabrielsson, "Die Verdrängung der mittelniederdeutschen durch die neuhochdeutsche Schriftsprache" in G. Cordes en D. Möhn, ed. *Handbuch zur niederdeutschen Sprach- und Literaturwissenschaft* (Berlin, 1983) 136.
5. Ferl. O. Vries, "It kânselarijpersoniel fan it Hof fan Fryslân yn de Habsburchske tiid", *It Beaken*, 50 (1988), 61-76.
6. Soksoarte njonkenaktiviteiten fynt men ek by stedsskriuwers bûten Westerlauwersk Fryslân: G. Burger, *Die südwestdeutschen Stadtschreiber im Mittelalter* (Böblingen, 1960) 127-132, 138-142.
7. Oer 'eastlike taal' yn Westerlauwersk Fryslân: Fokkema, *Het Stadsfries*, 60-64.
8. J.G. Kruisheer, *De oorkonden en de kanselarij van de graven van Holland tot 1299* ('s-Gravenhage-Haarlem, 1971) 67-68.
9. F. Merkel, *Das Aufkommen der deutschen Sprache in den städtischen Kanzleien des ausgehenden Mittelalters* (Leipzig-Berlin, 1930; Nachdruck: Hildesheim, 1973) 61; M. Gysseling, "De invoering van het Nederlands in ambtelijke bescheiden in de 13de eeuw", *Verslagen en Mededelingen van de Koninklijke Vlaamse Academie voor Taal- en Letterkunde* (Nieuwe Reeks), 1971, 32-33.
10. Merkel, *Das Aufkommen*, 55-63.
11. B. Looper, "Oorkondenarcheologie. Een onderzoek naar problemen en mogelijkheden van de stedelijke diplomatiek op grond van het oorkondenmateriaal van de stad Groningen" (net útjûne skripsje RU Grins, ôfd. midsieuske skiednis, 1982) 104-107; idem, '"Ta in better begryp"', 3.
12. OSU II, nr. 107.
13. It giet om stikken út 1292 (Chbk. I, 124-126) en 1300 (*ibidem*, 131-134; dêr - sûnder rekken te hâlden mei de peaske- of boadskipstyl - datearre op 1299). Der is gjin inkelde oanwizing dat dy stikken út it Latyn oerset binne, lykas steld by K. von Richthofen, *Untersuchungen über Friesische Rechtsgeschichte* (3 dln.; Berlin, 1880-1886) I, 161-163.
14. Yn it Latyn steld binne stikken fan 1327 (Chbk. I, 179-180), 1333 (*ibidem*, 134; dêr ferkeard datearre op 1303; ferl. Colmjon, nr. 240), 1334 (OGD I, nr. 338), 1335 (UBL II, nr. 601) en 1369 (Staatsarchiv Hamburg; regest: Blok, p. 226); yn it Nederlânsk stikken fan 1327 (Chbk. I, 179), 1328 (*ibidem*, 183), 1338 (*ibidem*, 194), etc.
15. UBL III, nrs. 225, 226.

16. Merkel, *Das Aufkommen*, 61.
17. Yn it Latyn steld binne noch stikken út 1368 (Chbk. I, 233) en 1369 (N.E. Algra, "Het register "Oistvrieslant"", *Us Wurk*, 14 (1965) 40-41); yn it Nederlânsk stikken fan 1369 (*ibidem*, 41) en 1388 (Chbk. I, 247).
18. Yn de foar in part yn it Aldfrysk stelde oarkonde út 1329 (O I 1) wurdt it brûken fan de folkstaal útdruklik ferantwurde (Looper, ""Ta in better begryp"", 5-6).
19. Gemeenteargyf (GA) Amersfoart, Charter 39. Druk: Keikes-Obreen, 230-231. Der is in kâns dat it stik opmakke is yn de kânselarij fan Amersfoart.
20. A. Lasch, *Geschichte der Schriftsprache in Berlin bis zur Mitte des 16. Jahrhunderts*. Dortmund, 1910. Lasch har stúdzje jildt noch altiten as eksemplarysk (Gabrielsson, "Die Verdrängung", 130).
21. Lasch, *Geschichte*, 86-87.
22. *Ibidem*, 90-100.
23. *Ibidem*, 154-200.
24. Gabrielsson, "Die Verdrängung", 132.
25. Ryksargyf Fryslân (RAF), Stedsargyf Starum 13 (1450); RAF, Famyljeargyf (FA) Murray Bakker, kolleksje Epkema 14 (1452); GA Amsterdam, Moens 290 (1466); Chbk. I, 643 (1470).
26. Sn. Recesb. 1.
27. Dokkum: O II 51-54, 56, 57, 59, 61 (1463); Harns: O II 39 (1456), 72 (1472); Warkum: O I 195, 198 (1468), II 221 (1485), Sn. Recesb. 100 (1491), O I 429 (1497).
28. O II 40 (1456), 94 (1481). It lêstneamde stik is skreaun troch de stedsskriuwer fan Ljouwert.
29. Chbk. I, 643 (1470).
30. Obreen, regest 28 (1472).
31. RAF, Rjochterlik Argyf (RA) Frjentsjer I2, p. 1176 (mei tank oan dhr. D.J. van der Meer te Roardhuzum, dy't my op dat stik wiisde).
32. Frysk: Sn. Recesb. 4 (1459), O III 11 (1479), II 170 (1489). Nederlânsk: RAF, Kl. Hospitaal 30. Nederlânsk is ek in stik út 1474 (Sn. Recesb. 2937), mar de kâns is grut dat dat in oersetting is, dy't brûkt wurde moast yn in proses foar it Saksyske Hofgerjocht yn Westerlauwersk Fryslân (Sn. Recesb. 2938).
33. O I 89. Ferl. ek Fokkema, *Het Stadsfries*, 23.
34. Sn. Recesb. 1-2039.
35. Feyka Jourix zoen, neamd yn 1477 (O I 280).
36. It âldste Frysktalige stik is fan 1433 (O I 63).
37. GA Ljouwert, Singels 40 (1482). Druk: K. Fokkema, *De Liwwadder an 't wood. Zeven eeuwen taalgebruik in Leeuwarden* (Assen, 1948) 115-116.
38. Fokkema, *Het Stadsfries*, 38; idem, *De Liwwadder*, 114.
39. SAG nr. 22; Fokkema, *Het Stadsfries*, 53-56; idem, *De Liwwadder*, 82-83.
40. Fokkema, *Het Stadsfries*, 33. Ik bin it net mei Fokkema iens dat it stik steld is "in een sterk fries gekleurd Nederlands".
41. It âldste stik fan de hân fan Sicko Wybrens sen is út 1440 (O I 80). Sjoch oer him ek: O. Vries, "Hemma Odda zin, stedsskriuwer fan Ljouwert om 1500 hinne", *It Beaken*, 43 (1981) 217-218. De skriuwershân fan it stik út 1442 liket te profesjoneel om fan in ambachtsman as Ywe die schroeder wêze te kinnen.
42. RAF, div. kloosterstukken 13 (1449), Keikes, regest 7 (1460), 10 (1467), 12, 13 (1475), 20 (1481), 22 (1483), 24 (1484), RAF, FA Murray Bakker, kolleksje Epkema 20 (1491), Keikes, regest 28 (1493), Argyf Weeshús Boalsert A1495[3] (1495).
43. Keikes, regest 8 (1466)
44. O II 140 (1486), Sn. Recesb. 80-82 (1491), O III 27 (1498).

45. O II 80 (1475), IV 55 (1481).
46. Neamd yn O II 181 en Chbk. II, 230-231.
47. O I 456, 481, 483, 485.
48. O II 181.
49. Ferl. Fr.Br. 8 en 9.
50. GA Ljouwert, Charter 10. De namme fan dy belanghawwende is Henrick Aeriaen zoen.
51. Obreen, regest 39.
52. Mr. Jan wurdt stedsskriuwer neamd yn 1526 (RAF, RA Frjentsjer I1, p. 14). Fan syn hân is in stik fan it Frjentsjerter stedsregear út 1525 (GA Ljouwert, Singels 175^{c}-11). Dirck Gerrits, dy't foar it earst neamd wurdt yn 1527 (ibidem, Singels 175^{c}-44), hat as stedsskriuwer yn funksje west oant 1548 (Obreen, 9).
53. O II 270; Keikes-Obreen, regest 43 (it yn regest 44 beskreaune stik wurdt ek in skepenbrief neamd, mar is in privee-oarkonde). De skepenbrief út 1521 is fan in oare hân as dy út 1513.
54. O. Vries en M.G. Oosterhout, *De Leeuwarden stedstiole 1502-1504. Tekstuitgave met inleiding, aantekeningen, indices en glossarium*. Grins/Groningen, 1982 (Estrikken 60). Sjoch oer Hemma syn taalgebrûk en taalhâlding: Vries, "Hemma Odda zin", 229-230.
55. Oer Wilko Folkert zoen: ibidem, 226-227, 230.
56. Fokkema, *Het Stadsfries*, 41.
57. Vries, "Hemma Odda zin", 227.
58. O IV 193; Keikes, regest 41, 45. Bocko wurdt 'secretarius' neamd yn O II 240.
59. De earste is út 1504 (O I 490), de lêste út 1510 (O II 241). Nederlânsktalich binne: RAF, FA Schwartzenberg 1602, I^{42} (1505) en I^{24} (1507).
60. O IV 229.
61. Neamd as stedsskriuwer: GA Boalsert 36, p. 409 (1527). Konsintbrief Wûnseradiel: GA Boalsert 745-22 (1524).
62. Sn. Recesb. 2040-5280; GA Snits 73, f. 74^{v}-91^{v}.
63. M. Oosterhout, *Nammeregister op de Snitser Recesboeken 1490-1517* (Assen, 1964) XXII.
64. Aldste stik fan syn hân: GA Zutphen, Oud-Archief 211 (1483). Oer syn dea: Sn. Recesb. 4851 (sjoch de noat dêrby).
65. Sn. Recesb. 4852.
66. O. Vries, "Aldfryske ynskriuwingen yn it boargerboek fan Snits (1517)", *Us Wurk*, 37 (1987) 55-56.
67. Oarkonden: Sn. Recesb. 3119-3121, 4630, 4631; ordonnânsjes: 2939-2957, 3125.
68. Sn. Recesb. 4880, 4916, 5276 (1518), 2201 (1520). Lêste oantekening fan syn hân: RAF, RA Snits D1, p. 269 (1522).
69. Hân: RAF, RA Snits D1, p. 269 (1523) oant p. 276 (1525). Kempo hat op 'en nij stedsskriuwer west fan 1532 oant 1534 (ibidem, p. 314-329).
70. O III 42, 49, 50.
71. RAF, RA Gaasterlân E4, net paginearre (mei tank oan drs. Ph.H. Breuker, dy't my op dat stik wiisde).

NEIPETEAR

J. Rinzema: is de taal dy't jo konsekwint Nederlânsk neame, folslein Nederlânsk of sitte der leechdútske eleminten yn?
O. Vries: hoewol't ik dat net spesjaal ûndersocht ha, ha ik al de yndruk dat it Nederlânsk fan de stedsskriuwers net út it easten, mar út it suden en fral út it westen wei nei Fryslân ta kommen is.
J.B. Berns: om taalkundige redenen hoort voor de besproken periode niet van Nederlands gesproken te worden maar van niet-Friese variëteiten binnen het huidige Nederlandse taalgebied.
O. Vries: ik neam dy foar it gemak Nederlânsk, it giet my no ek net om in taalkundige analyze.
R. Jonkman: wêr hawwe de stedsskriuwers harren oplieding hân en hat dy ek fan ynfloed west op de kar Frysk of Nederlânsk?
O. Vries: it is al in hiele toer om in rychje nammen te sammeljen, oer komôf en oplieding wurde wy hast hielendal neat gewaar. Hemma Oddazin hat faaks yn Leuven studearre. Ik leau ek net dat alle stedsskriuwers oan in universiteit studearre ha.
G. Jellema: fan oare gebieten mei kânselarijen witte wy dat der in standert makke waard, is it yn Fryslân sa fier kommen of kin in ûntbrekken dêroan ek ien fan de oarsaken west ha dat it sa abrupt en gau mei it Fryskbrûken ôfrûn wie?
O. Vries: dat hat net ien fan de haadoarsaken west. De measte stedsskriuwers koenen, sa't it liket, frij linich mei it Frysk omgean. Frysk wie foar harren in like gongber ynstrumint as Latyn en Nederlânsk.
P. Gerbenzon: ûnderstel dat it giet om in akademysk foarme syndikus lykas yn Grins in Rudolphus Agricola, dy't as njonkenaktiviteit it skriuwen foar it stedsbestjoer hat, en dy't as gesant fan de stêd wend is him mei ferskate talen te rêden, dan soe dat linich omskeakeljen fan de iene nei de oare taal de skriuwtaalwiksel makliker makke hawwe kinne.
O. Vries: in Fryske stedsskriuwer op in missy bûten Fryslân ha ik nea fine kind. Gesanten wiene meast geastliken. Under de geastlikheid wiene nei myn yndruk mear lju mei in universitêre juridyske oplieding as ûnder de stedsskriuwers. Hemma Oddazin rint der mei syn tydlik tahâlden bûten Fryslân wat út.
K. Boelens: by it besjen fan Hemma Oddazin syn grafematyk is it my opfallen dat hy foar en nei syn ôfwêzigens yn Fryslân in frij krekte skriuwnoarm hat en oanhâldt. Is it jo no ek by oare skriuwers opfallen, sadat wy sizze kinne: der is net allinne in skriuwtradysje Frysk neffens de ynhâld mar ek neffens de foarm?
O. Vries: fan de oare stedsskriuwers is net folle oerlevere, útsein de Snitser Jourik Feikazin. It soe in goed ding wêze om ek syn skriuwtaalgebrûk te ûndersykjen en te ferlykjen mei dat fan Hemma Oddazin.
P. Kramer: ha jo wolris foarbylden fûn dêr't út bliken docht dat men oerset, dus mei de taal wraksele hat?

O. Vries: ik wit allinne dat dat by de oergong fan leechdútsk nei heechdútsk spile hat. De nije administraasjetaal joech swierrichheden. Sa dûke der nije hyperkorrektismen op. [*Oanfolling*: dr. R.H. Bremmer wiisde my letter op in moai foarbyld fan wrakseling mei de taal yn de Snitser Recesboeken. It giet om in oantekening fan Jourik Feikazin út 1510 (Sn. Recesb. 2511), dy't yn it Nederlânsk begjint en dan ynienen yn it Frysk fierdergiet. Yn it Frysktalige part hat Jourik neitiid hast alle typysk Fryske wurden yn Nederlânske feroare, dêr't yn de measte gefallen net mèàr foar nedich wie as in simpele lûdomsetting. De ynkonsekwinsje yn taal wie Jourik faaks opfallen, doe't er yn de marzje noch in pear oanfollingen by de tekst joech.]
H.D. Meijering: yn it lette âldfrysk komme ek wolris hyperkorrektismen foar.
R. de Boer: kaam de wiksel fan Latyn nei folkstaal yn 'e tsjerke yn deselde tiid?
O. Vries: dy wiksels hawwe har rûnom ôfspile. Op dit stuit hawwe wy detailstúdzjes fan benammen Fokkema. Dy hat sjoen nei it skriuwtaalgebrûk fan inkelde Fryske kleasters, dy't yn de 15de ieu al hiel wat Nederlânsk brûke, en ek nei de oarkonden fan it Ljouwerter Sint-Anthonygasthús, dêr't noch langer as yn de stedskânselarijen it Frysk oanholden waard. It soe moai wêze as sok ûndersyk mear dien waard. Dan kinne de saken better meiïnoar ferlike wurde, faaks kinne wy dan better oardielje oer wat de belangrykste faktoaren by dy feroarings west ha.
A. Feitsma: der is ferskil tusken in oergong fan Latyn oer Frysk nei Nederlânsk en in oergong fan Latyn oer Frysk plus Nederlânsk nei Nederlânsk. Dat lêste sil it gefal west ha. De stedsskriuwers ha Latyn leard, mar ha se no Frysk skriuwen leard fia it Latyn of fia it Nederlânsk? It soe fan belang wêze kinne fan deselde persoan de staveringen fan it Frysk en it Nederlânsk te ferlykjen. Fierders soe men sjen moatte nei it soarte fan Nederlânsk dat se skreaune, want it soe wêze kinne dat kânselarijen yn in oare skriuwtradysje sitte as oare Nederlânskskriuwenden yn Fryslân.
O. Vries: yn 'e 15de ieu komt nei it Latyn it meast it Frysk, mar dêrnjonken funksjonearre it Nederlânsk ek al. Op it belang fan ynwindige analyze ha ik niis al wiisd. Ek ferliking fan it Frysk en Nederlânsk fan Jourik Feikazin soe fan belang wêze kinne. Der is noch mar sa'n lyts bytsje ûndersyk nei de útwindige taalskiednis fan it Frysk dien. Us earste taak soe wêze moatte detailûndersiken te presintearjen.
A. Feitsma: net earst alle detailûndersiken en dan in gehiel, mar om en om. Jo moatte dit ûndersyk yn in ramt sette, dan earst wurdt it nijsgjirrich. Hellinga hat dat ramt, dat kinne jo oanfalle, mar it is der dan mar . . . .

Zweitausendjähriges Ladinisches Jubiläum: Mythus und Politik

Dr. F. Chiocchetti (Istitut Cultural Ladin, Vich/Vigo di Fassa)

Sehr verehrte Damen und Herren,

Gestatten Sie mir zunächst, der Fryske Akademy für Ihre freundliche Einladung zu danken und Ihnen allen die herzlichsten Grüße der Dolomitenladiner, dem kleinen Volk rätoromanischer Sprache, das in den Alpentälern um das Sellamassiv in Südtirol lebt, zu übermitteln.
Trotz großer geschichtlicher und geographischer Unterschiede haben die Ladiner mit vielen Sprach- und Landesminderheiten in Europa und der Welt ein besonderes Schicksal gemein: nähmlich die territoriale und verwaltungsmäßige Teilung. Gleich nach dem ersten Weltkrieg hat das faschistische Regime bei der Verwirklichung seiner Entnationalisierungspolitik der alpinen Provinzen, die es beim Zusammenbruch des österreich-ungarischen Reiches erhalten hatte, die Trennung des ladinischen Dolomitengebietes in drei verschiedene Verwaltungsbezirke durchgesetzt: Diese Situation dauert noch heute an und verstärkt immer wieder die so gegebene juridische Ungleichheit im Innern der ladinischen Minderheit ganz im Gegensatz zu den von der italienischen Verfassung garantierten Prinzipien der Gleichheit und des Schutzes.

Aufgrund dieser Voraussetzung genießen heute nur die in der Autonomen Provinz Bozen vereinigten Ladiner (Grödnertal und Gadertal) konkreten Schutz: Ihre Anerkennung als "sprachliche Gruppe" gründet in der besonderen Autonomie, die der italienische Staat der Provinz Bozen zugesichert hat, und auch aufgrund der internationalen Verträge, mit denen man nach dem zweiten Weltkrieg der deutschsprachigen Südtiroler Minderheit freie Entfaltung garantieren wollte. Im Gegensatz dazu haben die Ladiner in den Provinzen Trient und Belluno (beziehungsweise im Fassatal, in Buchenstein und Cortina d'Ampezzo), d.h. ohne die "Deckung" der kämpferischen deutschen Minderheit, noch immer keine Anerkennung oder Schutzmaßnahmen erhalten, die sie seit vierzig Jahren immer wieder beanspruchen.

Es fällt Ihnen sicher leicht, sich die psychologischen und sprachsoziologischen Konsequenzen solch einer Isolierung und Diskriminierung für eine Gemeinschaft vorzustellen, die mittlerweile weniger als 35.000 Ladinisch sprechende Mitglieder zählt und die ohnedies schon von hohen Gebirgszügen und einer entsprechenden inneren dialektalen Gliederung geteilt ist.

1.

Noch schwerer wiegt heute die Entfernung (geographisch und politisch), die die Dolomitenladiner von den Schwestergemeinden des Kantons

Graubünden in der Schweiz (wo etwa 50.000 Rätoromanen wohnen) und von der noch zahlreicheren ladinischen Gruppe von Friaul (etwa 700.000 Furlan sprechende Mitglieder) trennt, mit denen es schon seit Jahrhunderten keine territoriale Berührung mehr gibt.

Seit dem Zusammenbruch des Römischen Reiches haben Eroberung, Einwanderung und Ansiedlungen germanischer Völker, die sich wiederholt in der padanischen Ebene zeigten, den Zusammenhalt des zentralen und östlichen Alpenraumes unterbrochen, wo dann die rätoromanische Nation entstand: Bajuwaren, Alemannen und später Langobarden besetzten sehr bald die Verkehrswege und die wichtigsten gut zugänglichen Täler, und die neuen Herren drängten die einheimische Bevölkerung in die inneren Seitentäler zurück oder assimilierten sie. Man kann sagen, daß von da an mit dem des Vordrängen italienischer Kulturströmungen von Süden her und der Ausbildung deutscher Grundherrschaften von Norden her der unaufhaltsame Rückgang des alpinen Romanentums begann.

Aufgrund eines in der Völkergeschichte häufigen Schicksals wurde die ladinische Bevölkerung (von Graubünden über die Dolomiten bis nach Friaul) nie in die gleiche politisch-nationale Einheit eingegliedert, die engere Sprachliche und kulturelle Bindungen oder den Sinn für Gleichartigkeit und Solidarität seiner Mitglieder hätte herausbilden können. Es gab in der Geschichte der Ladiner nie eine Stadt, eine Residenz oder ein gemeinsames kulturelles Zentrum, das den Anstoß für eine autonome Entwicklung in nationalem Sinn gegeben hätte: Chur, die Hauptstadt der antiken "Raetia Prima", verwandelte sich schon um 1400 in eine vornehmlich deutsche Stadt; Brixen, Sitz der fürstbischöflichen Regierung, das 8 Jahrhunderte lang die ladinischen Täler der Dolomiten verwaltete, war Sitz einer zivilen und geistlichen Regierung, in der zuerst Latein und ab ca. 1300 Deutsch und nicht Ladinisch die offizielle Sprache war.

Die eigenwilligen Talsysteme des alpinen Raumes selbst waren nicht zuletzt hinderlich und standen der Festigung der Kontakte und der Solidaritätsbindungen unter der ladinischen Bevölkerung eher im Weg, während dank der verbindenden Funktion des Meeres bei den Friesen das Wasser die Leute zusammenbrachte.

2.

Nach Jahrhunderten ungünstiger geschichtlicher Ereignisse für die Ladiner überrascht es schon fast, daß es noch Gemeinschaften gibt, die ihre alte rätoromanische Sprache erhalten haben. Noch überraschender ist aber die Tatsache, daß heute, sogar trotz kultureller Vermassung durch die Medien in allen drei ladinischen Inseln ein außergewöhnlicher Wille herrscht, die ihnen eigene sprachliche und kulturelle Indentität zu bewahren trotz des wachsenden Drucks von Seiten der Mehrheitskulturen, die sich seit Jahrhunderten die Vorherrschaft in der Gegend streitig machen.

Ein bedeutungsvoller Moment für die Stärkung dieses neuerwachten "Gewissens" war sicherlich das ladinische Jubiläum, das 1985 gefeiert wurde. Dies ist, nebenbei bemerkt, eine andere zufällige Übereinstimmung der Feierlichkeiten, die die Friesen heute begehen und denen ich mich auch mit den besten Wünschen für eine erfolgreiche Zukunft anschließen möchte.

Die Idee, 1985 als das zweitausendjährige ladinische Jubiläum zu feiern, wuchs in den intellektuellen Kreisen Graubündens als Initiative für eine kulturelle Renaissance, um dem Wunsch, diese alte Sprache überleben zu lassen, Nachdruck zu verleihen. In diesen Sinn erwies sich die Wahl des Datum als absolut verständlich und ohne jegliche "ideologische" Verflechtung: im Jahre 15. v. Ch., dem Jahr, in dem die Stiefsöhne von Augustus (Drusus und Tiberius) unsere sogenannte rätische Alpenregion besetzten, bedeutet den Beginn des Romanisierungsprozesses dieser rätischen Täler, wodurch der sprachliche und kulturelle Charakter der Alpenländer, die sich heute "rätoromanisch" nennen, geprägt wurde. Die Jahresfeier ist daher geschichtlich durchaus gerechtfertigt: "2000 onns Retoromania" oder "Rezia Latina", also 2000 Jahre "lateinisches Rätien".

Der Ruf zur Latinität diente vielleicht in gewisser Weise als Gegengewicht, um das Gewissen der Bevölkerung im Hinblick auf die Gefahr der Germanisierung, die die rätoromanischen Gemeinschaften Graubündens bedrohte, zu stimulieren.

Diese Iniziative erzielte bei den Dolomitenladinern auch augenblicklich Resonanz, während er in Friaul weniger Erfolg hatte, da in dieser Region das Jahr 15 v. Ch. eine weniger wichtige Rolle spielte: die bewaffnete Eroberung von "Rätien" interessierte nicht direkt das friaulische Gebiet, das zu dieser Zeit schon unter der Kontrolle Roms stand und in die Provinz "Venetia et Histria" eingegliedert war; außerdem ist in der geschichtlichen Erinnerung der Friauler der Ursprung ihres "kleinen Vaterlandes" im Jahre 967 n. Ch. allgemein anerkannt, dem Jahr der Gründung des glorreichen Patriarchats von Aquileja.

3.

Die Idee der Zweitausendjahrfeier hat bei den Dolomitenladinern gleichzeitig großen Enthusiasmus und nur schlecht versteckte Polemiken hervorgerufen. Sie wurden in erster Linie von politischer Seite, durch den Vorschlag des damaligen Regionalrates Willi Erschbaumer (SPS - Sozialdemokratische Partei Südtirol), wieder aufgenommen. Der ladinische Vorschlag wurde aber vom Verwalterungsrat sowie vom Ausschuß der Autonomen Provinz Bozen angenommen und das Jahr 1985 offiziell zum "Jahr der Ladiner" erklärt.

Von Anfang an ergaben sich hier im Hinblick auf die Formulierung des Themas die ersten Widersprüche. Auch was die Korrektheit des gewählten Zeitpunktes für das ladinische Jubiläum anbelangt, kam es unter den Fachgelehrten, den Militanten der ladinischen Bewegung und einschlägigen Institutionen zu Polemiken und Uneinigkeiten.

In der Tat wird in der Südtiroler Bevölkerung, die mehrheitlich deutschsprachig ist, der Bezug zur "Romanisierung" der Alpenregion nicht mit der gleichen gefühlmäßigen Zustimmung verstanden wie im Kanton Graubünden: zu wach ist noch die Erinnerung an die traurigen Wirkungen des Irredentismus und der faschistischen Unterdrückung, die den Anschluß und die gewaltsame Italienisierung Südtirols zu rechtfertigen versuchten, indem sie sich auf die antike Latinität diese Landes beriefen. Der Senator Ettore Tolomei, Ideologe des faschistischen Nationalismus, sah seine Lebensaufgabe darin, echte und vermeintliche Spuren des Römertums, die sich aus der Südtiroler Toponomastik ergeben, zu dokumentieren: "Latinität" bedeutete seiner Meinung nach tout court "italienisches Wesen". Mit ähnlichen Vorwänden rechtfertigte man damals sogar die gewaltsamen Annektierungsabsichten des Regimes im Hinblick auf die italienische und rätoromanische Schweiz.

Es ist daher sehr verständlich, daß im südlichen Tirol die Erinnerung an die römischen Legionäre unbewußt die traurige und zeitlich nähere Erinnerung an andere "Legionen" ins Bewußtsein zurückruft.

Auf der einen Seite hat also ein Tal der deutschen und ladinischen eingesessenen Bevölkerung das Jahr 1985 als Zweitausendjahrfeier einer geschichtlichen Niederlage verstanden, als umstrittenes Andenken an den Beginn der Besetzung des alpinen Gebietes von Seiten einer "ausländischen Macht", wodurch unbewußt eine Verbindung zwischen der damaligen Eroberung durch die Römer und der heutigen italienischen "Vorherrschaft" entstanden war.

Einige neigten dazu, und zwar ohne dies historisch begründen zu können, den Mythus irgendwelcher rätischen Vorfahren, die von den Römern unterdrückt worden waren, zu idealisieren. Es ist nicht auszuschließen, daß in dieser Hinsicht eine unüberlegte Identifizierung des rätischen Elements mit dem deutschen eine bedeutende Rolle gespielt hat (beide haben, nebenbei bemerkt, außer, der Tatsache, nicht "lateinisch" zu sein, nichts gemeinsam). Diejenigen, die in Südtirol - vielleicht beeindruckt von diesen Parallelen - die Beziehung zur Latinisierung des antiken Rätien herunterspielten oder zurückwiesen, berücksichtigten in Wirklichkeit nicht die Tatsache, daß man ohne Römertum kein "Rätoromanisch" und ohne Latinität kein "Ladinisch" hätte.

4.

Auf der anderen Seite gab es die Tendenz, dem Jubiläum als wirklicher Zweitausendjahrfeier der Geburt der ladinischen Sprache in übertriebenem Maße Nachdruck zu verleihen, und das wieder einmal, um das (wissenschaftlich übrigens illusorische) höhere Alter und die Außenseiterstellung gegenüber dem Italienischen zu unterstreichen. Manchmal schien der eine oder andere in dieser emphatischen Popularisierung zu glauben, daß die ladinische Sprache "die Sprache der Räten" tout court sei, die wunderbarerweise bis zum heutigen Tag überlebt habe. Viele teilten jedenfalls

die Meinung, daß die römische Besetzung die Geburtsstunde der rätoromanischen Sprache gewesen sei (in einer offiziellen Veröffentlichung der Autonomen Provinz Bozen, die damals herausgegeben wurde, erscheint ein Beitrag mit dem Titel: "1985: Die ladinische Sprache ist 2000 Jahre alt").

Diese Annahme is keinesfalls exakt, denn alle wissen, daß der Entwicklungsprozess der neuen romanischen Sprachen nach der "Latinisierung" erfolgte und etwa seinen Ursprung in den Jahrhunderten nach der Auflösung des Römischen Reiches hatte; außerdem waren - auch in unserem Fall - noch einige Jahrhunderte nötig, ehe man zur Bildung einer neuen romanischen Spracheinheit gelangte, die sich in ihrer phonetischen und morpho-syntaktischen Struktur spürbar abhob und eigenständig war: kein Sprachwissenschaftler würde es sich erlauben, vor dem 9. Jht. n. Ch. von einer romanischen Sprache und erst recht vom Ladinischen zu reden.

Der Slogan "Die ladinische Sprache ist 2000 Jahre alt" beabsichtigte wieder einmal, sich auf die rätisch-vorrömischen Wurzeln zu beziehen. Wenn dies auch eine erhebliche ideelle Motivation beinhalten kann, so muß man vom wissenschaftlichen Standpunkt aus doch zugestehen, daß das rätischen Element im sprachlichen Substrat, auf dem die aktuellen ladinischen Idiome aufbauen, weder klar noch unterscheidend hervortritt im Vergleich zum Panorama der heutigen alpinen Romania insgesamt.

Dennoch kann mann, trotz einiger Widersprüchlichkeiten, die in gewissen volkstümlichen Formulierungen vorzufinden sind, eine grundlegende geschichtliche Berechtigung betreffe der ladinischen Zweitausendjahrfeier nicht abstreiten. Das Jahr 15 v. Ch. kann ohne weiteres als der geschichtliche Beginn der ladinischen Bevölkerung, wenn auch nicht ihrer "Sprache", angesehen werden. Es steht außer Zweifel, daß mit diesem Jahr der Anfang einer Vereinigung zwischen Römertum und den Alpenvölkern darstellt, deren direkte Erben heute die Ladiner oder Rätoromanen sind.

Außerdem erhalten die Daten, abgesehen von ihrer präzisen Bedeutung auf historiographischem Gebiet, oft einen symbolischen Wert, der zu unserem Vergangenheitsverständnis gehört, das als solches ein geschichtliches Element der Gegenwart darstellt.

5.

Abgesehen von ideellen Beweggründen hat die Berufing auf die alten Bewohner Rätiens auch streng historiographisch im Rahmen der sogenann ten "Questione ladina" (d.h. "der ladinischen Streitfrage") eine klare Bedeutung.

Unter diesem Problem versteht man die schon bald 100 Jahre alte Debatte über Natur und Stellung der ladinischen Idiome im Rahmen der romanischen Sprachen, welche von hervorragenden Sprachwissenschaftlern wie G.I. Ascoli und Th. Gartner begonnen wurde; eine Debatte, in der

sich Thesen aus zwei verschiedenen Schulen gegenüberstehen und in der die wissenschaftlichen Argumente oft von ideologischen Vorurteilen und polemischen Absichten bestimmt wurden und noch immer werden.

Nach Meinung der sprachgeschichtlichen Schule - mit Carlo Battisti als Haupträger - waren die Dolomitentäler bis ins hohe Mittelalter herauf, als sie von Siedlern aus den Grundherrschaften Brixen und Neustift, urbar gemacht und besiedelt wurden, unbewohnt und bestenfalls Alpen. Diese Annahme, rein hypothetisch, da keineswegs durch archäologische oder dokumentierte Beweise abgesichert, ist bis heute ein von einigen Gelehrten bevorzugtes Argument, um den Primärcharakter der dolomitenladinischen Romanität zu leugnen, um also zu bestreiten, daß der Bildungsprozess der ladinischen Idiome "in loco" stattgefunden habe.

Dieser geschichtliche Standpunkt war immer irgendwie mit den These jener Sprachwissenschaftler verbunden, die die ladinischen Idiome nur als archaische italienische Dialekte ansehen und somit dem Rätoromanischen den Status des eigenständigen sprachlichen Diasystems aberkennen. In dieser Richtung spielte seit Beginn des Jahrhunderts die nationalistische Ideologie der Irrendentisten eine nicht unwichtige Rolle, da es für sie bequem war, ihre Gebietsansprüche zum Teil dadurch zu rechtfertigen, daß sie sagten: "Die Ladiner sind Italiener".

Die geschichtlichen und archäologischen Forschungen, die in den letzten Jahrzehnten durchgeführt wurden - nicht zuletzt auch die unermüdliche Arbeit des fassanischen Gelehrten P. Frumenzio Ghetta - haben mittlerweile unwiderlegbar Anfänge und Kontinuität der menschlichen Niederlassungen in den ladinischen Tälern von der Urgeschichte bis heute bestätigt: nebenbei bemerkt ist im Fassatal, das bis vor kurzem die wenigsten archäologischen Funde aufweisen konnte, eine "rätische Wallburg" ausgegraben worden, ein kleines Dorf von beachtlicher Bedeutung, das auf die Zweite Eisenzeit zurückzuführen ist.

Die Wiederentdeckung der "Rätischen Welt", die während der Jubiläumsfeiern weiter bekannt wurde, hat also eine Doppelfunktion gehabt. Auf der einen Seite hat sie auf historiographischer Ebene dazu beigetragen, in Anbetracht der jüngsten archäologischen Entdeckungen, die veraltete These von der spätmittelalterlichen Kolonisierung der ladinischen Täler zu korrigieren, eine Theorie, die noch heute einigen unserer national orientierten Gelehrten und ihren Aufhängern lieb ist. Auf der anderen Seite hat sie es ermöglicht, unter den ladinischen Volksgruppen den Sinn des eigenen alten Ursprungs, das Bewußtsein von Würde und Wert der eigenen Geschichte und Identität zu festigen.

6.

Die offizielle Formel des Jubiläums "1985: Ann di Ladins" bezog sich sonst eigentlich mehr auf eine kulturelle und politische Verpflichtung in der Gegenwart als auf die geschichtlichen Hintergründe dieses Gedenktages.

Korrekterweise hatte das Verwaltungsorgan der ladinischen Gemeinde von Fassa in seinem Dokument vom 8. Mai 1984 hervorgehoben, "daß sich das ladinische Jahr nicht in einer Menge von kulturellen und folkloristischen Verantstaltungen erschöpfen dürfe", insbesondere gefordert, daß bei dieser Gelegenheit die regionalen und nationalen Regierungen sehr genaue legislative und institutionelle Verpflichtungen übernehmen sollten betreffs der Anerkennung und des Schutzes der gesamten dolomitenladinischen Gruppe.

Man kann sicher nicht behaupten, daß die italienischen staatlichen Institutionen in diesem Sinn bedeutende Vorkehrungen zum Schutz und zur Förderung in der ladinischen Sprache getroffen hätten, weder auf dem Gebiet der Schule noch der Information noch der kulturellen Strukturen; auf den Gebieten also, wo mit der überlebenschance der ladinischen Gemeinde in den Dolomiten gespielt wird. Selbst die kulturellen Minderheitsvereinigungen haben es nicht verstanden, strategisch entscheidende und zusammenführende Ziele zu setzen, obwohl sie anerkennenswerte und wertvolle Initiativen zu Fragen von brennender Aktualität (wie z.B. die wirtschaftliche Entwicklung oder die Verwaltungssituation des ladinischen Gebietes) ergriffen haben.

Im Gegensatz dazu ist die Tatsache bedeutungsvoll, daß die ladinische Zweitausendjahrfeier im Graubünden eine außergewöhnliche Mobilisierung der Institutionen, der Intellektuellen und ihrer Einsatzfreundigkeit zum Zweck der sprachlichen Normalisierung erreicht hat: heute ist das "Rumantsch Grischun", die neue Schriftsprache, die geschaffen worden ist, um den geschichtlichen Gegensatz zwischen den verschiedenen regionalen Varianten zu überwinden, endlich eine Realität, die sich schrittweise als "offizielle Sprache" in der Verwaltung und im öffentlichen Leben durchsetzt. Die Situation in den Dolomiten hat diesen Reifegrad noch nicht erreicht. Im Jahr der ladiner sind kulturelle Veranstaltungen und geschichtlich-folkloristische Erinnerungen lebendig geworden, die - dank Zeitungen und Massenmedien - großen Anklang in der öffentlichen Meinung Italiens und im Ausland erzielt haben. Und dies hat mit Sicherheit auch großen Einfluß auf die Ladiner selbst gehabt; abgesehen davon konnte jedoch nicht eines der grunlegenden institutionellen Probleme für das überleben der ladinischen Gemeinde einer Lösung zugeführt werden.

Zum Glück ist aber im Innern der engagierten Eliten jedes Tales ein neues Bewußtsein bezüglich der Dringlichkeit und der Notwendigkeit einer gemeinsamen und einheitlichen Arbeit erwachsen, sie sich in irgendeiner Weise der verwaltungsmäßigen und institutionellen Trennung entgegenstellen kann. In diesem Sinne erschien auch die Veröffentlichung der "Anthologie der ladinischen Lyrik in den Dolomiten" von prof. Walter Belardi, als Markstein, als erstes Werk dieser Art, das die gegenwärtige poetische Produktion des gesamten ladinischen Raumes sammelt, als gutes Vorzeichen: dieses Werk, in dem sich das Ladinische der Dolomiten - wenn auch in seiner Varianten - als literarische Sprache von europäi-

schem Wert zeigt, weist die Straße für eine neue kulturelle Verpflichtung, die aus der lokalen Enge und aus dem Folklore ausbricht und die Herausforderung der Gegenwart akzeptiert, um sich ohne Minderwertigkeitskomplex mit den Problemen und Unruhen unserer Zeit zu messen.

7.

Gestatten Sie mir nun, meinen Vortrag zu schließen, indem ich mich auf eine Begebenheit beziehe, die auf vielleicht überraschende Weise und unvermutet eine Beziehung zwischen zwei so weit entfernten und so verschiedenen Regionen wie Friesland (im breitesten Sinn) und den ladinischen Tälern, besonders dem Fassatal, woher ich komme, herausgestellt hat.

Diese Episode hatte als Hauptfigur einen Fassaner, der sich in den Jahren 1940-42 als Dolmetscher bei den italienischen Arbeitern des Reiches in Norddeutschland befand: es handelt sich um Francesco Dezulian, der uns eine wertvolle Sammlung ladinischer Gedichte hinterlassen hat, in der sich der Text eines Liedes befindet, das mittlerweile so populär geworden ist, daß es fast als eine offizielle Hymne des Fassatals gelten darf.

Hören Sie nun, wie der Autor die Entstehung des Liedes erläutert: "Während meines Aufenthaltes im Ruhrgebiet hatte ich Gelegenheit, das Lied der ostfriesischen Inseln (Borkum, Juist, Norderney, Baltrum, Langeoog, Spiekeroog, Wagerooge), die westlich von Emden und Wilhelmshaven liegen, kennenzulernen und mich in es zu verlieben. Ich beschloß sofort, diese leicht einprägsame Melodie mit fassanischen Wörtern auszumalen. Im Original sagte das Lied von Friesland, daß seine Bewohner auf einer feindlichen Erde geboren waren, arm an Produkten, von Winden, Wellen und Eiseskälte gegeißelt, aber daß trotzdem jeder Einwohner dieser Insel immer wieder glücklich war, wenn er zurückzukehren konnte, und daß sein versteckter Wunsch immer und unwiderruflich der war, auf dieser heiß geliebten Erde zu sterben und in ihr den ewigen Frieden zu finden".

Man kann leicht verstehen, daß unser Poet, allein in einem fremden Land, der Faszination diese verzehrenden Ausdrucks von Heimweh erlag. Dieses Gefühl (das wir "mal de ciasa", "encreshadujum" nennen) bindet seit jeher die Ladiner an ihre Berge, ihre alpinen Täler, wo heute der Wohlstand der Touristenindustrie herrscht, aber wo das Leben viele Jahrhunderte lang sehr hart und schwer war, nicht weniger hart als das Leben der Bewohner der Friesischen Inseln.

"N bon fashan dalonc' da ciasa prest al mer" (ein echter Fassaner stirbt sehr bald, wenn fern von seiner Heimat er) sagt der Dichter in dem "Lied vom Fassatal".

Nicht nur eine Melodie, sondern eine viel tiefere Gefühlsgemeinschaft hat also dazu beigetragen, daß zwischen unseren beiden Völkern diese glückliche und wertvolle Beziehung entstanden ist, die uns gedanklich ein

Vorzeichen für Brüderlichkeit und echte Verbundenheit zu sein scheint.

(Besonderer Dank Herrn G.A. Plangg für das Durchlesen des Beitrages.)

J. Rinzema: Was kann man den Italiener antworten wenn sie behaupten die ladinische Mundarten seien eigentlich nur eine Art Italienisch, weil sie doch romanisch sind?
F. Chiocchetti: Zum Unterschied vom Mittel-Süditalien unterscheidet sich das Gebiet nordens der Linie Rimini-La Spezia für die Anwesenheit der sogenannten gallisch-italienischen Dialekten, die eigentlich einige Verwandschaften mit den räthisch-romanischen Idiomen haben. In der vergangenheit waren diese Verwandschaften noch deutlicher. Viele Sprachforscher historischen Ansatzes (oder (historischer Schule) verneinen deswegen die Kennzeigen des ladinischen Systems. In bezug aufs Italienische, das sich nach dem Muster des Toskanischen gebildet hat, sind die Struktureigenschaften des Ladinischen offenbar. Man braucht nur an die Bildung der Mehrzahl mit -s, an die Behaltung von -pl, -bl, -fl, usw., oder an die Palatalisierung der lateinische Verbindungen CA und GA zu denken, die das Lateinische mit den westromanischen Sprachen wie zB. dem Französischen, dem Provenzalischen und dem Katalanischen vereinigen.
J. Veenstra: Die rhätische Bevölkerung sprach für 2000 Jahre das Volkslatein. Weiss man auch etwas über ihre ursprüngliche Sprache?
F. Chiocchetti: Wir haben kaum Kenntnissen von der ursprünglichen Sprache der Rhäten. Alles was wir wissen, ist daß die Rhäten ein etruskisches Alfabet benutzten. In den verschiedenen ladinischen Idiomen sind eigentlich wenige lexikalische vorrömische Elemente geblieben, vor allem Ortsnamen und territoriale Bezeichnungen.
J. Rinzema: Der ganze Alpenraum hatte einst eine gemeinsame Kultur. Wäre das vielleicht die Kultur der vorrömischen, wendische Völker, und, in diesem Zusammenhang, kann man annehmen daß die Ladiner von heutzutage auch eine gemeinsame vorrömische Sprache gehabt haben?
F. Chiocchetti: Das ist noch in Frage. Zwar glaube ich, daß eine alte Kultureinheit tatsächlich gewesen sein soll. Auch heutzutage hat die Bevölkerung dieses Alpenraumes sicherlich eine grundlegende Kultureinheit, über die sprachlichen Grenzen hin. Tiroler, Slowenen, Alpenlombarden, Ladiner, unsw. erkennen sich alle als Völker der Alpen und können sie miteinander in vielen Sitten und Gebräuchen übereinstimmen, wie zB. in was sie essen, anziehen usw.
A. Feitsma: Es gibt linguistische Verschiedenheit zwischen dem Italienischen und Ladinischen, aber eine Sprache hat auch seine Ursprung im Sprachbewußtsein. Wäre das vielleicht auch eine wichtige Sache?
F. Chiocchetti: Seit Jahrhunderten sind die Ladiner zum Bewußtsein angekommen, daß sie eine besondere Sprache haben. Im letzten Jahrhundert war der Slogan "no tudësc, no taliagns" (weder Deutsche, noch Italiener) ausgeprägt: Obwohl das eine negative Bezeichnung der Identität ist, ist es

auf jedem Fall ein Zeichen von Selbstbewußtsein, das auch in der Gegenwart weiterlebt.
P. Gerbenzon: Wäre es noch eine Möglichkeit mit anderen norditalienischen Gruppen zusammen zu arbeiten? So gibt es die Lega Lombarda, die eine imaginäre Mauer quer durch den Alpenraum will, oder Gruppen in Veneto zB?
F. Chiocchetti: Zwischen den Ladinern und diesen Bevölkerungen Norditaliens gibt es heutzutage kaum linguistische Übereinstimmung. Ohnehin ist es mit diesen Organisationen nicht möglich eine Verwandschaft zu finden, weil sie manchmal eine rassistische Haltung gegen die Südländer einnehmen, die wir Ladiner vermeiden wollen. Natürlich sind wir mit anderen, echten Minderheiten verbunden. Wir halten aber die Lombardei und das Veneto nicht als Minderheitengebiete; für die Ladiner stellen sie lieber der Raum einer Sprach- und Kulturmehrheit dar, die seit Jahrhunderten von Süden her drängt.
J. Ytsma: Welche ist die Einstellung der Deutsch- und Italienischsprechenden den Ladinern gegenüber?
F. Chiocchetti: Die Italiener haben meistens kein Gefühl für Sprachminderheiten. Man hört oft: "Wir sind in Italien, so sprechen Sie bitte Italienisch". Die italienische Regierung hat nur ihre Aufmerksamkeit auf Minderheiten gerichtet, die in einem anderen Staaten jene ihr nationales Background haben. Seit zehn Jahren warten wir auf einen Gesetz für die Schutz aller Minderheiten. Allerdings bekommt die ladinische Bevölkerung der Autonomen Provinz Bozen konkrete Schutzmassnahme und kann auf einem Gewißen Feingefühl von Seite der deutssprechenden Südtiroler rechnen. Leider haben diese beiden Haltungen in den Provinzen Trient und Belluno keine Entsprechung.
A.M.J. Riemersma: Welche ist die Situation im Unterricht?
F. Chiocchetti: Der Hauptpunkt ist der Kampf für Einheit und Gleichberechtigung. In der Schule und vielen anderen Gebieten haben wir die Ungleichheit zu bekämpfen. So gibt es in der Autonomen Provinz Bozen eine ladinische Schule mit Deutsch und Italienisch als Unterrichtsprache und einige Stunden Ladinisch pro Woche als Kultur- und Unterstützungssprache. Die Ladiner in der Provinz Trient haben seit einigen Jahren eine Stunde Ladinisch pro Woche, nur - um so zu sagen als Bonbon: sonst nur italienische Schulen, wie außerdem auch in der Provinz Belluno.
G.I. Jellema: in wieweit kommen Sie mit einer einheitlichen Schriftsprache durch, weil es so viele verschiedene Dialekte gibt?
F. Chiocchetti: die einheitliche Schriftsprache ist in Graubünden praktisch geschaffen. Auch dort gibt es verschiedene Schriftsprachen, eine pro Tal. Sie haben eine große Tradition (zB. die Bibel seit 17. Jahrhundert). Das "Rumantsch Grischun", die neue Kunstsprache, spielt aber eine wichtige Rolle, nicht in den inneren Beziehungen, wo jeder die eigene Varietät sprechen kann, sondern für die offizielle Erkennung des "Rumantsch" als Sprache der "Quarta Svizra". In den Dolomitentälern haben wir 5 Varianten, die auch als Schriftsprachen gebraucht werden. Wir sind allerdings zu

wenig Leute und die Variant sind so verschieden voneinander, daß es noch schwieriger ist, eine einheitliche Schriftsprache zu schaffen. Für das überleben des Dolomitenladinischen gibt es aber keine andere Chance.

Ier-Aldfrysk neist Aldingelsk en Aldsaksysk

Dr. T. Hofstra (Oudgermaanse taal- en letterkunde, Ryksuniversiteit Grins)

De relaasjes fan it Aldfrysk mei oare Germaanske talen krije yn 'e lêste jierren nochal wat omtinken, mar dochs docht noch altiten bliken dat yn de Aldgermanistyk in behanneling fan it Aldfrysk lykweardich oan dy fan de rest fan de Germaanske talen net fansels sprekt. Op de ûngeunstige posysje fan it Aldfrysk yn al wat âldere grammatika's fan it Aldgermaansk hat Van der Rhee noch yn 1984 wiisd; tagelyk koe hy út de jierren santich ek foarbylden jaan foar in bettere behanneling fan it Aldfrysk (1984: 47 resp. 52).

Van der Rhee's opsommingen kinne oanfolle wurde. Yn Rösels boek "Die Gliederung der germanischen Sprachen nach dem Zeugnis ihrer Flexionsformen" (1962) misse op s. 120 yn it skema fan de relaasjes fan Germaanske talen en folken op seis ferskillende tiden tusken 200 foar en 800 nei Kr. de Friezen resp. it Frysk neist Goaten, Skandinaviërs, Ingelsen, Saksen en Heechdútsers en harren talen. It Nederfrankysk ûntbrekt trouwens allyksa. Wol brûkt Rösel hjir en dêr it Aldfrysk yn syn argumintaasje.

By de gearfetsjende en ynliedende wurken oer it Germaansk as gehiel fan de lêste tsien of tolf jier falt op, dat Ramats "Einführung in das Germanische" (1981) yn 'e synoptyske skema's fan de morfology fan de Aldgermaanske talen ornaris gjin Aldfrysk hat; in útsûndering jildt foar de 3e pers. fan it pronomen personale (s. 93f.). Fan Ramat is lykwols bekend, dat hy him mei it Frysk dwaande hâlden hat, sjoch "Il Frisone" (1967) en de Dútske ferzje "Das Friesische" (1976) en ek de "Grammatica dell'antico sassone" (1969), dêr't yn de tabellen fan de morfology neist it Aldsaksysk ek it Angelsaksysk, it Aldheechdútsk èn it Aldfrysk ferskine.

Yn ferhannelingen oer beskate aspekten fan it Aldgermaansk is it foar in part better; yn Seebolds wurk "Das System der Personalpronomina in den frühgermanischen Sprachen" (1984) kriget it Aldfrysk like folle omtinken as de oare Aldgermaanske talen. En yn in resint artikel oer reduplisearjende tiidwurden yn it Noardwestgermaansk brûkt Fulk (1987) it preteritum fan in beskaat type Aldwestfryske tiidwurden, te witten dy mei oarspronklike (Germ.) *ǣ* resp. *au* yn de presensfoarm fan de woartel en *iǣ* (ynstee fan *iā*, *ie* < *eu*) yn it preteritum as in argumint foar syn teory oer it ûntstean fan dat Noardwestgermaanske preteritum.[1] By Fulks boarne, Van Helten, haw ik trouwens mar ien tiidwurd mei in preteritum mei *iǣ* fûn: *hliǣ* by *hlāpa*.

Bammesberger brûkt yn "Der Aufbau des germanischen Verbalsystems" (1986) it Aldfrysk mar in inkelde kear yn de eigentlike argumintaasje.[2] Hoppers wurk "The Syntax of the Simple Sentence in Proto-Germanic" (1975) hat gjin foarbylden út it Aldfrysk. No is dat wurk neffens it foaropwurd út 1971 in oanpaste ferzje fan in dissertaasje út 1967 en doe wie alteast Bors boek "Word-Groups in the Language of the Skeltana Riucht. A Syntactic Analysis ... " (1971) noch net útkommen.

Wêrom is de belangstelling yn de Aldgermanistyk foar it Aldfrysk noch altiten te beheind? Fansels, de hânskriftlike oerlevering is oars as dy fan it Aldsaksysk, Aldheechdútsk en Aldingelsk, begjint inkelde ieuwen letter en is yn wêzen fan deselde tiid as it Middelnederdútsk, it Middelheechdútsk en it Middelingelsk, dus de opfolgers fan de niisneamde âlde fazen fan Westgermaanske talen. As men lykwols sjocht nei de behanneling fan it Aldnoardsk, en dat is dan meastentiids de Yslânske foarm fan it Aldnoardsk, dan liket alteast in kronologyske reden foar "diskriminaasje" fan it Aldfrysk net sa driuwend te wêzen: de oerlevering fan it Aldyslânsk begjint ommers ek pas let, te witten om 1150 hinne. De Aldnoardske teksten binne nei tal en ynhâld gâns riker as de Aldfryske, mar dat mei gjin trochslaand argumint wêze om it Aldfrysk foar taalkundige ferhannelingen bûten beskôging te litten. En ek al jildt foar Skandinavië dat de oerlevering yn runen al gau nei it begjin fan de jiertelling ynset, der is min of mear út deselde tiid as in part fan de "Oernoardske" runeoerlevering ek noch ien út it Fryske gebiet tusken Flie en Wezer, dy't rûchwei tusken 500 en 800 datearre wurde kin, en dat is sawat deselde tiid as dy fan de yn it Heechdútske taalgebiet fûne runeynskripsjes (sechste en sânde ieu) en fan de Angelsaksyske ynskripsjes fan Ingelân.

De tusken Flie en Wezer fûne runeteksten jouwe net al te folle hâldfêst foar it iere Aldfrysk, mar de hiel wat royalere oerlevering fan de saneamde Oernoardske runeynskripsjes ferskaffe ek gjin folslein ynsjoch yn it Skandinavysk fan it foarste millennium. Grammatika's fan it Aldgermaansk hawwe dan ek Aldnoardske foarmen ensfh. al dan net neist foarmen fan it Oernoardsk.

Fan de "Fryske" runeynskripsjes binne guon ek wol foar Angelsaksysk hâlden: de *skanomodu*-solidus út it 1e fearn fan de sechste ieu (sj. Gysseling 1980b: 8), de *hada*-solidus fan Harns út it 3e fearn fan de sechste ieu (sj. Gysseling 1980b: 10) en de tekst op it bonkje fûn yn Hamwic by Southampton (*catæ*), dy't neffens Page (1973: 171) earne tusken it midden fan de sânde en it begjin fan de alfte ieu oanbrocht waard en wêrfoar't Hofmann (1976: 75f.) oan de tiid fan kening Alfred (ein njoggende ieu) liket te tinken. De tekst op de kaam fan Amay wurdt ek wol as Frankysk beskôge. De brakteaat fan Hitsum wurdt opfette as Skandinavysk en Gysseling (1980b: 7) tinkt boppedat foar de runetekst op it amulet fan Winaam (iere sechste ieu) oan Noardgermaansk. Foarsafier't my bekend is, binne der yn oarspronklik Frysk gebiet gjin ynskripsjes fûn, dy't as Aldsaksysk beskôge wurde.

De minmachtige runeteksten (earne tusken 16 en 20) mei harren lytse omfang en iensidigens fan ynhâld (foar in grut part persoansnammen) jouwe mar beheinde ynformaasje oer it Frysk; en faak wurde de teksten op ferskillende wizen lêzen en/of ynterpretearre. Mar der s it ien en oar te finen oan ynformaasje oer lûdûntjouwingen en morfology, wylst in pear folsleine sinnen alteast eat sizze oer de syntaksis.

In striidpunt fan de lêste jierren liket de *-u* op 'e ein fan wurden te wêzen. Gysseling (1980b) sjocht hjiryn in rest fan de ynstrumentalis, en dat

liedt soms ta wat ferwrongen ynterpretaasjes lyk as yn it gefal fan de kaam fan Toornwerd (achtste ieu): *ko(m)bu* 'met deze kam' (1980b: 15) en -- mei in fraachteken -- by de runetekst fan Oostum (sechste of sânde ieu): *ælb ka(m)bu deda habuku* 'Ælb deed met deze kam Habuku een liefdeblijk, een heilwens' (1980b: 17f.), wylst hjir sa't Gysseling sels ek skriuwt, logysk wêze soe 'Ælb maakte deze kam voor Habuku'. Düwel (yn Düwel & Tempel 1968: 367) hat in foarkar foar *Habuku* as nominatyf: 'den Kamm machte Habuk'. Ferlikingsmateriaal foar Gysselings ynstrumentalis soe de ynskripsje op fibula A fan Nordendorf (sechste of sânde ieu, noardlik fan Augsburg yn Beieren) biede kinne, as mei û.o. Rosenfeld (1984: 168) *leubwiniè* lêzen wurdt en *leubwiniè* opfette wurdt as in ynstrumintalis (of: "Soziativus") 'mit Leubwini': *awa leubwiniè* "Awa bleibe immer dem Leubwini verbunden"; der binne lykwols mear ynterpretaasjemooglikheden foar dit part fan de Nordendorfer tekst.

Nielsen (1984) is fan betinken, dat *-u* yn *ka(m)bu*, mar ek yn *habuku* en oare ynskripsjes, in teken foar in redusearre fokaal (yn dit gefal út germ. *a*) is; it iere Aldfrysk wykt dêrmei dan wol ôf fan it Aldsaksysk, Aldheechdútsk en Aldingelsk fan de njoggende ieu, wêr't foarmen as âs. *kamb*, âhd. *kamb*, ags. *camb/comb* yn de nom. en akk. sg. foarkomme of ferwachte wurde meie. Hjir is dan ek ien fan de ier-Aldfryske eigenheden te finen.

Miedema (1974: 125) hat de *skanomodu*-ynskripsje (begjin fan de sechste ieu) brûkt foar in datearring fan in karakteristike Fryske ûntjouwing: *au* $\bar{a}$, in $\bar{a}$ dy't werjûn wurdt troch in $\bar{a}c$-rune. Gysseling lykwols, dy't in út *au* ûntstiene *ǫ* of *aa* foar it Frysk net foar de 8e ieu oannimme wol (1980b: 9) en ek earder op grûn fan in pear lûdûntjouwingen yn persoans- en plaknammen al it ûntstean fan in selsstannich Frysk pas yn de achtste ieu sette woe (1960: 80), tinkt dat de $\bar{a}c$-rune stiet foar in *au* ("met reeds naar *o* neigende *u*"). In iere oergong fan *au* yn $\bar{a}$ soe Gysseling ek minder passe by syn opfetting fan de tekst op it kaametwy fan Ferwert (om 600 n. Kr. hinne); hjir lêst Gysseling (1980b: 13) *muræ* as "vermoedelijk" **mauræ*.

It leit yn 'e reden om derfan út te gean, dat wannear't de taal fan de nije Germaanske bewenners fan Ingelân en dy fan de bewenners fan de Nederlânske kustgebieten en fan Niedersachsen yn de fyfte ieu yn grutte halen deselde west hat -- en dat kin wolris it gefal west hawwe --, dat dan de fermindering fan de kontakten bgl. troch de tanimmende ôfstân of ferskil yn politike ûntjouwing hoe dan ek laat hat ta in útinoarwaaksen fan de diatopyske farianten fan dy taal yn 'e rin fan de fyfte en de folgjende ieuwen. Mei Miedema sjoch ik wat it Frysk oanbelanget in earste dúdlik teken yn de $\bar{a}c$-rune fan it wurd *skanomodu*.

Behalven foar de Aldsaksyske taal- en letterkunde is ek foar de Frisistyk de fynst fan fragminten fan in oant doe net bekend, om 850 hinne te datearjen hânskrift yn 1977 yn Straubing (S) fan de as Aldsaksysk[3] beskôge *Heliand*-tekst fan belang. Huisman hat der op wiisd, "dass die Diskussion über die Herkunftsbestimmung von S noch durchaus offen ist." (1986: 231). De staveringen yn it hânskrift S strike foar in part mear mei datjinge

wat foar it Aldfrysk ferwachte wurde kin as mei de skriuwwizen lyk as dy yn de fjouwer oare *Heliand*-hânskriften foarkomme. Ek yn de morfology is der it ien en oar dat oan in Aldfrysk tinke lit.

Van Weringh hie yn syn dissertaasje "Heliand and Diatessaron" (1965: 10) steld, dat de dichter fan de *Heliand* in Fries, en dat wol sizze: Bernlef, wêze koe. De taal fan de Straubinger *Heliand*-fragminten besterke him sûnt 1979 yn syn oertsjûging wat de dichter oangiet:

> "Wat mij betreft, ik houd het nog altijd, en met steeds meer overtuiging en met groter waarschijnlijkheid nog dan twintig jaar geleden, op Bernlef, met aanvankelijk Liudger als leermeester naast zich." (1984b: 12)

In tawizing fan it orizjineel fan de *Heliand* oan it Aldfrysk (of om it tinken fan Van Weringh wat korrekter wer te jaan: dy ûntjouwingsfaze fan it noardlike Westgermaansk út it begjin fan de njoggende ieu, dêr't it Aldfrysk fan de lettere rjochtshânskriften út fuortkomme soe) past net goed by datjinge wat yn de saneamde *Praefatio in librum antiquum lingua Saxonica conscriptum* skreaun wurdt oer de dichter fan in njoggende-ieusk poëtysk wurk mei stof út it Alde en it Nije Testamint -- en dêrmei wurdt nei alle gedachten de Heliand al of net yn kombinaasje mei de Aldsaksyske *Genesis* bedoeld --. Hjir is dúdlik sprake fan in man, "de gente Saxonum, qui apud suos non ignobilis vates habebatur", dus fan in man út it folk fan de Saksen. No is de tekst fan de *Praefatio* allinne mar bekend troch de útjefte fan 'e hân fan M. Flacius Illyricus út 1562. De *Praefatio*, dy't gjin diel útmakket fan ien fan de bekende Heliand-hânskriften of -fragminten, omskriuwt it wurk fan de dichter ek net sadanich dat allinne mar oan de *Heliand* tocht wurde kin; mar lykwols falt wol wat te sizzen foar it belûken fan de *Praefatio* op de *Heliand*. It leit dus net sûnder mear yn 'e reden en tink oan in Fries as dichter.

Yn earste ynstânsje wiene Van Weringhs arguminten de kultureel-literêre eftergrûn fan de dichter fan de *Heliand* en fan Bernlef en de û.o. fan Drögereit en Krogmann ferkundige opfetting, dat de *Heliand* dichte wie yn Werden, in kleaster mei ferbiningen nei Saksyske, Frankyske en Fryske gebieten. Van Weringh fûn dan ekstra arguminten yn de Straubinger fragminten (S). Hy gie der fanút, dat de taal fan S tichter by it orizjineel stiet as de taal fan de fjouwer oare *Heliand*-hânskriften en -fragminten. Dat de skriuwwizen fan S foar in part tige lykje op dat wat yn Aldfryske rjochtshânskriften fûn wurde kin en ôfwike fan dat wat yn de oare fjouwer *Heliand*-tsjûgen te finen is, waard al opmurken. Dy opfallende skaaimerken fan S binne lykwols foar in part ek te finen yn de meastentiids wat letter datearre lytsere Aldsaksyske teksten; bgl. *a*-stavering foar in fokaal dy't weromgiet op germ. *au* yn in oantal wurden yn de let-Aldsaksyske list fan ynkomsten fan Freckenhorst, ferlykje bgl. *banano* (24.10 gen.pl.), *harad* (29.14), *hared* (33.2), *kietelkapa* en *kietelcapa* (36.40,42)[4]; ferlykje ek *a* ynstee fan *o* foar de lange fokaal út germ. *au* inkelde kearen yn it *Heliand*-

hânskrift M: 438 *scaniosta*, 1341 *lagniad*, 1748 *bamo*, 2738 *baggebon*, 2756 *baguuiniun*.

Oare ferskynsels wize n e t nei it lettere Aldfrysk, bygelyks *ht*-stavering ynstee fan *ft*, in skriuwwize dy't wol fûn wurde kin yn de Aldsaksyske Alderheljen-homily (tsiende of alfte ieu: *ahter* ynstee fan *after*) en yn de niisneamde list fan ynkomsten fan Freckenhorst (*eht* ynstee fan *eft* 36.42, 40.34, 43.2). By de morfology kin tocht wurde oan it meartal op *-as* of *-ōs* yn de maskuline *a*-deklinaasje en oan de foarmen sûnder *h-* by it pronomen personale fan de 3e persoan.

Wylst Van Weringh yn *Heliand*-S in wjerspegeling fan it iere Aldfrysk seach, hat Huisman besocht om oan te toanen, dat de fragminten in Aldwestfryske oersetting fan in Aldsaksysk orizjineel binne. In part fan de eigenheden fan S ferklearret er as Frysk, in part as Frankysk; syn hypoteze is,

> "dass S im bergangsgebiet zwischen dem altfriesischen und dem altniederländischen Sprachgebiet entstanden ist." (1986: 228).

Ien fan Huismans arguminten om in Fryske "Uhreliand" te fersmiten, te witten it wurd *hiuuisca* resp. *hiuuiskie* yn fers 356 fan de hânskriften M en C (tsjin S *hiskie* oer, dat as gefolch fan kontraksje it foar de metryk needsaaklike *-wi-* mist; Huisman 1986: 232) oertsjûget my net. As it Aldfrysk fan de Brokmer rjochtshânskriften *hiskthe* hat, dan wol dat noch net sizze dat fjouwer ieuwen earder de kontraksje fan **hīwiski* ta **hīski* syn beslach al krigen hat. Ofsjoen fan dit iene argumint kin ik Huisman wol folgje, wêr't hy fan in Aldsaksysk orizjineel útgean wol. Lykwols noch in opmerking oer it wurd *ek* 'ik' (*Heliand* S 397, 510) ynstee fan *ik*, dêr't Huisman fan seit: "Nicht altfries." (1986: 233). Der soe wiisd wurde kinne op de lestich te ynterpretearjen runetekst fan Rasquert, dy't begjint mei *ek* 'ik' en dan in namme (*umæ*) of kwalifikaasje (*umædi*) hat (sj. Buma 1969 [1970]: 25; Gysseling 1980b: 18).

De ferskillen tusken de staveringen yn *Heliand-S* en dy yn oare *Heliand*-hânskriften kinne net leagene wurde. Mar oft hjir dan tocht wurde moat oan in oersetting yn in oare taal as dy fan it orizjineel, is mar de fraach. De Straubinger fragminten fan de *Heliand* kinne in oar dialekt fan it Aldsaksysk spegelje as de hânskriften M en C en de fragminten V en P. It dialekt fan S kin mei it iere Aldfrysk en foar in part ek mei it (Neder-)Frankysk mienskiplike eigenheden hân hawwe. In eigen skaaimerk kin wêze, dat út germ. *au* ûntstiene $\bar{a}$ foar nasaal deselde ûntjouwing rjochting $\bar{æ}$ (resp. *o*) hat as westgerm. $\bar{a} < \bar{e}1$ en $a < a$; ferlykje foarmen yn S as 379 *sconiost*, 578 *drom*, 681 *drome*. Alle oare gefallen mei in beklamme út germ. *au* ôf te lieden fokaal wurde *a* stavere. En dy *a* hoecht net sûnder mear as Frysk beskôge te wurden, want hokker alternatyf is der foar in sekuer skriuwer, dy't de iepen $\bar{ɔ}$ út germ. *au* skiede wol fan de nei alle gedachten sletten $\bar{æ}$ út germ. $\bar{æ}$ en allinne it Latynske alfabet ta syn foldwaan hat?

Korhammer hat yn 1980 op grûn fan in pear leksikale bysûnderheden yn S (*tulgo*, *tigene*, *bihuon*, *nebon* ynstee fan *swiðø*, *tegegnes*, *bihwiu*, *biutan/butan*), wêrneist parallellen yn it Aldingelsk foarkomme en binnen it Aldingelsk allinne yn it Anglysk, oannommen dat dialektferskillen binnen it Saksysk al bestiene, foar't Grut-Brittanje troch de Angelsaksen befolke waard. Dy mienskiplike wurden fan S en it Anglysk kinne lykwols relikten yn in "Randlage" wêze, lykas Huisman (1986: 230) al steld hat.

Frankyske ynfloeden op it Aldsaksysk fan de njoggende ieu binne yn it ljocht fan de politike situaasje fan dy tiid like goed tinkber as Frankyske ynfloeden op it Frysk fan deselde ieu. *ht*-staveringen hoege dus net sûnder mear nei Frankyske ynfloed op it F r y s k te wizen.

Taegers opfetting, dat de taal fan S in fariant fan it Aldsaksysk is mei in sterke Noardseegermaanske ynslach, liket my foarearst de feilichste; oft dêrby oan in noardlike fariant fan it Engrysk tocht wurde moat (Taeger 1981a: 419, 1981b: 960), of faaks leaver oan in noardlike fariant fan it Westfaalsk - wat miskien "Frankyske" bysûnderheden as de *ht*-stavering better ferklearje kin -, soe noch objekt fan stúdzje wurde kinne. De foarriedige oantsjutting fan de taal fan S troch Gysseling (1980a: 14) as "östliches Westfälisch oder Ostfälisch" oertsjûget my yn alle gefal net, sjoen al dy eleminten dy't of Noardseegermaansk binne of dêr alteast tige op lykje en miskien dochs wat mear nei it noarden en/of westen wize.

Ek yn de net-Straubinger oerlevering fan de Heliand binne skriuwfarianten te finen, tink oan *ie* neist *e*, *uo* neist *o* foar de fokalen dy't weromgeane op (germ.) $\bar{e}^2$ < resp. germ. *ǣ*. En fierders hawwe de lytsere Aldsaksyske teksten -- lyk as al opmurken -- it ien en oar oan mienskiplikheden mei it Straubinger hânskrift.

De opfettingen fan Huisman hawwe ús eagen al laat nei it Frankysk, dat yn syn Aldnederfrankyske foarm net altiten like ynfâldich fan it Aldsaksysk te skieden is. De Franken wiene ek yn Fryske kontreien yn de tiid fan it iere Aldfrysk in ynfloedrike macht; polityk wiene se superieur en de kristlike lear, dy't by de Friezen ferkundige waard, wie by de Franken dy't de ynfiering fan it kristendom ek by de Friezen foarstiene, al yn it begjin fan de 6e ieu troch de Frankyske kening Klovis oannommen. It ferget net folle fantasy om jin foar te stellen, dat Friezen dy't harren oan de Franken oanpasse woene, it makliker hiene as oaren. Sa'n oanpassing kin bgl. in oanpassing fan de taal wêze, foar in part ûnbewust, foar in part bewust. Men mei hjir ek tinke oan it wurd *kind*, dat - lyk as Simon (1965) en Meijering (1985) nettsjinsteande de krityk fan De Tollenaere (1987) dochs oannimlik makke hawwe, - út it suden komt. De Tollenaere's (1987: 206) Aldfryske foarbylden foar net-palatalisearre *k*, dy't útwize moatte dat de net palatalisearre *k* yn *kind* gjin seker teken foar ûntliening is, oertsjûgje net, om't yn alle trije gefallen (*kening*, *kere*, *ken*) sprake is fan in *k* foar in Aldfryske *e* út in eardere *u*, wylst de *i* yn *kind* in algemien Germaanske *i* (< oergerm. *e*) is.

Net altiten sil men Frankysk en Frysk yn koarte teksten faninoar skiede kinne. Tink yn dit ferbân oan de namme *eda* op de kaam fan Amay, no yn

Luik/België, dy't ein sechste / begjin sânde ieu datearre wurdt. It objekt is fan in omfang en in aard dat transport oer lange ôfstân mooglik is; it fynplak slút dus oare talen as Frankysk net út. De *ac*-rune foar de *a* fan *eda* yn de foarm as wenstich yn Fryske en Angelsaksyske runeynskripsjes is gjin bewiis, dat de tekst net Frankysk, mar Frysk of Angelsaksysk is. Der hearsket in sekere krampachtigens tsjin de foarm fan runen oer, alteast as it giet om runen út it Westgermaanske taalgebiet, bgl. by de teksten út Ingelân mei in *h*-rune mei in inkele dwersstreek ynstee fan twa, lykas de tekst op it bonkje fan Caistor-by-Norwich (*raihan* of *ræihæn*; om 400 hinne en dêrmei wol de ierste runetekst út Ingelân) of de tekst op de grêfstien fan Sand wich (*ræhæbul*) út de sânde ieu.

De *stan*-runen foar *st* op de langste fan de Westeremder runeynskripsjes binne gjin argumint om de tekst fan de ynskripsje as Angelsaksysk te beskôgjen; it teken kin mei Gysseling (1980b: 17) earder opfette wurde as in oanwizing, dat ûntjouwingen yn it Ingelân fan de achtste ieu noch oan de Friezen trochjûn wurde koene. As wy mei Gysseling de tekst op de kaam fan Amay foar Frankysk hâlde, dan hawwe wy yn de *ac*-rune fan dy ynskripsje in yndikaasje fan of Ingelske of Fryske ynfloed.

Sa likernôch yn deselde tiid as de kaam fan Amay k n, omkeard, de ynfloed fan it Frankysk op it Frysk begûn wêze; sa skriuwt Rösel (1962: 106) oer de foarm foar de 1e pers. sg. ynd. pres. fan it tiidwurd *wesa* 'wêze':

> "Als das Angl. und das Festlandsächs. **bium* bildeten, hat das Fries. nicht daran teilgenommen, sondern vom Frk. her *bim* übernommen. Um die Mitte des 6.Jh.n.Chr. waren die Friesen zum ersten Male nachweislich unter der Oberhoheit der Franken ... "

Nielsen (1981: 125) neamt dizze ferklearring fan it Aldfryske *bim* mei rjocht en reden "no more than pure conjecture".

Nielsen hat yn syn degelike stúdzje út 1981 oer de relaasjes fan it Aldingelsk sjen litten dat -- sjoen fanút it Aldingelsk -- de nauste bannen fan it Aldingelsk dy mei it Aldfrysk binne. Alhoewol't in grut tal Aldingelsk-Aldfryske parallellen -- dy't foar in part mei oare Germaanske talen dield wurde -- neffens Nielsen (1981: 256) út de tiid foar de Angelsaksyske ynvaazje yn Grut-Brittanje stamme (of stamme kinne), binne der nei syn betinken ek parallellen, û.o. tsien mienskiplike fernijingen, dy't wierskynlik nei de Angelsaksyske emigraasje opkommen binne (1981: 256). En dat wiist op in fuortsetting fan de kontakten tusken de talen resp. talen-in-statu-nascendi fan Angelsaksen en Friezen oer de Noardsee hinne.

Noch even in blik yn noardlike rjochting. Philippa hat yn 1981 de mooglike kontakten yn de iere midsieuwen tusken sprekkers fan it Frysk mei Skandinaviërs, yn it bysûnder mei Skandinaviërs oan de Eastsee ûndersocht. Har argumintaasje wie net allinne fan taalkundige aard. Wat de taal oanbelanget kamen trije soarten fan útwurking fan it kontakt oan 'e oarder: 1. leksikale ynfloed fan it Frysk op it Skandinavysk, en dêrneist ek Noardseegermaanske ynfloed op de útspraak fan de oarspronklike felare

konsonanten *g* en *k* foar in palatale fokaal, 2. ynfloed yn beide rjochtingen yn it gefal fan brekkingsferskynsels by fokalen, 3. ynfloed fan it Skandinavysk op it Frysk, dy't him m i s k i e n manifestearret yn it opfallende *-ar*-meartal by maskuline substantiven fan 'e *a*-deklinaasje.

Philippa is yn alle gefal folle foarsichtiger as Rösel dy't, wat it *-ar*-meartal oanbelanget, yn syn al neamde boek oer it ferbân mei it Aldnoardsk skriuwt:

> "Dafür spricht, dass nur in diesen beiden Sprachen der Nom.Mask. von zwei< der mask. o-Dekl. nachgebildet ist und auf *-r* endet: an. *tveir*, afries. *twer*.
> Diese Einwirkung des An. muss nach dem *z*-Abfall erfolgt sein. Man wird an einen späten Einfluss der Dänen denken müssen, denen zur Zeit der späten Karolinger fries. Grafschaften zum Schutz übertragen waren." (Rösel 1962: 108).

Yn in lettere bydrage (1987) lit Philippa sjen, dat it *-ar*-meartal ek op oare wize ferklearre wurden is.[5]

Ien fraach noch. Is der romte foar in "Oerfrysk", in *net oerlevere* faze fan de ûntjouwing tusken Oergermaansk en Aldfrysk, dêr't it Frysk en gjin oare taal as it Frysk op weromgiet? Utgeande fan de ferûnderstelling dat de taal sprutsen yn it gebiet fan de Friezen, de Saksen en Angelen oant de Angelsaksyske ynvaazje fan Ingelân in kontinuüm wie sûnder grutte ynterne ferskillen, kin ik foar in net oerlevere Oerfrysk yn de krekt jûne omskriuwing mar in koart tiidrek fine. De runeoerlevering begjint ommers al yn de sechste ieu, en sa't it der útsjocht mei in tekst mei in typysk Frysk skaaimerk, *a* ynstee fan *au*, yn de posysje foar in nasaal, in posysje dêr't it -- lettere -- Straubinger *Heliand*-fragmint in *o*-stavering hat.

Hie de politike posysje fan it Frysktalige gebiet yn de iere midsieuwen geunstiger west, dan hie it iere Aldfrysk -- sprutsen yn in kontaktsône tusken de noard- en de súdflank fan dat part fan de Germaanske wrâld dat net by de Alpen of yn it Middellânske-see-gebiet lei, sprutsen ek fan in befolking dy't oer it wetter hinne kontakt hie mei oare folken -- útdije kind ta it kommunikaasjemiddel fan de Germaanske wrâld oan de iggen fan Noard- en Eastsee. Fan sa'n funksje fan de taal fan de Friezen yn 'e 8e ieu wie Van Weringh oertsjûge. Yn in publikaasje fan 1984 sitearret hy Halbertsma (1961: 49):

> "Wij achten het zelfs niet uitgesloten dat de taal, waarop het huidige Fries nog stoelt, gedurende een bepaald tijdperk ook buiten het Friesland tussen Zwin en Wezer als algemeen verstane omgangstaal tussen brede groepen van kooplieden en schippers gebezigd werd." (sj. Van Weringh 1984:4)

Noch dúdliker is Van Weringh yn in artikel út 1986:

> "The language from which Old Frisian has developed was spoken not only by the people of Frisia between Sincfal and Weser but by all those merchants and seamen who sailed the North Sea in that period". (1986: 24)

Mei "that period" wurdt neffens de kontekst of de tiid fan de bekearing ta it kristendom (680-780) bedoeld of dy tiid en de ieuwen dy't der direkt oan foarôfgiene.

It iere Aldfrysk hat ferskillendsoartige relaasjes mei de oare Germaanske talen: bydragen oan feroaringen yn it Noardgermaansk, partisipaasjes yn mienskiplike al langer yn de kym bywêzige ûntjouwingen, en ek oername út oanswettende taalmienskippen. In yndikaasje foar it libbene karakter fan it iere Aldfrysk dat kontakten nei alle kanten hie en sels yn faze fan grutte feroaringsprosessen ferkearde, is it feit, dat it mooglik is te striden oer de fraach, oft beskate teksten - de *Heliand* of alteast de Straubinger fragminten en guon runeynskripsjes - al of net Frysk binne.

Foar in rol fan it iere Aldfrysk as algemien kommunikaasjemiddel yn de Germaanske wrâld oan de iggen fan Noard- en Eastsee binne my *gjin bewizen* bekend. It Aldfrysk (it iere Aldfrysk ynbegrepen) hat noch in takomst: in noch better plak yn taalkundige wurken oer it âldere Germaansk of it âldere Westgermaansk as oant no ta. Hjir leit ien fan de taken foar de Frisistyk, mar fansels ek foar de Aldgermanistyk: it Aldfrysk yn de taalkunde fan it Aldgermaansk in plak jaan dat lykweardich is oan dat fan de buortalen Aldsaksysk en Aldingelsk, lykweardich ek oan dat fan it Aldheechdútsk.

NOATEN

1. Te witten, dêr wêr't it giet oer de fraach, oft it Westgermaansk by it sterke tiidwurd neist in partisipium op *-anaz* ek ien op *-inaz* hân hat (1986: 161).
2. Fulk stelt dat de fokaal fan it preteritum weromgiet op *e* + fokaal fan it presens, dus yn it gefal fan tiidwurden mei (germ.) *o* of *au* yn it presens net nwgerm. *eu*, mar (germ.) *e æ resp. eau*; de diftong *eu* soe ta âldfr. *ia, ie* laat hawwe.
3. Yntusken hat Gysseling yn 1980 yn de diskusje oer de *Heliand* ek it Nederfrankysk in plak jûn.
4. Sifers jouwe side en rigele yn Wadsteins edysje oan.
5. De beheinde fersprieding fan *-ar* liket my te wizen op in relikt, dat oan de wenstige lûdûntjouwingen net meidien hat, om't oars in wichtige grammatikale funksje ferlern gien wie; likense net-lûdwettige ferskynsels komme bgl. yn it Aldheechdútsk en it Aldsaksysk foar: *u* hie dêr nei in lange woartelsyllabe ferdwine moatten, mar is as teken fan de ynstr. sg. yn de *a*-deklinaasje ek nei lange woartelsyllabe bleaun en as teken fan de 1e pers. sg. ynd. pres. by it sterke tiidwurd sawol nei lange as ek nei koarte syllabe bywêzich.

LITERATUER:

Århammar, N.R. e.a., eds. 1984 — *Miscellanea Frisica, in nije bondel fryske stúdzjes.* Assen.

Bammesberger, A. 1986 — *Der Aufbau des germanischen Verbalsystems.* Heidelberg.

Bor, A. 1971 — *Word-Groups in the Language of the Skeltana Riucht. A Syntactic Analysis with occasional lexicological observations.* Wageningen.

Buma, W.J. 1970 — "Nije runefynsten". *Philologia Frisica Anno 1969.* Grins. 21-29.

Düwel, K., en Tempel, W.D. 1970 — "Knochenkämme mit Runeninschriften aus Friesland. Mit einer Zusammenstellung aller bekannnten Runenkämme und einem Beitrag zu den friesischen Runeninschriften". *Palaeohistoria* XIV (1968) 353-391.

Fulk, R.D. 1987 — "Reduplicating Verbs and Their Development in Northwest Germanic". *Beiträge zur Geschichte der deutschen Sprache und Literatur (PBB) (Tübingen).* CIX 159-178.

Gysseling, M. 1960 — "Chronologie van enkele klankverschijnselen in het oudste Fries" yn: K. Dykstra e.a., eds. *Fryske stúdzjes oanbean oan Prof. Dr. J.H. Brouwer op syn sechstichste jierdei 23 augustus 1960.* Assen. 77-80.

Gysseling, M. 1962 — "Het oudste Fries" (eerste deel). *It Beaken* XXIV 1-26.

Gysseling, M. 1980a — "Die nordniederländische Herkunft des Helianddichters und des "altsächsischen" Taufgelöbnisses". *Niederdeutsches Jahrbuch* CIII 14-31.

Gysseling, M. 1980b — *Corpus van Middelnederlandse teksten (tot en met het jaar 1300)* II: Literaire handschriften, 1: Fragmenten. Den Haach.

Halbertsma, H. 1961 — "Liudger's erfgoederen". *It Beaken* XXIII 45-51.

Helten, W.L. van 1890 — *Altostfriesische Grammatik.* Ljouwert.

Helten, W. van 1894 — "Zur lexicologie und grammatik des altwestfriesischen". *PBB* XIX 345-440.

Helten, W. van 1896 — "Grammatisches". *PBB* XXI 437-498.

Hofmann, D. 1976 — "Eine friesische Runeninschrift in England". *Us Wurk* XXV 73-76.

Hopper, P.J. 1975 — *The Syntax of the Simple Sentence in Proto-Germanic.* Den Haach & Parys.

Huisman, J.A. 1986 — "Die Straubinger Heliandfragmente als altwestfriesische Übersetzung" yn: H.L. Cox e.a., eds. *wortes anst. verbi gratia. donum natalicium gilbert a.r. de smet.* Leuven & Amersfoort. 227-235.

Korhammer, M. 1980 "Altenglische Dialekte und der *Heliand*". *Anglia* XCVIII 85-94.

Meijering, H.D. 1985 *Chindh uuirdit uns chiboran. Over het woord 'kind' in het oudere Duits*. Amsterdam.

Miedema, H.T.J. 1974 "Dialect en runen van Britsum en de oudste Anglofriese runeninscripties". *Taal en Tongval* XXVI 101-128.

Nielsen, H.F. 1981 *Old English and the Continental Germanic Languages. A Survey of Morphological and Phonological Interrelations*. Innsbruck.

Nielsen, H.F. 1984 "Unaccented vowels in the Frisian runic inscriptions" yn: N.R. Århammar e.a., *Miscellanea Frisica*, 11-19.

Page, R.I. 1973 *An Introduction to English Runes*. London.

Philippa, M.L.A.I. 1982 "Frisa kiltar letu reisa stein ensa ... : taalkundige gevolgen van de 'mercantiele' confrontaties tussen Friezen en Skandinaviërs in de vroege middel- eeuwen". Philologia Frisica Anno 1981. Ljouwert. 40-51.

Philippa, M.L.A.I. 1987 "Het meervoud op *-ar* in het Oudfries" yn: Philippa, *Noord-zeegermaanse ontwikkelingen. Een keur van fonologische, morfologische en syntactische parallellen op Noord- en Noordzeegermaans gebied*. Alblasserdam. 87-108.

Ramat, P. 1967 *Il Frisone. Introduzione allo studio della filologia frisone*. Firenze.

Ramat, P. 1969 *Grammatica dell'antico sassone*. Milano.

Ramat, P. 1976 *Das Friesische. Eine sprachliche und kulturgeschichtliche Einführung*. Innsbruck.

Ramat, P. 1981 *Einführung in das Germanische*. Tübingen.

Rhee, F. van der 1984 "De betekenis van het Oudfries voor de vergelijkende studie van de Oudgermaanse talen" yn: N.R. Århammar e.a., *Miscellanea Frisica*, 47-53.

Rösel, L. 1962 *Die Gliederung der germanischen Sprachen nach dem Zeugnis ihrer Flexionsformen*. Nürnberg.

Rosenfeld, H. 1984 "Die germanischen Runen im Kleinen Schulerloch und auf der Nordendorfer Bügelfibel A". *Zeitschrift für deutsches Altertum und deutsche Literatur* CXIII 159-173.

Seebold, E. 1984 Das System der Personalpronomina in den frühgermanischen Sprachen. Göttingen.

Taeger, B. 1981a "Das Straubinger 'Heliand'-Fragment. Philologische Untersuchungen. II" *PBB (Tübingen)* CIII 402-424.

Taeger, B. 1981b "Heliand". *Die deutsche Literatur des Mittelalters. Verfasserlexikon*, III. 2e pr. Berlyn & New York. 958-971.

Tollenaere, F. de 1987 — Resinsje fan *Chindh uuirdit uns chiboran* troch H.D. Meijering. *Leuvense Bijdragen* LXXVI 205-208.

Wadstein, E., ed. 1899 — *Kleinere altsächsische sprachdenkmäler mit anmerkungen und glossar.* Norden & Leipzig.

Wearinga, J. fon [= J.J. van Weringh] 1986 — "The Heliand and Bernlef". *Michigan Germanic Studies* XII 21-33.

Weringh, J.J. van 1965 — *Heliand and Diatessaron.* Assen.

Weringh, J.J. van 1984 — "De Hêliand en Bernlêf. Van Straubing terug naar Helwerd [De oorsprong van een vroeg-middeleeuwse gospel-story]" yn: K. Sierksma, ed. *Liudger, Bernlêf, Hêliand & het Drie-Koningenverhaal in der Lage Landen taal van het jaar 815.* Muiderberg. 2-16.

NEIPETEAR

N.R. Århammar is it iens mei de fizy fan Hofstra oangeande it Straubinger fragmint, mar fernuveret him deroer dat Hofstra in fraachteken set hat efter it oerâldfrysk of efter de mooglikheid om it oerâldfrysk te rekonstruearjen. Fierders kin de *a* yn *skanamodu* foar it bestean fan Aldfrysk gjin bewiis wêze omdat dy *a* út *au* net eksklusyf Frysk is.
T. Hofstra: ik ha net sein dat der gjin oerfrysk is, mar dat it tiidrek fan it oerfrysk frij beheind wêze moat. As men tinkt oan de ynvaazje fan Brittanje yn it begjin fan de 5e ieu en as men derfan út giet dat dy earste runeynskripsjes yn de 6e ieu op eigen Fryske ûntjouwingen wize, dan bliuwt der noch altyd in ieu oer foar it oerfrysk. Dy *a* yn *skanomodu* is net alhiel in kompas dêr't wy op farre kinne, omdat wy yn it foarste plak net presys witte wêr't dy ynskripsje wei komt. Der binne yndikaasjes yn de rjochting fan Eastfryslân. It soe ek út in oar taalgebiet stamme kinne, mar de tekst wurdt yn it algemien as Frysk of as Ingelsk beskôge. *Skanamodu* kin dus in earste oanwizing foar in ûntjouwing wêze dy't typearjend foar it Frysk is. By it earste ferskil tsjinoer it gehiel kin men lykwols noch net sprekke fan in folslein eigen taal.
H.D. Meijering: jo neame de swakke posysje fan de Fryske filology yn de ferlykjende germanistyk. Soe it net sinfol wêze en nim ris systematysk dy stúdzjes troch dêr't it Aldfrysk net genôch yn achtslein is? Dan soe oanjûn wurde moatte hokker materiaal ûnfolslein is en hoe dêrtroch de hiele diskusje fan dy skriuwers misrûn wêze kin.
T. Hofstra: yn prinsipe is dat in goed besykjen. Op koarte termyn sil dat foar ien man wol lestich wêze. Mar wannear't men by gelegenheid in boek besprekt dat it (West)Germaansk as gehiel beslacht, soe men omtinken jaan kinne oan yn dat boek wol of net behannele aspekten fan it Aldfrysk.
H.D. Meijering: sa út en troch wurdt it Frysk der wol yn behelle, mar dan binne it altiten krekt dy eleminten dy't se brûke kinne.

Ta de nominale ynfinityf yn it Frysk

Drs. W. Visser (Stúdzjerjochting Frysk, Frije Universiteit Amsterdam)

0. Ynliedend

Yn it Frysk binne der ûnderskate mooglikheden om in ferbum om te foarmjen ta in nominale kategory. Dat kin mei it foarheaksel *ge-*, it efterheaksel *-ing* en mei bgl. it ûnproduktive efterheaksel *-st*. Sjoch de neikommende foarbylden:

(1) a. de jongelju sjonge populêre ferskes
b. it *ge*sjong fan populêre ferskes troch de jongelju

(2) a. de foarsitter biedt de skriuwer it earste eksimplaar oan
b. de oanbied*ing* fan it earste eksimplaar oan de skriuwer troch de foarsitter
c. de oanbied*ing* troch de foarsitter fan it earste eksimplaar oan de skriuwer
d. de oanbied*ing* fan it earste eksimplaar troch de foarsitter oan de skriuwer
e. de oanbied*ing* oan de skriuwer troch de foarsitter fan it earste eksimplaar

(3) a. Jan komt
b. de kom*st* fan Jan
c. Jan syn kom*st*

De tiidwurden en de nominalisearre wjergader derfan binne deselde tematyske rollen mei ferbûn, al wurde dy ferskillend realisearre. Yn 'e afoarbylden yn 'e foarm fan in keale NP (nominale konstituint), yn 'e oaren as in PP (ferhâldingswurdkonstituint), mei de ferhâldingswurden *fan*, *oan* en *troch*. Yn it fierdere sil ik oan it slach nominalisearring yn (1) - (3) gjin omtinken mear jaan. It giet my yn dit stik om dy fan it slach yn (4) en (5):

(4) a. de foarsitter biedt de skriuwer it earste eksimplaar oan
b. it oanbied*en* fan it earste eksimplaar oan de skriuwer troch de foarsitter
c. it oanbied*en* oan de skriuwer fan it earste eksimplaar troch de foarsitter
d. it oanbied*en* troch de foarsitter fan it earste eksimplaar oan de skriuwer
e. it oanbied*en* fan it earste eksimplaar troch de foarsitter oan de skriuwer
f. it oanbied*en* oan de skriuwer troch de foarsitter fan it earste eksimplaar

(5) a. de foarsitter biedt de skriuwer it earste eksimplaar oan
b. de skriuwer it earste eksimplaar oanbied*e* (is moai wurk)

Yn Van Haaften et al. (1985) wurde dy twa typen nominale ynfinityf ek ûnderskaat foar it Hollânsk, sûnder dat dat oan 'e foarm fan 'e ynfinityf sels sjen litten wurde koe. It aardige oan it Frysk is no dat dêr de ynfinitiven neffens de foarm net gelyk binne: de iene giet út op *-(j)en*, de oare op *-(j)e*. Tenei sil ik se as ynf-*e* en as ynf-*en* beneame.
Yn 'e grammatika's fan it (Nij)frysk is altyd ynsjoen en opmurken dat ynf-*e* (mear) ferbaal is en ynf-*en* (mear) nominaal. It is krekt as is dy *-n* it uterlike merkteken fan dat nominale.

Yn dit stik wol ik earst yngean op 'bewizen' foar it nominale aard fan ynf-*en* en dan besjen oft der ferskillen yn ôflieding binne tusken ynf-*en* en ynf-*e*. Dêrnei wol ik besjen wat de distribúsje fan 'e beide ynfinitiven is en hoe't dy gearhinget mei de kategoriale status derfan. Dan wol ik neigean watfoar struktuer oft oan 'e ynfinitiven tawiisd wurde kin en wat de gefolgen dêrfan binne foar de realisearring fan it eksterne argumint. Mei twa problemen wurdt ôfsletten.

Ik nim yn dit stik in leksikalistysk stânpunt yn, wat ynhâldt dat ik in strange skieding oannim tusken wurd- en wurdgroepsfoarming. Dêr haw ik twa reden foar: yn 't foarste plak is dat model my it fertroudst en bin ik dus it bêste op 'e hichte fan 'e regels en prinsipen derfan; yn 't oarde plak is it, tinkt my, metodologysk in goed ding en begjin yn in beskaat model te wurkjen en besykje om dat sa konsekwint mooglik te dwaan. Dan komt men fansels oan 'e grinzen. Yn dit stik is dat net oars.

1. 'Bewizen' foar it nominale aard fan ynf-en

Yn it foarste plak kin ynf-*en* in lidwurd (*it* of *in*) of in dêrmei lyk te slaan elemint, in spesifisearder, by him hawwe; dat is in typysk nominale mooglikheid dy't tiidwurden net hawwe.

Yn it oarde plak komt ynf-*en* as predikaatsnomen foar:

(6) a. it wurdt bargebit*en*/*bargebit*e*
b. it is altyd oppassen/*oppasse* mei him
c. it bliuwt ôfwachtsj*en*/*ôfwachtsj*e*

Yn it tredde plak kin ynf-*en* yn posysjes foarkomme, dêr't inkel in nomen stean kin; ik doel op it komplemint fan wurden dy't mjitte en soarte oanjouwe (7a-e) en op beheinde bysettingen (7f):

(7) a. it is in oere fyts*en*/*fyts*e* nei Ljouwert
b. der is in soad ôfwaskj*en*/*ôfwaskj*e*
c. se kamen gauris byinoar foar in potsje skak*en*/*skak*e*
d. dat is in soarte tink*en*/*tink*e* dêr't ik neat fan hawwe moat
e. in dreech eintsje lêz*en*/*lêz*e* wie dat
f. it ûnderdiel staverj*en*/*staverj*e* is net sa populêr

Yn it fjirde plak kin ynf-*en* modifisearre wurde troch in eigenskipswurd, lykas yn:

(8) a. it wred*e* ferstjerr*en*
b. it grim*e* raz*en*
c. it moai*e* boartsj*en*

Dat is alwer in nominale mooglikheid.

2. Ferskillen yn ôflieding tusken ynf-e en ynf-en

Ik soe úthâlde wolle dat it by ynf-*e* om in fleksje-*e* giet en by ynf-*en* om in ôfliedings-*en*. Fleksje feroaret nammentlik de kategory fan it wurd dêr't it op wurket net, mar past dat neffens de foarm oan; by ôflieding kin de kategory al feroarje. It is dúdlik dat ynf-*e* suver ferbaal is en dat ynf-*en* nominale eigenskippen hat en dus net ferbaal (mear) wêze kin. Yn ynf-*en* beskiedt *-(j)en* dan, as kategoriaal haad, de kar fan it lidwurd en de kategoriale status fan 'e ôflieding.

Derivaasje hat lykswols net inkel ynfloed op 'e kategory fan it grûnwurd, yn dit gefal in ferbum, mar kin it ek op 'e san. theta-grid hawwe. Yn dy theta-grid binne de tematyske rollen opslein dy't mei it tiidwurd ferbûn binne. It sil klearrichheid hawwe dat *-(j)en* dy theta-grid fan it tiidwurd net feroaret. At in tiidwurd bgl. mei in tema- en in agensrol ferbûn is, dan komme dy werom yn ynf-*en*, lykas ek yn 'e haadwurden op *ing* (sj. (2)).[1] Jo soenen sizze kinne dat *-(j)en* inkel en allinnich it tiidwurd werkategorisearret.

In affiks is in haad dat syn kategoriale eigenskippen nei boppen ta perkolearret. Neffens Roeper (1987) binne der, wat de tematyske rollen oangiet, trije soarten affiksen: *a*) affiksen mei deselde tematyske rollen as it tiidwurd; *b*) affiksen sûnder tematyske rollen; *c*) affiksen mei tematyske rollen, oars as dy fan it tiidwurd. It efterheaksel *-(j)en* soe dan in affiks sûnder eigen tematyske rollen wêze. Fierders nimt Roeper oan dat de thetagrid 'begjint' op 'e nije kategoriale knoop dy't it affiks kreëarret, dat m.o.w. de grid perkolearret, tagelyk mei de kategoriale eigenskippen. In fan it tiidwurd *(in boek) keapje* ôflate ynf-*en* soenen wy ynearsten sa foarstelle kinne:

(9)



Op 'e kategoriale status fan X kom ik noch werom.

Roeper stelt út dat de ynformaasje fan tiidwurd en affiks perkolearret nei in X^1-knoop, mear sentinsjeel as X°, dy't tsjinst docht as in "'thematic bridge' for the expression of thematic roles". Guon affiksen soenen mar oan it X°-nivo ta perkolearje, wat gefolgen hat foar it tematyske berik. De kompleminten moatte ntl. *c*-kommandearre wurde troch de grid, wol dy se identifisearje kinne. It is foar my de fraach oft krekt dat nivo oannommen wurde moat en oft de grid net oan X^{max} ta perkolearret (sj. fierderop). Roeper syn idee fan 'e trije soarten affiksen en fan perkolaasje nim ik yn begjinsel oer, omdat it my skoan te brûken taliket foar in analyze fan ynf-*en*.

Oant no ta haw ik it inkel hân oer ynf-*en* sûnder kompleminten, de saneamde keale ynfinityf. Yn (9) stiet it komplemint *(fan) boeken*, derby, mar dat kin likegoed weilitten wurde. It liket derop dat ynf-*en* keal foarkomme kin, omdat de tematyske rollen troch it affiks *-(j)en* 'urven' binne en dan meiperkolearje. Dy tematyske grid kin in tematyske PP of NP mooglik meitsje[2]; mar omdat dy opsjoneel binne, kinne de tematyske rollen by ynf-*en* ek ymplisyt bliuwe. Dat de arguminten efter ynf-*en* syntaktysk troch de wei fan PP's en net as keale NP's realisearre wurde (moatte) - lykas wannear't se derfoar steane -, hinget hjirmei gear dat ynf-*en* gjin kasus nei rjochts tawiist (sjoch ek fierderop).

3. De dïstribúsje fan ynf-e en ynf-en

Dit oersjoch is basearre op dat yn Van Haaften et al. (1985). Wêr kinne ynf-*e* en ynf-*en* allgearre foarkomme:

A. de subjektsposysje yn in finite sin

(10) a. Jan seit dat [smoken/smoke] moai wurk is.
b. Jan seit dat [op syn tiid in grouwe segaar smoke/*smoken] moai wurk is
c. *Jan seit dat {it} moai wurk is [smoken/smoke]
d. *Jan seit dat {it} moai wurk is [op syn tiid in grouwe segaar smoke]
e. Jan seit dat [it smoken fan in grouwe segaar] moai wurk is
f. *Jan seit dat {it} moai wurk is [it smoken fan in grouwe segaar]

B. de subjektposysje yn in small clause

(11) a. Jan fynt [smoken/*smoke] wol aardich[3]
b. Jan fynt [op syn tiid in grouwe segaar smoke/*smoken] wol aardich
c. *Jan fynt {it} wol aardich [smoken]
d. *Jan fynt {it} wol aardich [op syn tiid in grouwe segaar smoke]
e. Jan fynt [it smoken fan in grouwe segaar] wol aardich
f. *Jan fynt {it} wol aardich [it smoken fan in grouwe segaar]

C. de objektsposysje by in tiidwurd

(12) a. dat Jan [smoken/*smoke] wol wurdearret[3]
b. dat Jan [op syn tiid in grouwe segaar smoke/*smoken] wol wurdearret.
c. *dat Jan {it} wol wurdearret [smoken]
d. *dat Jan {it} wol wurdearret [op syn tiid in grouwe segaar smoken]
e. dat Jan [it smoken fan in grouwe segaar] wol wurdearret
f. *dat Jan {it} wol wurdearret [it smoken fan in grouwe segaar]

D. de objektsposysje by in adjektyf ('oarsaaklik foarwerp')

(13) a. Jan is [smoken/*smoke] sa sêd as grôt[3]
b. Jan is [alle dagen in grouwe segaar smoke/*smoken] sa sêd as grôt
c. *Jan is {it} sa sêd as grôt [smoken]
d. *Jan is {it} sa sêd as grôt [alle dagen in grouwe segaar smoke]
e. Jan is [it smoken fan grouwe segaren] sa sêd as grôt
f. *Jan is {it} sa sêd as grôt [it smoken fan grouwe segaren]

E. de objektsposysje by in fêst ferhâldingswurd ('ferhâldingswurdfoarwerp')

(14) a. Jan mei wol oer [smoken/*smoke][3]
b. Jan mei wol oer [op syn tiid in grouwe segaar smoke/*smoken]
c. [smoken/smoke] mei Jan wol oer
d. [op syn tiid in grouwe segaar smoke/*smoken] mei Jan wol oer
e. Jan mei wol oer [it smoken fan grouwe segaren]

F. de objektsposysje by in net-fêst ferhâldingswurd ('bywurdlike bepaling')

(15) a. mei [smoken/*smoke] falst wol op[3]
b. [smoken/smoke] falst wol mei op
c. mei [alle dagen in grouwe segaar smoke/*smoken] falst wol op
d. [alle dagen in grouwe segaar smoke/*smoken] falst wol mei op
e. mei [it smoken fan grouwe segaren] falst wol op

Oan (10)-(15) docht bliken dat de twa typen nominale ynfinityf yn in NP-posysje foarkomme moatte of oars sein: se meie net yn in net-NP-posysje foarkomme.

Yn dy gefallen dat de nominale ynfinityf yn 't foar oankundige of werhelle wurdt troch *it* (of *der*), kin er bûten dy NP-posysje foarkomme. Van Haaften et al. (1985) en De Haan (1986) hawwe der al op wiisd dat dy saneamde 'dislokaasje' in gefal op himsels is en hjir net as argumint foar in ôflieding mei ekstraposysje brûkt wurde mei. Foar de nominale ynfinityf moat dan altyd in swier komma-skoft komme (sjoch ek (21)).

Yn 'e regel wurde *finite* sinnen en *om te plus ynfinityf*-sinnen út 'e basisposysje lofts fan it tiidwurd wei nei rjochts ekstraponearre. Dat liket my ferplichte te wêzen. Ekstraposysje by in nominale ynfinityf is net mooglik, likemin as by in 'reguliere' NP. Dêrom kin men sizze dat de nominale ynfinityf him nei bûten út as in NP hâldt en draacht, sjoch De Haan (1986).

Wêrom moat in finite sin ekstraponearre wurde en in NP net? Stowell (1981) giet derfan út dat in sin (S') in tiids-operator hat en dat sa'n tiidsoperator in folle proposysje, in subjekt-predikaat-ferbining, brek is om op te operearjen. In *om te plus ynfinityf*-sin moat dan in abstrakte tiidsoperator hawwe.[4]

In NP hat gjin tiidsoperator. No komt Stowell wat kasustawizing oangiet ta de neifolgjende generalisaasje:

(16) [-N]-kategoryen (V en P) wize kasus ta[5]
[+N]-kategoryen (N en A) krije kasus

Hy formulearret dan syn *Case-Resistance Principle*:

(17) Case may not be assigned to a category bearing a Case-assigning feature (Stowell (1981:146))

Omdat [+Tense] in kasustawizend feature is by Stowell, mei in kategory mei [+Tense] net yn in kasusposysje stean (bliuwe). In finite sin hat neffens Stowell dizze gearstalling yn features: [+N, -V, +Tense, +Past] en in NP [+N, -V, -Tense, ---] en dêrmei ferklearret er dat de earste al ekstraponearre wêze moat, mar de twadde net. Wy moatte der dan, sa't liket, ek fan útgean dat it spoar dy kasus net trochjaan kin oan in net-NP-posysje, c.q. in adjunksjeposysje.

Hoekstra (1984:88) hâldt út dat S [-N, +V] is, at INFL ek [-N, +V] is, omdat neffens him V° en INFL gearrane moatte. Hy komt ta de *Unlike Category Condition*:

(18) At S-structure, no element of [N, ßV] may govern a projection of [N, ßV] (Hoekstra (1984:85))[6]

Van Riemsdijk (1986) komt mei in *unlike feature constraint*. Ik soe dizze trije opsjes ynearsten beskôgje wolle as technyske útwurkingen fan ien en itselde grûnidee. It is neffens my sa dat op sa'n foet it ferskil yn distribúsje tusken in S' en in NP op net-ad hoc-wize ferklearre en/of ferantwurde wurde kin, omdat sokke prinsipen net inkel foar dy twa gefallen oannommen wurde.

Hjirfoar haw ik al oanjûn dat ynf-*en* nominaal is; men ferwachtet dan dat er kasus drage kinne moat. Dat liket sa op it earste each de reden te wêzen dat er as keale ynfinityf as it komplemint fan in ferhâldingswurd ferskine moat en dat de keale ynf-*e* dêr útsletten is, sj. ek De Haan (1984:48), derfan útgeande dat dy in suver ferbaal haad hat.

At ynf-*en* en ynf-*e* lykswols beide yn NP-posysjes foarkomme moatte, dan soe men winliks ferwachtsje dat de keale nominale ynfinitiven ek deselde distribúsje hienen. Nei in ferhâldingswurd is dat sa net (sj. (14a) en (15a)) en likemin wannear't de keale nominale ynfinityf yn it direkte berik fan in oare leksikale kasustawizer is (sj. (11a), (12a) en (13a); sjoch ek noat 3).

De reden dat ynf-*en* dêr inkel foarkomme kin, liket yn it prinsipe ûnder (17) te lizzen. Omdat ynf-*e* in [-N]-kategory is, mei er gjin kasus drage. Sin (10a) liket fanditoangeande problematysk te wêzen, omdat ynf-*e* dêr nominatyfkasus, tawiisd troch AGR, liket te dragen. It neifolgjende kin opmurken wurde: keale ynf-*e* kin inkel foarkomme op net-leksikaal regearre posysjes. d.w.s. it subjektsplak en it topikalisaasjeplak (sjoch (14c) en (15b)).

Foar dy gefallen kinne wy oannimme dat ynf-*e* yn in basisgenerearre loftsdiskolaasjeposysje stiet en in leech pronomen yn Comp-posysje bynt, dat dêr troch wh-ferpleatsing kommen is; (14c) soe dan dizze struktuer oan jûn wurde kinne:

(19) $\left\{\begin{matrix}\text{smoken}\\ \text{smoke}\end{matrix}\right\}$ $\left\{\begin{matrix}[\text{dêr}]_i\\ [\text{NP/pro}]_i\end{matrix}\right\}$ mei Jan wol oer e_i

(cf. De Haan (1984:48))

Men soe dan ferwachtsje dat bgl. (12a) ek in dûbele fariant mei foarop pleatste ynf-*e* en ynf-*en* hat. Dat liket ek út te kommen:

(20) $\left\{\begin{matrix}\text{smoken}\\ \text{smoke}\end{matrix}\right\}$ [dat$_i$/pro$_i$] kin Jan wol e_i wurdearje

Men ferwachtet dan dat ynf-*e* en ynf-*en* ek njonkeninoar foarkomme kinne yn 'e rjochtsdislokaasjeposysje, in net-kasusposysje. En dat liket ek út te kommen:

(21) a. dat Jan [smoken/*smoke] wol wurdearret
b. dat Jan it wol wurdearret, [smoken/smoke]

Likegoed ferwachtet men dat yn passive sinnen ynf-*e* en ynf-*en* allebeide ûnderlizzend foarkomme kinne, omdat se dan yn in posysje steane dêr't gjin kasus oan tawiisd wurdt en nei in nominatyfkasusposysje ferpleatst wurde:

(22) a. dat Jan [smoken/*smoke] aardich fynt
b. [smoken/smoke]$_i$ wurdt troch Jan t_i aardich fûn
c. dat Jan [smoken/*smoke] wol wurdearret
d. [smoken/smoke]$_i$ wurdt troch Jan wol t_i wurdearre[7]

It moat dan sa wol wêze dat nominatyfkasus in oar slach kasus is as objektyf- en datyfkasus, omdat it it haad net berikke kinne hoecht, sa't te sjen is oan ynf-*e*. Dat moat dan wol gearhingje mei de net-leksikale kategory dy't it tawiist. It is krekt as is dizze kasus 'minder sterk' en 'giet er minder djip', is er mear 'oerflakkich', basearre op 'e kongruinsje tusken AGR, finyt tiidwurd en de subjekts-NP. Bennis (1986:150) seit: "it seems to be clear that agreement in Dutch is determined by Case only. If there is a nominative NP in the sentence it agrees with the finite verb". En Borer (1986) seit dat in NP dy't net mei it finite tiidwurd kongruearret gjin nominatyfkasus drage kin.

De gefallen (19), (20) en (21) wurde no problematysk, liket it. At de lofts- en rjochtsdislokaasjeposysje net-regearre en dus net-kasusposysjes binne, hoe kin ynf-*en* dêr dan stean (bliuwe) en it kasusfilter net skeine, dat easket dat elke leksikale NP (abstrakte) kasus hawwe moat? At wy oannimme dat it kasusfilter allinne mar wat te sizzen hat oer NP's yn regearre posysjes, dan is der gjin probleem en kin ynf-*en*, lykop mei oare leksikale NP's, op 'e dislokaasjeposysje stean.

Lichtwol kin dizze eigenskip fan ynf-*en* ek yn ferbân brocht wurde mei de kategoriale status derfan. Fierderop hoopje ik oannimlik te meitsjen dat ynf-*en* [[+N][+V]] is, tagelyk in neutralisearre nomen en ferbum. Op grûn fan [+N] moat it kasus tawiisd krije, op grûn fan [+V] moat it kasus tawize. Neffens it prinsipe ûnder (17) kin ien en deselde kategory nea beide eigenskippen tagelyk hawwe. Ynf-*en* wynt him dêrom foar it kasusfilter wei, wat fan dy gefolgen is dat er yn alle regearre NP-posysjes foarkomme kin, sjoch

(11a), (12a), (13a), (14a) en (15a). Dy twa mooglike ferklearringen soenen inoar net oai oanfolje kinne. De ferklearring hjirfoar oer it nominale haad, dat kasus drage moat, giet dan fansels net (mear) op.

Oan in sin as (11b) is te sjen dat ynf-*e* al foarkomme kin op in leksikaal regearre plak, sagau't der leksikale objekten en bepalingen by steane. Ynf-*en* is dan útsletten of it lidwurd *it* moat der by. Inkel de keale ynf-*en* mei sûnder lidwurd foarkomme; at der kompleminten of bepalingen by steane, kin dat net mear. Dat suggerearret in beskate korrelaasje tusken lidwurd en kompleminten/bepalingen. Foar dizze twa ferskynsels haw ik gjin goede ferklearring; ik gean der hjir fierders net op yn.

4. De ynterne struktuer fan ynf-e

Ynf-*e* hat in ferbaal haad. Dan ferwachtet men dat de tematyske rollen op in ferbale wize yn grammatikale relaasjes útdrukt wurde kinne, d.w.s. as keale NP's lofts fan it haad. Foar it tema- en it doel-argumint kin ik dat, om 'e romte, net sjen litte. Ik woe besjen hoe't it agens-argumint stal krijt en wat ús dat sizze kin oer de ynterne struktuer fan ynf-*e*.

It agens-argumint kin syntaktysk net realisearre wurde as in subjekt yn 'e foarm fan in keale NP of in *troch-PP*:

(23) a. **de foarsitter* de skriuwer it earste eksimplaar oanbiede
b. **troch de foarsitter* de skriuwer it earste eksimplaar oanbiede
c. *de skriuwer it earste eksimplaar oanbiede *troch de foarsitter*

Yn (23b, c) kin *troch de foarsitter* fungearje as in bywurdlike bepaling fan middel; de sinnen binne dan grammatikaal. It giet derom dat de agens-rol net troch in leksikaal subjekt útdrukt wurde kin.

My tinkt, dat kin ferklearre wurde mei it kasusfilter. Omdat ynf-*e* in ynfinite foarm is, kin der gjin kongruinsje mei it subjekt wêze en kin oan 'e subjektsposysje gjin nominatyfkasus tawiisd wurde. Sin (23b, c) soe dan grammatikaal wêze moatte, omdat *de foarsitter* dêr kasus krijt fan *troch*. Mar, tiidwurden identifisearje har arguminten kwa tematyske rol net troch de wei fan preposysjes, oars as haadwurden. Dêrom kin *troch de foarsitter* yn (23b, c) net as agens ynterpretearre wurde.

Dochs moat yn ynf-*e* it agens-argumint der wêze. De iennichste kandidaat om dat stal te jaan liket my de pronominale anafoar PRO te wêzen, dy't net regearre wurde mei en gjin kasus drage mei. Dat der in agens-subjekt wêze moat, is te sjen oan:

1. saneamde 'agens oriented' bywurden

(24) a. [*mei sin* de boel bedjerre] liket nearne nei
b. [*willemoeds* net komme] moat straft wurde
c. [*bewust* de ôfhanneling opkeare] set kwea bloed

PRO krijt syn ynterpretaasje fia kontrôle troch in *c*-kommandearjende NP; omdat dy der yn 'e sinnen ûnder (24) net is, wurdt it arbitrêr ynterpretearre as 'de lju', 'de minsken'.

2. saneamde 'bûne anafoaren'

(25) a. [*him* earne foar skamje] (dat) hat er noch noait dien
b. [*jin* alle dagen waskje] is in goed ding
c. [*inoar* de moaie baantsjes taspylje] liket nearne nei
d. [*har* ris goed fermeitsje] (dêr) hie se sin oan

In bûne anafoar moat bûn wêze yn syn regearjende kategory; PRO is yn (25) de iennichste kandidaat om te binen.

It hat der alles fan dat de ynf-*e* in gewoane sin is. Mar dan wurdt it hiel slim om te ferklearjen wêrom oft er net ekstraponearre wêze moat, lykas in oare sin (S').

De Haan (1986) wiist derop dat it feit dat der gjin leksikaal subjekt mooglik is en it missen fan in ûnôfhinklike tiidsoantsjutting it oannimlik meitsje dat ynf-*e* de kategory INFL net hat, in skaaimerkekompleks mei ynformaasje oer tiid en kongruinsje. Dat yn ynf-*e* de komplemintearder *om* ek net foarkomme kin, wiist op 'e ôfwêzigens fan it hiele Comp/INFL-kompleks.

Stowell (1982) makket oannimlik dat yn it Ingelsk gerunds ek gjin Comp-posysje hawwe, mar al in sinstruktuer. De 'begrepen' tiid fan in gerund wurdt folslein fan bûten ôf beskaat troch dy fan 'e matrikssin; yntern wurdt fandatoangeande neat fêststeld. Elke sin hat in tiidsoperator; dy is de Comp-posysje brek op it nivo fan 'e logyske foarm, omdat er dêrút wei berik hat oer de sin. At in gerund no gjin Comp-posysje hat, kin de tiidsoperator ek net funksjonearje en effekt hawwe.

Foar ynf-*e* soe 'k dy riddenaasje oernimme wolle. Ferlykje de neifolgjende sinnen:

(26) a. [*doe* lilk wurde] *joech* gjin pas
b. [*no* lilk wurde] *jout* gjin pas
c. [*letter* lilk wurde] *jout* gjin pas
d. *[*doe/juster* lilk wurde] *jout* gjin pas
e. dat er *doe/juster* lilk waard, *jout* gjin pas

It ferskil tusken (26d) en (26e) is te ferklearjen, meidat de finite sin yn (26e) àl syn eigen ûnôfhinklike tiid hat en ynf-*e* yn (26d) net.[8]

Foar ynf-*e* kinne dan de neikommende struktueren útsteld wurde:

(27) a. [S' [S ... ynf-*e*]]
b. [S' ... ynf-*e*]

De Haan (1986) lit sjen dat der neat út ynf-*e* wei helle wurde mei, bgl. troch de wei fan wh-ferpleatsing, wat wiist op in sin sûnder Comp-posysje, dy't oars as in 'stapstien' foar de ferpleatsing fungearje koe. Omdat ik derfan útgean dat yn it Frysk S, en net S', as in binende knoop telt foar subjasinsje, soe struktuer (27a) foarsizze dat der neat út ynf-*e* wei helle wurde kin, om-

dat dêrby twa binende knopen, twa S'en, yn ien kear passearre wurde moasten, wat it subjasinsjeprinsipe ferbiedt.

Mar, wêrom hat ynf-*e* dan net dizze struktuer:

(28) [S ... ynf-*e*]

At S' der net wie, soe ynf-*e* net frij mear wêze fan regearjen fan bûten ôf - S' is in absolute barrière foar regearjen - en soe PRO, ûnder de standertassumpsjes, net ferskine meie, en dy binne wy àl nedich. No soe pro (lytse pro), dy't àl kasus drage kin, it wurk fan PRO ek dwaan kinne. Mar, dan kin men wer net ferklearje wêrom oft der njonken pro net in leksikaal subjekt ferskine kin. Dêrom bliuw ik ynearsten by struktuer (27a).

Ik nim dan oan dat ynf-*e* in 'mankearre' sin is, ntl. ien sûnder Comp/INFL-posysje, m.o.w. ien sûnder haad.[9] Funksjoneel besjoen soe men it missen fan Comp/INFL as in earste stap fan it ferbale ôf en nei it nominale ta besjen kinne. Yn ynf-*e* kinne *agreement* en *tiid*, twa typysk ferbale morfologyske kategoryen, dan ek net aktualisearre wurde.

5. Ynterne struktuer ynf-en

Wy hawwe yn 1. en 3. al sjoen dat de keale ynf-*en*, wat de pleatsingsmooglikheden oangiet, him nei bûten út nominaal hâldt en draacht. Men ferwachtet dan dat de tematyske rollen op in nominale wize yn grammatikale relaasjes útdrukt wurde moatte. Dat hâldt yn dat 1) de arguminten opsjoneel binne, omdat alle arguminten by N opsjoneel binne, y.t.t. dy by in ferbum, Higginbotham (1983:415) en dat 2) de tematyske rollen fan 'e kompleminten troch de wei fan preposysjes identifisearre wurde, mei foar ferskillende rollen yn 'e regel ferskillende preposysjes (idem, 216). En dat komt ek út, foar in part. Ik wol no earst wer besjen hoe't de agensrol grammatikaal stal jûn wurdt en dan wat sizze oer de ynterne struktuer fan ynf-*en*.

It agens-argumint kin yn 'e foarm fan in *troch-PP*, in *fan-PP*, in *besitlik foarnamwurd* of in *nomen yn 'e genityf* ferskine:

(29) a. *it *de foarsitter* oanbieden (fan it earste eksimplaar)
b. *syn* oanbieden (fan it earste eksimplaar)
c. *de foarsitter syn* oanbieden (fan it earste eksimplaar)
d. it oanbieden *fan de foarsitter* (gong net sa't ôfpraat wie)
e. it oanbieden (fan it earste eksimplaar) *troch de foarsitter*
f. *it troch de foarsitter* oanbieden (fan it earste eksimplaar)
g. it oanbieden *troch de foarsitter* (fan it earste eksimplaar)

It giet by it agens-argumint om de saneamde eksterne tematyske rol, dy't syntaktysk net yn it direkte berik fan V, it regeardomein, realisearre wurdt, mar op it spesifiseardersplak fan V^3 (=S). It subjektsplak is ek de iennich-

ste posysje dy't syn kasus fan in oar plak ôf krijt as de tematyske rol. Der kinne dan ek ûnderskate tematyske rollen mei assosjearre wurde: agens, tema, experienced (Booij en Van Haaften (1987:423)), wat wer wiist op it aparte fan nominatyfkasus.

Omdat ynf-*en* gjin INFL hat, kin der gjin nominatyfkasus útdield wurde; *de foarsitter* yn (29a) kin inkel datyfkasus krije. De iennichste kasus dy't in NP yn 'e spesifisearder sposysje by in nomen krije kin, is genityfkasus. Dat sjogge wy dan ek yn (29b, c).[10] Omdat de spesifisearder sposysje net yn it regeardomein fan it haad sit, kin in preposysje de theta-rol net identifisearje.

Yn in sin kin de agens-rol nea yn it direkte regeardomein fan V realisearre wurde, omdat de nominatyfkasus, dy't him sichtber meitsje moat, dêr net tawiisd wurde kin. By ynf-*en* is dat net oan 'e oarder, omdat de arguminten dêr kwa tematyske rol troch de preposysje identifisearre wurde, dêr't de argumints-NP ek kasus fan krijt. Dan moatte se al yn it regeardomein fan it haad sitte. Dat sjogge wy dan ek yn (29d-g). De agens-rol kin identifisearre wurde troch de preposysje *troch* en troch de preposysje *fan*, mar dan mei der net tagelyk ek noch in tema wêze dat troch *fan* identifisearre wurdt. Merk op dat de agens-PP yn in passive sin yn it Frysk ek mei *troch* en *fan* oanjûn wurde kin. It is dus sa dat der by ynf-*en* net in fêste ferhâlding is tusken de agens-rol en de syntaktyske realisearring dêrfan. Ik haw besocht om oannimlik te meitsjen dat dat komt omdat it hjirby om 'e eksterne theta-rol giet.

Hjirfoar haw ik opmurken dat de realisearring fan 'e arguminten by in nominaal haad net ferplichte is, dat dy m.o.w. syntaktysk ûnderdrukt wurde kin. Dat is by ynf-*en* ek sa. In sin as

(30) it oanbieden fan it earste eksimplaar (wie in hiel o-heden)

is grammatikaal. Dochs is der dan noch wol in ymplisite agens oanwêzich, sa't bliken docht oan:

1. saneamde 'agens oriented' bywurden:

(31) a. [it *mei sin* bedjerren fan de stimming] liket nearne nei
b. [it *willemoeds* net kommen] moat straft wurde
c. [it *bewust* opkearen fan de ôfhanneling] set kwea bloed

2. saneamde 'bûne anafoaren':

(32) a. [dat *jin* alle dagen wer waskjen] begjint wolris te ferfelen
b. [it/syn *him* ferrykjen op kosten fan in oar] hat er fan gjin frjemd
c. [it *inoar* de moaie baantsjes taspyljen] is in skandaal

De fraach is wêr't de anafoaren yn (32) troch bûn wurde. Ik sil derfan útgean dat de spesifisearder û.o. in PRO befettet, yn neifolging fan Roeper (1987:290 e.f.), al is dy oannimming net sûnder problemen. Sjoch foar krityk op dy opfetting û.o. Williams (1987).

Besjocht men it hâlden en dragen fan ynf-*en*, dan docht bliken dat er likegoed nominale as ferbale eigenskippen hat, wat foar de soartgelikense nominale ynfinityf yn it Hollânsk (ntl. dy mei *het*) ek wiidweidich sjen litten is yn û.o. Dik (1985). Hy besjocht dy ynfinityf as in gefal fan in oergong fan it ferbale nei it nominale ta dy't net foar hûndert persint syn beslach krijt.

It liket der dus op dat mei ynf-*en* tagelyk in ferbale en in nominale projeksje realisearre wurde. Yn Van Haaften et al. (1985:76) wurdt foar de Hollânske *het*-ynfinityf de neifolgjende struktuer foarslein:

(33)



Sa'n struktuer is wat frjemd, omdat $[-V,+N]^{max}$ winliks gjin haad hat of dat soe de maksimale projeksje dêrûnder wêze moatte, wat op syn minst like frjemd is; de struktuer is m.o.w. eksosintrysk. Fierders is it net dúdlik hoe't yn (33) $[+V,+N]^{\circ}$ te ûnderskieden is fan in adjektyf, dêr't it wat syntaktyske features oangiet gelyk oan is.

It giet by ynf-*en* net om in 'suver' nomen; typysk nominale eigenskippen lykas meartal en ferlytsing[11] hat er net en hy kin ek net yn gearstallingen foarkomme. Likemin is der de mooglikheid fan ferbale fleksje. Ik soe no úthâlde wolle dat it by ynf-*en* om in kategory giet dy't bestiet út dizze features: [[+V][+N]]. It giet om twa 'neutralisearre', net-folsleine, netsuvere kategoryen: [+V] en [+N]. In wier ferbum is [+V,-N], in wier nomen [+N,-V]. Omdat neffens Van Haaften et al. (1985:71) de +-wearde fan V en N de rjochting fan regearjen beskiedt (+V regearret nei lofts, +N nei rjochts) – wat ik foar it Frysk oernim – is dan it feit te ferklearjen dat oan 'e kompleminten by ynf-*en* op twadderlei wize stal jûn wurde kin: lofts fan it haad op in ferbale wize (as NP), rjochts op in nominalen-ien (as PP).

Yn 2. haw ik besocht om oannimlik te meitsjen dat ynf-*en* fan V ôflaat wurdt troch de wei fan ôflieding. Yn (9) haw ik in op Roeper (1987) basearre earste útstel foar de struktuer dien, sûnder my noch út te litten oer de kategoriale status. No soe ik dy der by jaan kinne. De struktuer fan ynf-*en* soe 'k dan ynearsten sa represintearje wolle (mei itselde tiidwurd as foarbyld as dat fan (9)):

(34)



Yn (34) gean ik út fan 'e universele hypoteze fan trije (projeksje)nivo's[12]; boppedat nim ik oan dat de theta-grid mei perkolearret, lykas de kategoriale ynformaasje, hielendal nei X^{max} ta.

It grutte gefaar fan sokke riddenaasjes is de sirkelgong dêr't jo yn ferfalle kinne; op grûn fan 'e observaasje beslute jo (foarearst) ta (34) en (34) 'ferklearret' dan de observaasjes wer. In 'ferklearring' komt dan licht te gau; observasjoneel doocht it wol, mar ferklearjend is it allegearre net. Omdat it lykwols om gâns, ûnlyksoartige, observaasjes giet, - dy't ik hjir net behannelje koe -, stiet (34) mooglik wat sterker. Mar, wat ûnôfhinklike evidinsje dat sa'n struktuer überhaupt mooglik is, wie net wei. Boppedat is de teoretyske status fan neutralisearre kategoryen net sa helder, wat makket dat men (34) net sa goed hifkje kin.

6. Foarsizzingen en problemen

Ik haw yn it foarôfgeande in útstel dien foar in analyze fan ynf-*e* as in 'mankearre' sin en fan ynf-*en* as in leksikaal ôflate neutralisaasjekategory. Wy sille no sjen nei twa problemen dêr't oan bliken dwaan sil dat dêr grutte, suver net oer te kommen, problemen mei anneks binne.

6.1. Passive konstellaasjes (sj. ek Hoekstra/Wehrmann (1986:262-265))

Besjoch de neifolgjende foarbylden:

(35) a. slein wurde (is net noflik)
b. slein wurde troch jins heit (is net noflik)
c. *slein wurden (is net noflik)
d. it slein wurden (is net noflik)
e. it slein wurden troch jins heit (is net noflik)[13]

It giet hjir om in passive konstruksje. Karakteristyk dêrfoar is, yn 'e standertanalyze, dat it tiidwurd gjin theta-rol (mear) oan it subjekt tawiist en gjin kasus oan it objekt (fia de saneamde Burzio-generalisaasje). It subjekt moat dan, wol it útdrukt wurde kinne, troch it ferhâldingswurd *fan/troch* identifisearre wurde yn oparbeidzjen mei it suffiks fan it mulwurd, dat de eksterne theta-rol absorbearret. It subjekt krijt dan ek kasus fan *fan/troch* fansels. It objekt moat nei in kasusposysje ferpleatst wurde. Omdat it partisipium gjin tempus útdrukke kin, moat in helptiidwurd de tempus stal jaan. Sa't te sjen is oan in sin lykas *it gers moat meand / it lân sil ferkavele* hoecht dat net perfoarst in foarm fan *wurde/wêze* te wêzen. Omdat ynf-*e* noch ynf-*en* tempus útdrukke, fetsje ik it foarkommen fan *wurde/wurden* yn (35) op as suver en allinnich in oantsjutting fan 'e passive konstellaasje. Dat is fan dy gefolgen dat der gjin nominatyf-kasus tawiisd wurde kin; in sin as *de jonge slein wurde troch syn heit (is net noflik)* is ûngrammatikaal foar de grammatikale sin *de jonge wurdt slein troch syn heit* oer.

Omdat der gjin nominatyf-kasus tawiisd wurde kin, kin PRO ferskine. In ûnderlizzend leksikaal objekt is ûnmooglik; dat soe ommers ferpleatst wurde moatte nei in kasusposysje, de subjektsposysje, mar wy hawwe al sjoen dat nominatyf-kasus net foar hannen is. PRO is hjir dan ek net de drager fan 'e agens-rol, sjoch (35b), mar fungearret as haad fan in keatling mei de tematyske rol fan tema. It korrespondearret mei in lege NP yn objektsposysje. De struktuer fan (35a,b) kin skematysk werjûn wurde lykas yn (36):

(36) $\begin{bmatrix} PRO_i \\ Th \end{bmatrix}$ $\begin{bmatrix} NP & e \\ Th & \end{bmatrix}_i$ V - pass ynf-*e* ([troch NP])

Wannear't wy it suffiks fan it partisipium as de drager/biner fan 'e agens-rol beskôgje, kin (36) 'oanfolle' wurde ta (37):

(37) $\begin{bmatrix} PRO_i \\ Th \end{bmatrix}$ $\begin{bmatrix} NP & e \\ Th & \end{bmatrix}_i$ V - pass ynf-*e* ($\begin{bmatrix} \text{troch NP} \\ Ag \end{bmatrix}$)]
Th Ag

It tema-argumint moat dan by de passive ynf-*e* wol in algemiene, ûnbeskate ynterpretaasje krije.

Oan 'e sinnen (35d,e) soe dan de neikommende skematyske struktuer jûn wurde kinne:

(38) $\begin{bmatrix} det/PRO_i & \begin{bmatrix} NP & e \\ Th & \end{bmatrix}_i \\ Th & \end{bmatrix}$ V - pass ynf-*en* ($\begin{bmatrix} \text{troch NP} \\ Ag \end{bmatrix}$)
Th Ag ThAg

In dielstruktuer foar de kombinaasje 'V-pass ynf-*en*' kin der sa útsjen:

(39)



Ik gean der dêrby fan út dat *wurde* yn 'e passive konstellaasje gjin eigen theta-grid hat, mar inkel de tempus yn 'e sin bringe moat. Omdat *-(j)en* ek gjin theta-grid hat, kin de lege grid fan ynf-*en* net earder folle wurde as wannear't der in kombinaasje fan *V-pass* mei ynf-*en* ûntstiet. Dan earst kin it suffiks de dielde theta-grid fan *V*, it *passive suffiks* en *wurd* ervje. Dit liket dan op in soarte fan syntaktyske wurdfoarming, ferl. Hoekstra (1984: 280/281) foar in soartgelikens útstel wat de folsleine tiid yn it Hollânsk oangiet.[14] Op himsels is sa'n soarte fan wurdfoarming net yn 't lyk te bringen mei in leksikalistysk útgongspunt, mar mooglik kin it ûnder in soarte fan werstrukturearring beflapt wurde.

Omdat *V-pass* gjin objektyfkasus tawiist en *wurde* dat neffens my likemin docht, der is alteast neat dat dêrop wiist, kin it tema-argumint net as NP foar V-pass ferskine; noch is der de mooglikheid fan nominatyfkasus yn ynf-*en*, oars as yn in finite sin. In sin as *it de bern slein wurden troch de âlden (is in min ding)* is dêrom ûngrammatikaal. Sa net, by ynf-*en* kin it tema-argumint yn in passive konstellaasje op in oare wize oan kasus komme, ntl. troch ferpleatsing nei de spesifiseardersposysje (dêr't it genityfkasus krijt) of troch ferpleatsing nei efteren (dêr't it fan 'e ynfoege preposysje *fan* kasus krijt). Dy ferpleatsing wurdt troch it kasusfilter ôftwongen. Myn teory (oant no ta) foarseit dat de neifolgjende sinnen grammatikaal wêze moatte:

(40) a. it slein wurden *fan de bern* (troch de âlden)
b. *de bern har* slein wurden (troch de âlden)
c. *har* slein wurden (troch de âlden)
d. it al of net tapast wêzen *fan de regel* (docht bliken oan de *d* of *t*)

Al hearre sokke sinnen jin mooglik wat nuver oan – se binne my ek net alle dagen yn 'e wei – se kinne der by my op troch, oars as de sin fuort boppe (40).

De fraach wêrom't (35c) ûngrammatikaal is, is noch net behannele. Dat gefal stiet net op himsels en slacht net inkel op 'e passive konstellaasje, sa't bliken docht oan 'e sinnen ûnder (41):

(41) a. wûn hawwe (is noflik)
b. *wûn hawwen (is noflik)
c. it wûn hawwen (is noflik)

In ferklearring derfoar haw ik net; mar ik soe in ferbân sykje wolle mei de ûngrammatikaliteit fan *alle dagen in grouwe segaar smoken* foar de grammatikaliteit fan *it alle dagen in grouwe segaar smoken* oer. Hoe't dat krekt moatte soe, gean ik hjir net op yn.

6.2. V-raising (sj. ek Van Haaften et al. (1985:96/97))

Ien fan 'e grutste swierrichheden foar myn analyze binne de gefallen fan V-raising (VR). Besjoch de foarbylden ûnder (42):

(42) a. dat ik in hôf oanlis in hôf oanlizze (is moai wurk)
it in hôf oanlizzen (is moai wurk)
it oanlizzen fan in hôf (is moai wurk)
b. dat ik in hôf oanlizze wol
in hôf oanlizze wolle (freget geduld)
it in hôf oanlizzen wollen (freget geduld)
it oanlizze wollen fan in hôf (freget geduld)

Troch VR wurde de twa tiidwurden *oanlizze* en *wolle* ta ien kloft, wat altyd mei û.o. in nominalisaasje lykas *it oanlizze wollen* 'bewiisd' is. De NP *in hôf* wurdt dêrmei it direkt objekt fan it kompleks *(it) oanlizze wolle(n).*

De fraach is hoe't VR syn beslach krijt. Yn De Haan (1987) wurdt, yn neifolging fan Evers (1982), oannommen dat it dêrby om in transformasjonele regel fan it formaat 'move ' giet. Yn Haegeman en Van Riemsdijk (1986) wurdt in analyze mei werstrukturearring foarslein, dy't twa adjasinte tiidwurden werynterpretearret en -strukturearret as ien (kompleks) tiidwurd. Hoe't dat ek wêze mei, beide kearen moat dy 'ferklofting' fan 'e tiidwurden yn 'e syntaksis syn beslach krije.

Dan is der in probleem mei ynf-*en*. Ynf-*e* is in 'mankearre' *sin* en it leit yn 'e reden dat it tiidwurd dêrfan 'ferkloftsje' kin. By ynf-*en*, mei it direkt objekt der as NP foar, is der ek neat te rêden. Mar de sin *it oanlizze wollen fan in hôf* is yn myn analyze in grut probleem. *(it) wollen* is leksikaal ôflaat fan *wol(le)* en kin as komplemint de sin *in hôf oanlizze* nimme, wat *it in hôf oanlizze wollen* opsmyt. Wat lykswols ek hiel goed kin, is *it oanlizze wollen fan in hôf.* It liket der dan op, dat *oanlizze* en *wollen* earst in kloft wurden binne, omdat de mooglikheid fan in *fan-NP* derefter by ynf-*en* heart, i.c. *wollen*, en net by *oanlizze.* En, *oanlizze* en *wollen* binne yn dizze analyze adjasint. Hoekstra (1984:108) seit ntl. dat oaren al obstrewearre hawwe dat VR oer 't generaal ûnmooglik is at de tiidwurden net fuort neistinoar

steane. En foar werstrukturearring moatte de twa tiidwurden fansels ek adjasint wêze. Dy ferklofting kin skematysk sa represintearre wurde, ferl. ek (39):

(43)



Troch it gearranen fan theta-grids wurde de agens en it tema dy fan 'e hiele kloft.

Mar, hoe komt de *fan-NP* der no? Ik nim oan dat *wol(le)* foar û.o. in S subkategorisearre is, i.c. *in hôf oanlizze*. Nei de ferklofting wurdt *in hôf* dan it komplemint fan *(it) oanlizze wollen*. It kin skoan op it basisplak stean bliuwe, dat wêrom soe it dan ferpleatst wurde moatte nei efteren, mei dêrnei *fan*-ynsersje? Dat wurdt troch neat ôftwongen. Foar *it oanlizzen fan in hôf* nim ik oan dat *in hôf* dêr gewoan as komplemint fan *(it) oanlizzen* efter ferskine kin fanwegen it [+N]-feature fan it haad en dat *fan* ynfoege wurdt omreden fan kasus. Mar, at dy riddenaasje ek foar de gefallen mei VR oanholden wurde soe, betsjutte soks dat bgl. *wol(le)* fia *(it) wollen* mei elk tiidwurd earst in kompleks foarmje koe op 'e wize fan (43) en dat dan earst de kompleminten derby kamen, mei alle mooglikheden fan ynf-*en* wat pleatsing oangiet. Dat soe dan nei alle gedachten leksikaal syn beslach krije moatte, wat jin net oan wol.[15]

Hoe't wy it ek besjogge, der bliuwt in libbensgrut probleem. Itselde probleem as mei gefallen lykas *it oanlein hawwen fan in hôf*. Fansels kin der altyd in opsjonele, stylbeskate, ferpleatsingsregel postulearre wurde; dan wie de boel beskriuwend foarinoar, mar ferklearjend hein noch omtrint net.

It probleem is dus kleardernôch steld. Ik haw guon oplossingen suggerearre dy't my net ien fan allegearre foldogge. Mooglik kin it oplost wurde at VR oars analysearre wurdt. Oant salang haw ik leaver it net-oploste probleem as in skynoplossing.[16]

7. Ofslutend

Ik haw net it idee dat mei dit stik alles oer de nominale ynfinityf yn it Frysk sein is. Neier ûndersyk soe de distribúsje fan 'e ynfinityf by helptiidwurden en de verba sentiendi bgl. ek yn behelle wurde moatte. Dat falt bûten it bestek fan dit stik.

Myn útstellen binne útsoarte foarriedich. Ik bin fan in frij leksikalistysk stânpunt útgongen. Foar myn idee haw ik sa op gâns problemen wize kinnen dy't jin oars faaks ûntkommen wienen. It is altyd wer aardich, sels faksinearjend, om te ûnderfinen dat it folle komplekser is as dat je sels earst mienden. Ik hoopje mei dit stik dan ek foaral dy problemen synjalearre te hawwen. Fuortset ûndersyk sil útwizing dwaan moatte oft myn útstellen in goed útgongspunt foar in analyze binne of dat it yn hiel oare wei socht wurde moat.[17]

Nieuwegein,
desimber 1987 - febrewaris 1988

NOATEN:

1. Se kinne wol 'ûnderdrukt' wurde, mar bliuwe dan ymplisyt yn 'e hanneling behelle, sa't bliken dwaan sil. Neffens Roeper (1987:274) is in argumint inkel ymplisyt at it yn 'e strukturele posysje is om in tematyske PP te identifisearjen, mar at dy PP net oan 't ljocht komt.
2. Roeper (1987:275) seit it sa: "It [= it theta-kritearium] must undergo a small modification. Affixes that carry a thematic grid do not *assign* all thematic roles to syntactic positions, but *license* syntactic positions for all thematic roles."
3. Foar guon lju binne dy sinnen mei ynf-*e* ek grammatikaal. Foar my soe yn (11a) en (13a) ynf-*e* der noch sawat op troch kinne, mar nei in preposysje, lykas yn (14a) en (15a), uterstee net.
4. De Haan en Weerman (1985:99/100) wize derop dat guon *(om) te + ynfinityf*-sinnen gjin tiidsoperator hawwe, bgl. dy yn it komplemint fan *oanriede*, en oaren al, bgl. dy yn it komplemint fan *grutsk (wêze) op*. At dy analyze doocht, dan binne sokke kompleminten in probleem foar Stowell syn analyze fan ferplichte ekstraposysje fan sokke sinnen, dêr't er it feature *Tense* as oansetter fan beskôget.
5. Dizze generalisaasje is nei alle gedachten net alhiel neffens de feiten, omdat in adjektyf, fan 'e kategory [+N,+V], ek kasus tawize liket te kinnen, sjoch bgl. sin (13a).
6. Yn Hoekstra (1987) wurdt de ferplichte ekstraposysje fan S wer oars ferklearre.
7. *smoken/smoke* kin ek yn 'e loftsdiskolaasjeposysje generearre wurde:
   (i) [smoken/smoke] [dat$_i$/pro$_i$] wurdt troch Jan wol t_i wurdearre
8. Dat (i) grammatikaal is, doelt derop dat in *om te + ynfinityf*-sin àl syn eigen tiid hat:
   (i) [om *doe* lilk te wurden] *jout* gjin pas.
   In sin as (i) is net foar elk grammatikaal.
9. Projeksjes sûnder haad moat men net sa wiis mei wêze, in fraach is oft se yn it ramt fan 'e X-bar-teory tastien binne. Troch neier ûndersyk moat dit dêrom faaks oars ynterpretearre wurde.

10. Ik nim oan dat in besitlik foarnamwurd ynherinte genityfkasus hat, dêr't it troch in kasustawizer yn 'befestige' wurde moat.
11. Net-telbere haadwurden, lykas *sâlt* en *leafde*, ha dy mooglikheden ek net en dat binne fansels àl suvere nomina. Dit argumint is dêrom nei alle gedachten net sa sterk. At ynf-*en* in net-telber nomen is, dan is it grif in aparten-ien.
12. Sjoch foar krityk dêrop û.o. Sturm (1986).
13. Foar *wurde(n)* kin ek *wêze(n)* lêzen wurde.
14. Hoekstra (1984:280/1) seit: "Let us assume furthermore that the items *hebben* en *zijn* may be combined with a participle in a verbal cluster. In a sense, they may be regarded as added to these participles by means that are more similar to rules of word formation than to rules of syntax. So, we find clusters like (136), which may be the head of a phrase as determined by the Projection Principle.
(136)



What are the features of the entire cluster? As usual, these are determined by the constituting parts. What I would like to argue is that the feature-percolation conventions needed to provide the combination with the right features are already available, i.e. these conventions are independently motivated in the field of word formation."
15. Foar de konstruksje *it in hôf oanlizze wollen* soe men oannimme kinne dat dy ôflaat is fan 'e sekwinsje *in hôf oanlizze wolle* troch syntaktyske wurdfoarming. Mar, yn sa'n analyze bliuwt *it oanlizze wollen fan in hôf* like problematysk, omdat de 'input' *oanlizze wolle fan in hôf* ûngrammatikaal is.
16. VR kin ek mei in *te-ynfinityf*. Jarich Hoekstra wiisde my op it neifolgjende:
    (i) a. *?it moaie blommen besykj*en* te keapj*en*
        b. it moaie blommen besykj*e* te keapj*en*
        c. *?it besykj*en* te keapj*en* fan moaie blommen
        d. it besykj*e* te keapj*en* fan moaie blommen

    Yn in leksikalistyske oanpak is men twongen om sokssawat oan te nimmen as dat *te keapjen* weranalysearre wurdt as haad fan 'e tiidwurdkloft. By in analyze mei syntaktyske wurdfoarming wie men dat probleem kwyt, omdat dan de sin *moaie blommen besykje te keapjen* ta [it [moaie blommen besykje te keapjen]-en] wurde koe. Sa'n analyze hat ek wer syn swierrichheden:
    1. hoe wurdt *keapjen-en* ta *keapjen*;
    2. hoe komt de *fan-NP* (id) der, want, alwer, wêr wurdt de ferpleatsing fan 'e NP *moaie blommen* troch ôftwongen?
17. J.B. Berns fan it Meertens-ynstitút wie sa freonlik en stjoer my wat ynformaasje oer de ein*n* yn it Westfrysk ta. By fierder ûndersyk soe dat der ek by besjoen wurde moatte.

LITERATUER:

Bennis, H. 1986 — *Gaps and dummies*. Dordrecht: Foris Publications.

Booij, G. en T. v. Haaften 1987 — De externe syntaxis van afgeleide woorden. *Spektator* 16, 6, 421-436.

Borer, H. 1986 — I-Subjects. *Linguistic Inquiry* 17, 3, 375-416.

Dik, S.G. 1985 — Nederlandse nominalisaties in een funktionele grammatika. *Forum der Letteren* 26, 2, 81-107.

Evers, A. 1982 — Twee functionele principes voor de regel "verschuif het werkwoord". *Glot* 5, 1, 11-30.

Haaften, T. v., S. v.d. Kerke, M. Middelkoop en P. Muysken 1985 — Nominalisaties in het Nederlands. *Glot* 8, 1, 67-104.

Haan, G.J. de 1984 — Bare infinitivals in Frisian and the nature of *INFL*. Yn: Hans Bennis/W.U.S. van Lessen Kloeke (eds.), *Linguistics in the Netherlands 1984*. Dordrecht: Foris Publications. 45-51.

Haan, G.J. de 1986 — Fryske prate en praten. *Tydskrift foar Fryske Taalkunde* 2, 1, 1-11.

Haan, G.J. de 1987 — De syntacticus als frisist. Yn: Siebren Dyk/Jarich Hoekstra (eds.), *Ta de Fryske syntaksis*. Ljouwert: Fryske Akademy. 57-80.

Haan, G.J. de en F. Weerman 1985 — Finiteness and Verb Fronting in Frisian. Yn: H. Haider/M. Prinzhorn (eds.), *Verb second phenomena in Germanic languages*. Dordrecht: Foris Publications. 77-110.

Haegeman, L. en H. v. Riemsdijk 1986 — Verb Projection Raising, Scope and the Typology of Rules affecting Verbs. *Linguistic Inquiry*, 17, 3, 417-466.

Higginbotham, J. 1983 — Logical Form, Binding and Nominals. *Linguistic Inquiry* 14, 395-420.

Hoekstra, T.A. 1984 — *Transitivity. Grammatical Relations in Government-Binding Theory*. Dordrecht: Foris Publications.

Hoekstra, T. 1987 — Extrapositie en SOV. *TABU* 17, 3, 133-142.

Hoekstra, T., P. Wehrmann 1986 — De nominale infinitief. *Glot* 8, 3, 257-274.

Riemsdijk, H. v. 1987 — NV-skeletten. *Tabu* 16, 2, 141-149.

Roeper, T. 1987 — Implicit Arguments and the Head-Complement Relation. *Linguistic Inquiry* 18, 267-310.

Stowell, T.A. 1981 — *Origins of Phrase Structure*. (dissertaasje MIT).

Stowell, T.A. 1982 The Tense of Infinitives. *Linguistic Inquiry* 13, 561-570.

Sturm, A.N. 1986 *Primaire syntactische structuren in het Nederlands*. Leiden: Martinus Nijhoff.

Williams, E. 1987 Implicit arguments, the binding theory, and control. *Natural Language and Linguistic Theory* 5, 151-180.

G. van der Meer: it ferskil tusken 'ik lit him rinne' en 'ik sjoch him rinnen' ha jo net bechannele.
W. Visser: dat soe der al yn behelle wurde moatte. Yn in artikel fan Germen de Haan fan 1984 wurdt dêr in oplossing foar útsteld. Faaks giet it om wier ferskillende ferskynsels, mar by fierder ûndersyk soe ek bliken dwaan kinne dat se op in nijsgjirrige wize meiinoar gearhingje.
G. van der Meer: jo seine dat de ynf-en net bûgd wurde kin. Is 'dizze noch út te jane boeken' dan gjin gefal fan fleksje?
W. Visser: de fraach is oft de ynf-en en de te-ynfinityf fan deselde oarder binne. Yn sinnen as 'it oanbieden fan it earste eksimplaar' kin fierder noait mear dy kategory bûgd wurde. Foar it Frysk wurdt altyd sein dat de ynf-en foar in part út it fuortsettende mulwurd en foar in part út it âlde gerundium komt. Dat soe der ta liede kinne dat dy twa dingen wol meiinoar yn ferbân te bringen binne.
J. Hoekstra: ik ha in pear problemen mei dyn grammatikaliteitsoardielen. In sin as 'Jan fynt sjonge moai wurk' is by my like grammatikaal as 'Jan fynt sjongen moai wurk'. En 'Jan mei graach oer sjonge' liket my ek net ûnmooglik.
W. Visser: de sinnen yn (11) bin ik minder wis fan as dy yn (14) en (15). Yn (11) soe in fraachteken by it stjerke kinne.
J. Hoekstra: miskien in argumint foar de oanwêzichheid fan in PRO-subjekt yn ynf-e-konstruksjes: In sin as 'Jan fynt sjonge it moaiste dat der is' kin allinnich betsjutte dat er sels sjongt, by 'Jan fynt sjongen it moaiste dat der is' hoecht dat sa net te wêzen. Dat tsjut derop dat ynf-e in grutte PRO hat dy't kontrolearre wurdt troch it subjekt fan 'e matrikssin.
W. Visser: ja, dêrom binne der problemen mei ynf-en omdat neffens my dêr ek sokssawat oannommen wurde moat.
J. Hoekstra: do nimst oan dat ynf-e in S-bar is sûnder INFL. At ik it goed begryp soe sin (26d) dêr in argumint foar wêze; ynf-e hat gjin INFL en dus gjin ûnôfhinklike tiidsoperator. Mar in sin lykas *'(Om) doe lilk te wurden, jout gjin pas' is ek ûngrammatikaal; (26d) kin dus net in argumint wêze om gjin INFL oan te nimmen yn 'e ynf-e.
Noch wat oer dyn leksikalistyske útgongspunten. Neffens my bist fan in soad problemen ôf dyst no al hast, ast oannimst dat it en-suffiks yn 'e ynf-en net allinnich in tiidwurd (V) nimme kin, mar ek in hiele tiidwurdsprojeksje (V^{max}). Dan is bygelyks dyn probleem mei (42) oplost.
W. Visser: foar in sin as 'it in hôf oanlizzen wollen' kinst miskien wol in soart syntaktyske affigaasje oannimme. Mar de sin 'it oanlizze wollen fan in hôf' liket my dan noch wol it grutte probleem ta.
N.R. Århammar: yn it Noardfrysk komt yn de subjektsposysje allinne de ynf-en foar. Dat yn it Frysk ek de ynf-e dêr foarkomt, soe faaks ferklearre wurde kinne mei de ûnderstelling dat it giet om in ynterferinsje. De útspraak fan de ynfinityfsútgong is yn it Hollânsk [ə].

W. Visser: ynterferinsje liket my útsletten ta, omdat it in karakteristyk fan de Friezen is dat se dy slot-n no krekt wol kreas útsprekke.
G.J. de Haan: Van der Woude is nochal strang wat dy ynf-en en ynf-e oangiet. Ik tocht sels earst ek dat der minder mooglik wie. Yn hoefier't it om ynterferinsje giet, is slim nei te gean, mar der sil wol rekken mei hâlden wurde moatte.
N.R. Århammar: ha jo ek sjoen nei de distribúsje?
W. Visser: it soe my wolkom wêze as de distribúsje fan dy twa ynfinitiven oeral gelyk wie. Myn eigen grammatikaliteitsoardiel seit dat dat sa net is. (*Ph.H. Breuker en oaren hawwe beswieren tsjin de grammatikaliteit fan guon sinnen*). De oardielen skine hjir nochal wat útinoar te rinnen. Dat tsjut der op dat it net hiel dúdlik leit.
A. Feitsma merkt op dat jo oardiel oer grammatikaliteit mei ôfhinget fan de teory dy't jo oanhingje en dat jo it risiko rinne krekt dy foarmen te krijen dy't jo goed fan pas komme.
G.J. de Haan: yn 'Jan mei wol oer op syn tiid in grouwe segaar smoke/*smoken' wit ik net oft 'smoken' goed of fout is. 'Smoke' fyn ik bêst. Der soe wolris ynterferinsje oan de gong wêze kinne.
W. Visser: ik ha earst besocht om it ferskil tusken 'Jan mei wol oer smoken/*smoke' en 'Jan mei wol oer op syn tiid in grouwe segaar smoke/*smoken' ûnder strukturele termen te ferantwurdzjen. Dat is my lykwols net slagge.
G.J. de Haan: is it sa dat it Nederlânsk allinne fan it Frysk ferskilt dat it net twa ynfinitiven hat en binne de fierdere skaaimerken dan itselde? Hat it Frysk allinne twa morfologyske ynfinitiven of ha se ek oare skaaimerken as yn it Nederlânsk?
W. Visser: foar in part binne se frij min te ferlykjen. Sinnen as 'smoke/smoken mei Jan wol oer' wurde yn it ABN útsletten. De basis fan ferlykjen is frij lestich. It Nederlânske 'veel melk drinken is ongezond' kin yn it Frysk oerbrocht wurde as 'in soad molke drinke is net sûn' of 'it in soad molke drinken is net sûn'.

It projekt Fonology en morfology fan 'Fryske' dialekten op basis fan fjildwurk: oanlieding, doelstelling en opset

Drs. D.H. Veenstra (Fryske Akademy, Ljouwert)

0. Foarôf

It doel fan dizze bydrage is om doelstelling en opset fan it projekt *Fonology en morfology fan 'Fryske' dialekten op basis fan fjildwurk*[1] te presintearjen foar in wittenskiplik foarum. Sjoen de aard fan dit kongres kin dêrby yn 't foarste plak tocht wurde oan in foarum fan frisisten. Dat de klam leit op it doel en de opset hat te krijen mei it feit dat it projekt op dit stuit noch yn de faze fan it fjildwurk sit. Risseltaten fan ûndersyk oan 'e hân fan it ôffrege materiaal binne no dan ek noch net foar hannen. It seit himsels dat yn dit koarte bestek net op alle aspekten wiidweidich yngien wurde kin. Ik behein my dêrom ta de haadsaken.
Foardat it doel en de opset út 'e doeken dien wurde, sil earst noch wat sein wurde oer de oanlieding fan it projekt, en sil, yn gearhing dêrmei, yngien wurde op de stúdzje fan de lûd- en foarmferskynsels fan dialekten yn Fryslân (paragraaf 1 en 2). Dêrnei komme, respektivelik yn de paragrafen 3 en 4, it doel en de opset oan 'e oarder. Wat de opset oanbelanget sille yn 'e oanjûne folchoarder behannele wurde:

* de gegevens dy't sammele wurde (de kritearia by it opstellen fan de fragelist, ensafuorthinne);
* it net fan ôf te freegjen plakken;
* de wize fan sammeljen fan de data, it fjildwurk; dêrby wurdt apart omtinken jûn oan de kritearia dêr't de ynformant oan foldwaan moat, en oan de wize fan ôffreegjen;
* de transkripsje en opslach fan it materiaal.

1. Koarte foarskiednis

Foar it ûntstean fan it projekt *Fonology en morfology fan 'Fryske' dialekten op basis fan fjildwurk* moatte we werom nei de Dialektologekonferinsje fan 1975. It doel fan dy konferinsje (sjoch dêroer Berns 1976) wie om de stân fan saken op te meitsjen oangeande it ûndersyk yn de Nederlânske dialektology, om sa de lakunes fêst te stellen en nei te gean wat der noch oan ûndersyk ferrjochte wurde moast.

Oangeande de lûd- en foarmlear waard nei in ynventarisaasje konstatearre, dat de besteande monografyen op dat mêd it Nederlânske taalgebiet net foldwaande bestrike. Sadwaande waard it ferlet field om opnimmings

te meitsjen fan de dialekten yn de ûnderbesette gebieten, dy't it materiaal leverje moatte soene foar in beskriuwing fan (û.o.) de fonology en morfology fan de dialekten (Berns 1976:75,76). Der waard in kommisje ynsteld, dy't plannen meitsje moast foar in wiidweidich ûndersyk nei de lûd- en foarmferskynsels fan Nederlânske dialekten (Goeman 1984:8,9).

De wurksumheden fan dy kommisje hawwe úteinlik resultearre yn it projekt *Fonologie en morfologie van Nederlandse dialekten op basis van veldonderzoek*. Koart sein is it doel fan dat projekt it oanlizzen fan in permanint tagonklik gegevensbestân fan fonologyske en morfologyske eigenskippen fan wurden fan Nederlânske dialekten, om oan 'e hân dêrfan ûndersyk te dwaan op it mêd fan taalferoaring, taalfariaasje en de skiednis fan it Nederlânsk. De gegevens wurde sammele troch yn likernôch 640 plakken yn Nederlân en Nederlânsktalich België in opnimming te meitsjen fan it dialekt oan de hân fan in itemlist mei rûchwei 1900 wurden en wurdfoarmen.

Yn wêzen wurdt yn it projekt in dialektmonografyske behanneling 'yn 'e djipte' kombinearre mei in dialektgeografyske behanneling 'yn 'e breedte'.

Boppeneamd projekt beheint him ta de **Nederlânske** dialekten, dat wol sizze *"de met het Nederlands verwante dialecten die gesproken worden op het gebied waar het Nederlands – en geen enger verwante taal – de rol van cultuurtaal vervult*, d.w.z. de niet-Friese Germaanse dialecten van Nederland en van het Nederlandstalige deel van België" (Goossens 1977[2]:26-27, noat weilitten). It projekt giet (mei útsûndering fan de Stellingwerven en Flylân) dus foarby oan Fryslân: de Fryske en de Frysk-Nederlânske dialekten (lykas de mingdialekten as it stedsk, it Kollumersk en it Biltsk), en ek de dialekten fan de oare eilannen as Flylân, komme net oan 'e oarder.

No is yn it ferline (yn bygelyks de rûnte fan it doe noch besteande *Wurkferbân foar Dialektology* fan de Fryske Akademy[2]) gauris praat oer de winslikheid en mooglikheid fan it útfieren fan boppeneamd projekt foar Fryslân, en is war dien om ek Fryslân dêryn te beheljen. It hat lykwols noch oan 1986 ta duorre ear't úteinset wurde koe mei it projekt *Fonology en morfology fan 'Fryske' dialekten op basis fan fjildwurk*, dat beskôge wurde kin as in Fryske ferzje fan it projekt *Fonologie en morfologie van Nederlandse dialekten op basis van veldonderzoek*. Beide projekten komme wat doelstelling en opset oanbelanget mei elkoar oerien. It ferskil tusken de projekten sit yn it materiaal dat ôffrege wurdt. Wy sille dêr yn paragraaf 4.1. op yngean.

2. Eat oer de stúdzje fan de lûd- en foarmlear fan Fryske en Frysk-Nederlânske dialekten

Sakrekt ha we al neamd dat der foar de Nederlânske dialekten oanlieding wie om in djipgeand ûndersyk yn te stellen nei de lûd- en foarmferskynsels. De fraach kin no steld wurde wat it útfieren fan sa'n ûndersyk rjochtfeardiget foar de Fryske en de Frysk-Nederlânske dialekten. Wat is der foar dy

dialekten op dat mêd allegear beskreaun en ûndersocht? By it beäntwurdzjen fan dy fraach sjogge we koart nei twa saken. Foarst nei wat der bestiet oan monografyen, en twad nei wat der is oan oar materiaal dat relevant is foar de lûd- en foarmlear fan dialekten.

Wat it earste punt oanbelanget kinne we fêststelle, dat de konstatearring fan de Dialektologekonferinsje, dat de besteande monografyen oer lûd- en foarmlear fan de Nederlânske dialekten it taalgebiet net foldwaande bestrike, ek fan tapassing is op de



Oersjoch fan de monografyen op it mêd fan de lûd- en foarmlear fan dialekten yn Fryslân (detail fan de kaart yn Berns 1976:76).

dialekten fan it Fryske taalgebiet. Foar dat gebiet binne der de stúdzjes fan Knop (1954) en Spenter (1968) oer de tongslaggen fan respektivelik de eilannen Skylge en Skiermûntseach, en de dissertaasjes fan Kloosterman (1907), Fokkema (1937) en De Boer (1950) oer respektivelik it dialekt fan Mitselwier, Ljouwert en Hylpen[3]. Brouwer (1960:6) hat gelyk at er seit dat "[d]e wetenschappelijke beschrijving van een bepaald dialect (gewoonlijk beperkt tot de klankleer en geprojecteerd tegen de historische achtergrond) [...] in Friesland weinig beoefenaars [heeft] gehad." Kaartsje 1 jout in oersjoch fan dy monografyen[4].

Fansels wol ik mei it boppesteande perfoast net beweare dat oan 'e stúdzje fan de tongslaggen yn Fryslân de lêste jierren neat dien is dat de muoite fan it neamen wurdich is, en ek net, dat yn eardere jierren neat mear, of neat oars ferskynd is as de monografyen dy't hjirboppe neamd binne. Der binne, wat de fonology en morfology fan dialekten oanbelanget, dêrnjonken fansels noch genôch oare, lytse(re) stúdzjes dy't net allegear neamd wurde kinne. Boppedat is ek oan oare aspekten fan dialekten omtinken jûn[5]. Fan dy oare aspekten neam ik hjir as foarbyld de frij grutte oandacht foar de dialektleksikografy[6]. Dy hat grif te krijen mei it swiertepunt dat de leksikografy ynnommen hat, en noch ynnimt, yn de beoefening fan de taalkunde by de Fryske Akademy (en miskien ek wol mei de frij grutte leksikografyske tradysje yn de hiele frisistyk). Mar dialektwurdboeken binne net altiten gaadlik foar ynformaasje oer de krekte útspraak fan de



Oersjoch fan de wurdboeken (oanjûn mei ■) fan dialekten yn Fryslân.

wurden (yn dat opsicht hinget in soad ôf fan it feit at de útspraak al of net yn fonetysk skrift by de lemma's notearre is, en, at dat al it gefal is, hoe sekuer at de transkripsje is. De ûnderskate wurdboeken ferskille op dat punt ûnderling gâns)[7]. Fierder kinne we fêststelle, dat de dialektwurdboeken wat it plak/dialekt oanbelanget foar in part oerienkomme mei de monografyen dy't hjirboppe neamd binne. In ferliking fan kaart 2 (dy't in oer-

sjoch jout fan de dialektwurdboeken yn Fryslân) mei kaart 1 lit dy oerlaping sjen.

Mei boppesteande opmerkings binne we al bedarre by it twadde punt, it materiaal (oars as de monografyen) dat relevant is foar de stúdzje fan de lûd- en foarmlear fan dialekten.

Yn de ûnderskate taalatlassen dêr't ek Fryslân yn behelle is, is oer de lûd- en foarmferskynsels fansels it nedige te finen. Lykwols hawwe taalatlassen wat dy ferskynsels oanbelanget har beheinings: dy jouwe net altyd in sekuer byld fan de útspraak fan de wurden. Dat komt troch de ortografyske notaasje dy't yn de taalatlassen brûkt wurdt (en dy't lang net altiten geskikt is om de krekte útspraak oan te jaan). Dy notaasje is in gefolch fan it feit dat it materiaal foar taalatlassen ornaris skriftlik sammele is. It probleem mei dy wize fan data-sammeljen is, dat de measte ynformanten it fonetysk skrift net behearskje, en fierder, dat de ynterpretaasje fan de korrespondintestaveringen gauris swierrichheden jout (sjoch oer dy kwestjes bygelyks Daan & Meertens (1963) en Eichhoff (1982:550)).

In twadde beheining is, dat de taalatlassen (útsein dy fan Boelens & Van der Woude (hjirnei: *RND* (1955), en dy fan Daan & Francken (1972-)), foar it grutste part **wurd**atlassen binne. Dat sil nimmen fernuverje op grûn fan wat hjirboppe sein is: leksikale ferskillen kinne ommers better fêststeld wurde op basis fan skriftlik ynwûn materiaal as útspraakferskillen. At oan de boppesteande noch in tredde beheining tafoege wurdt, nammentlik de faak net al te grutte omfang fan de taalatlassen, dan kin de konklúzje allinne mar wêze, dat it materiaal yn in tal taalatlassen minder geskikt is foar ûndersyk nei de lûd- en foarmferskynsels fan dialekten[8]. Dat jildt bygelyks foar de *Taalatlas*, en foar de atlassen fan Heeroma (1957-) en Fokkema & Spahr van der Hoek (1967).

De *RND* (1955) moat hjir apart neamd wurde. Dy ûnderskiedt him nammentlik fan de oare boppeneamde atlassen troch de wize fan materiaalsammeljen (de direkte, mûnlinge metoade), troch it brûken fan it fonetysk skrift by it werjaan fan de opnimming (in oanpaste ferzje fan it alfabet fan de *International Phonetic Association*), en troch de frij grutte mannichte data dy't ôffrege is. De *RND* is yn 't foarste plak lûdatlas, alhoewol't ek materiaal jûn wurdt op it mêd fan wurdgeografy en syntaksis (der is yn sinsfoarm ôffrege). Oer in grut tal aspekten fan dialekten binne yn de *RND* dus gegevens te finen. Mar net yn alle opsichten is it materiaal befredigjend. Goossens (1965), dy't besocht hat om op basis fan materiaal út atlassen yn de rige *RND* it fonologysk systeem foar in pear dialekten fêst te stellen, konstatearret, dat it materiaal (likernôch 600 items) foar ûndersyk nei bygelyks it fokalisme fan dialekten net altiten omfangryk genôch is (1965:18), ûnder oare "wegen der Mängel des Fragenboges" en "wegen der Vernachlässigung bestimmter phonologische relevanter Erscheinungen" (:35).

Fansels moat noch de stúdzje fan Hof (1933) neamd wurde, dy't ek no noch fan grut belang is foar de kennis fan de Fryske dialekten. Nettsjinsteande de wurdearring dy't men foar dy stúdzje hawwe moat, hat dy dochs

in tekoart wat it 'wurkgebiet' oanbelanget. Hof beheint him nammentlik ta de Fryske dialekten. Syn wurk bestrykt dus net it hiele Fryske taalgebiet: oan bygelyks it Stedsk, it Biltsk en it Kollumerlânsk giet er foarby. Mar oan 'e oare kant wurde net alle Fryske dialekten behannele: de eilannen (dus ek dy mei de Fryske dialekten) lit er bûten beskôging. In oar neidiel (dat gearhinget mei it boppesteande), dat ek yn de literatuer nochal ris neamd wurdt, is, dat yn Hof syn boek it Frysk isolearre wurdt fan de oanbuorjende dialekten (Heeroma (1959:79); ek Brouwer (1960:6) wiist dêrop).

Fierder kin - ek al is in aardich grut part wijd oan de faktaal fan fiskers en boeren - yn dialektgeografysk ferbân wiisd wurde op de publikaasje fan Miedema & Steenmeijer-Wielinga (1972), oer (inkelde lûdferskynsels yn) de dialekten fan de west- en súdkust fan Fryslân.

It hear oersjend kin foar de Fryske sitewaasje konstatearre wurde, dat de besteande monografyen mar inkelde plakken bestrike, en dat it materiaal yn de taalatlassen net altiten goed genôch strukturearre is of net omfangryk genôch is foar ûndersyk op it mêd fan de lûd- en foarmlear. It útfieren fan in projekt dat, wat it enkêtenet en it ôffrege materiaal oanbelanget, yn dy lakunes foarsjocht, is dêrom ek foar de Fryske en de Frysk-Nederlânske dialekten te rjochtfeardigjen.

3. It doel fan it projekt

De fraach dy't noch net oan 'e oarder west hat is wêrom at it fan belang is om in projekt út te fieren dat, lykas dat foar de Nederlânske dialekten, as foarnaamste doel hat it oanlizzen fan in gegevensbestân fan fonologyske en morfologyske eigenskippen fan wurden fan Fryske en Frysk-Nederlânske dialekten. Oars sein: hokker doel hat dat oanlizzen fan sa'n gegevensbestân?

It wichtichste doel is om oan 'e hân fan it sammele materiaal ûndersyk te dwaan op it mêd fan de taalskiednis fan it Frysk. Der wurdt ommers yn de dialektology fan útgien, dat syngroane gegevens fan geografysk op elkoar oanslutende dialekten brûkber binne foar taalhistoarysk ûndersyk. Ut de wize dêr't de realisaasjes fan in bepaald ferskynsel geografysk op elkoar oanslute, kin hiel wat ôflaat wurde oer de skiednis fan dat ferskynsel. De oanname is dus, dat "die diasystematisch-architektonischen Gegebenheiten eine entwicklungsbezogene Erklärung haben. Anders ausgedrückt: daß die festgestellten diasystematischen Beziehungen und die im Kartenbild repräsentierte geografische Verbreitung dieser Beziehungen in diachronisch-entwicklungsbezogene Prozesse uminterpretiert werden können. Die Dialektgeographie ist demnach letzten Endes eine Sonderform der diachronen Linguistik." (Jongen 1982:249). De omfang en strukturearring fan it ôffrege materiaal, en it oaniensletten net fan ôf te freegjen plakken, meitsje it mooglik om mei it sammele materiaal taalhistoarysk

ûndersyk te ferrjochtsjen, en jouwe boppedat de gelegenheid om hypotezes op it mêd fan taalfariaasje te hifkjen.

In oar doel is om ûndersyk te dwaan nei taalferoaring yn reële tiid troch it fergelykjen fan it materiaal dat yn dit projekt sammele wurdt mei materiaal út de oerienstimmende dialekten dat by eardere enkêtes sammele is.

Fierder soe it materiaal de basis wêze kinne foar in djip(per)geande monografyske behanneling fan de ûnderskate dialekten (foar in folsleine behanneling sil nei alle gedachten neier ûndersyk, oan 'e hân fan mear data, needsaaklik wêze). En fansels is syngroan ûndersyk net útsletten.

4. Opset fan it projekt

4.1. De gegevens dy't sammele wurde

Oangeande de kar fan de wurden en wurdfoarmen dy't yn it projekt foar de Fryske en Frysk-Nederlânske dialekten ôffrege wurde, kin allerearst opmurken wurde, dat keazen is foar oansluting by de itemlist fan it projekt foar de Nederlânske dialekten. De list foar dat projekt is oernommen foar safier't de items dêryn in etymologysk ekwivalint hawwe en gongber binne yn it Frysk. Wurden dy't net oan dy betingsten foldogge[9] binne weilitten, en wurde dus net ôffrege. It giet dan om (in lyts tal) wurden as bygelyks *oogst*, *rund*, *vaars*, *dol*, *blozen*, *spartelen*, ensafuorthinne. Troch de – foar fierwei it grutste part – mienskiplike list kin de útspraak fan de wurden dy't ôffrege wurde foar beide projekten mei elkoar fergelike wurde. Benammen foar ûndersyk oangeande taalgrinzen en ekspânsjebewegingen is soks fan belang.

Hokker materiaal befettet de list foar it projekt *Fonologie en morfologie van Nederlandse dialekten op basis van veldonderzoek*? Dy jout, útgeande fan it (rekonstruearre) fokalisme fan it Westgermaansk en fan it (ûnderstelde) konsonantsysteem fan it Middelnederlânsk (sjoch foar de motivearring dêrfan Goeman 1984:21) in sa folslein mooglik oersjoch fan:

* monomorfematyske wurden, dy't alle Westgermaanske fokalen/diftongen represintearje, sawol mei as sûnder umlaut, oangeande alle besteande konsonantklusters yn alle posysjes; lienwurden mei ferskillend fokalisme, lânseigen wurden dêr't de etymology ûnwis fan is (binnen elke kategory binne wurden socht dy't ferlinging, ferkoarting en analogyformaasjes represintearje, sa min mooglik leksikale ôfwikingen opleverje, en in oersjoch fan de leksikale besetting per systematysk foneem mooglik meitsje);
* de bûging, stamtiden en dêrmei gearhingjende de oergong fan sterk nei swak en oarsom;
* de meartalsfoarming, wêrby't alle distribúsjonele kategoryen en in hiele rige idiosynkrasyen oan 'e oarder komme;
* de diminuearring mei alle distribúsjonele omjouwings;

* de adjektyffleksje (sterk en swak), wêrby't wat de swakke adjektiven oanbelanget rekken hâlden is mei it folchkonsonantisme; ek komparatyf en superlatyf;
* de beklamme pronomina personalia (subjekt en objekt), en de pronomina possessiva;
* sandhiferskynsels.

De kearn fan de items wurdt foarme troch de fonology fan de netgearstalde wurden. De gearstalde foarmen yn de list hawwe ta doel om de fonologysk en morfologysk kondisjonearre alternânsjes bestudearje te kinnen. Dy foarmen steane dus yn tsjinst fan de fonology: it giet dêrby net om de (fonologyske, morfologyske of semantyske) restriksjes dy't yn in bepaald dialekt besteane op de ûnderskate morfologyske prosedees dêr't boppeneamde gearstalde wurden mei foarme wurde. De morfology yn it projekt is beheind ta de fleksjonele morfology en (wat de leksikale morfology - wurdfoarming - oanbelanget) ta de derivasjonele morfology. Komposysje komt net oan 'e oarder.

Fansels moat it materiaal dat ôffrege wurdt geskikt wêze foar ûndersyk nei de skiednis fan it Frysk, en moat it boppedat it dialektferskaat yn Fryslân sa folle mooglik ta utering komme litte. It earste betsjut, dat de list sa representatyf mooglik wêze moat foar it Aldwestfryske fokalisme en folchkonsonantisme. Foar de Fryske ekwivalinten yn de boppebeskreaune list is dêrom neigien (mei help fan de stúdzje fan Spenter (1968) en Hoekema (1979)) yn hoefier at dat al it gefal wie. Omdat guon Aldwestfryske fokalen en folchkonsonanten noch net (genôch) yn it materiaal fertsjintwurdige wiene, is yn dy gefallen in oanfolling op de besteande list makke, sadat rjocht dien wurdt oan de eask fan representativiteit oangeande it Aldwestfrysk. It foldwaan moatten oan it twadde betingst late ek ta in oanfolling, omdat bliken die, dat inkelde karakteristike aspekten fan de dialekten yn Fryslân noch net foldwaande fertsjintwurdige wiene. Fan dy lêste oanfolling neam ik hjirre - sûnder de pretinsje folslein te wêzen - de folgjende saken:

* fan guon (al yn de list foarkommende) nomina binne ek de ûntbrekkende meartals- en diminutyffoarmen frege, bygelyks yn gefal fan dûbel meartal (*wjirm, foarm*), of at by dy foarm soms sprake is fan brekking (byg. by *brief, broer, koal, peal, tean*, ets.). Ek by guon ferba binne om dy reden soms de ûntbrekkende foarmen (ik bedoel no: oare as de ynfinityffoarm) tafoege. Fierder is in tal nije 'brekkingswurden' oan 'e list tafoege (bygelyks *blier, sleat*);
* it tal ferba dêr't it folseine paradigma fan ôffrege wurdt is útwreide (mei inkelde ferba mei in ûnregelmjittige presens, lykas *briede, feie, stean*, mei in klasse 1 swak ferbum (dus mei útgong *-e*) dêr't de stam fan einiget op in stimleaze konsonant, en mei in klasse 2 ferbum (mei útgong *-je*) dêr't de stam fan einiget op in stimhawwende konsonant);
* de sintsjes mei sandhiferskynsels binne oanpast: sa binne bygelyks wurden tafoege dy't syllabisearre of nasalearre wurde (kinne).

It úteinlike gefolch fan de bewurking[10] fan de list is, dat yn ferliking mei

it projekt foar de Nederlânske dialekten yn it 'Fryske' projekt likernôch 300 items mear ôffrege wurde.

Foar beide projekten jildt, dat it materiaal folle omfangriker is as wat foar de *RND* ôffrege is: hja wurkje dus folle mear yn 'e djipte as de *RND*. De beheining sit yn it enkêtenet. Wy geane dêr no op yn.

4.2. It enkêtenet

By it fêststellen fan in enkêtenet spylje twa saken in rol. Foarst de begrinzing, en twad de ynfolling.

It projekt hat, sa't út paragraaf 1 al bliken dien hat, syn ûntstean te tankjen oan it gegeven, dat yn it projekt *Fonologie en morfologie van Nederlandse dialekten op basis van veldonderzoek* gjin plak ynromme is foar de dialekten dy't nauwer besibbe binne mei in oare taal as it Nederlânsk (dus foar de Fryske dialekten), en ek net foar dy dialekten dy't wol besibbe binne mei it Nederlânsk, mar dêrnjonken ek besibbe binne mei it Frysk (dus de Frysk-Nederlânske (ming)dialekten). Yn dy omisje wol it projekt foarsjen. Dêrmei is oanjûn hoe't it ôfbeakene is. Dat betsjut, dat itselde kritearium as foar it projekt foar de Nederlânske dialekten, oanwiisd wurde kin foar de Fryske en Frysk-Nederlânske dialekten (nammentlik de besibbens fan de dialekten mei it Frysk en it bestean njonken de Fryske (en njonken de Nederlânske) kultuertaal.

De ynfolling fan it enkêtenet kin op ferskillende wize dien wurde. Men kin soks dwaan op grûn fan de oanwêzige kennis fan de dialektsitewaasje (kennis fan de ferskillende dialekten en dialektgrinzen, enklaves, etsetera). Ek is it mooglik om soks fêst te stellen op grûn fan in ferdieling fan de kaart yn fakjes (bygelyks as op de 'Kloeke-kaart', of op in heksagoankaart), sadat frij willekeurich, troch stekproeven, sûnder foarkennis, plakken oanwiisd wurde dy't yn it enkêtenet opnommen wurde moatte. Lykas by it projekt foar de Nederlânske dialekten is ek foar de Fryske pendant it enkêtenet fêststeld op grûn fan in kompromis tusken de beide metoades[11]. Sa is bepaald dat it totaal te meitsjen tal opnimmings likernôch 50 wêze soe.

Op grûn fan foarkennis fan de dialektsitewaasje is besletten om yn alle gefal in opnimming te meitsjen fan de dialekten fan:

* de eilannen (Skiermûntseach 1, it Amelân 2 (east en west), Skylge 3 (east, midden en west);
* it Kollumerlânsk en it Biltsk;
* de stêden.

Fierder is besletten om de Fryske enklave Appelskea yn it enkêtenet op te nimmen.

It oerbliuwende part fan de likernôch 50 plende opnimmings is dêrnei sa goed mooglik oanslutend, mei in gelikense sprieding, ferdield oer it taalgebiet dat noch net bestrutsen wie. Dêr moat útsoarte ek it Frysktalige part fan it Westerkertier fan de provinsje Grinslân ta rekkene wurde (Hof 1933:4 en de kaart op side 14a[12]). Want it is fansels fanút de 'Fryske' sitewaasje besjoen net te rjochtfeardigjen, dat yn in dialektgeografysk projekt

it Frysk dat yn Grinslân sprutsen wurdt, bûten beskôging bliuwt. Sa soe yn it twatalige diel fan it Westerkertier net allinne in opnimming makke wurde moatte fan de Grinslânske tongslach (sa't al bart yn it projekt foar de Nederlânske dialekten, sjoch kaart 3), mar soe ek in opnimming makke wurde moatte fan it Frysk. Dat soe bygelyks dien wurde kinne yn Mearum (ek al wurdt it Frysk dêr folle minder sprutsen as it Westerkertiersk, sjoch Jansma & Jelsma (1987:30)).

By it ferdielen fan de opnimmings oer it noch oerbliuwende gebiet jilde noch de folgjende kritearia. Allerearst binne sa folle mooglik plakken keazen dy't ek foarkomme yn it net fan de *RND* (1955), en twad moatte de plakken yn de omkriten fan de grinzen mei it Grinslânsk en it Stellingwerfsk sa útsocht wurde dat hja goed oanslute by it enkêtenet dat fêststeld is foar it projekt fan de Nederlânske dialekten.

Utgeande fan dy kritearia is besletten om yn de folgjende plakken in opnimming fan it dialekt te meitsjen (mei foar it plak it nûmer dat korrespondearret mei de 'Kloeke-kaart':

A 1 Midslân
A 2 West-Skylge
B 6 East-Skylge

B 1a Hollum
B 3 Buren

B 4 Skiermûntseach

B 9 Holwert
B 13b Eanjum
B 14a Wierum

B 19 Sint Anne
B 23 Hallum
B 29 Rinsumageast
B 30 Dokkum
B 34b Westergeast
B 37 Burum

B 43 Seisbierrum
B 45 Harns
B 48 Frjentsjer
B 52a Bitgum
B 56 Ljouwert
B 58 Tytsjerk
B 60 Feanwâlden
B 67a De Harkema

B 77 Arum
B 82 Spannum
B 85 Weidum

B 94 Grou
B 96 Aldegea (Sm.)
B 98 De Rottefalle
B 101 Mearum
B 106 Makkum
B 110 Boalsert
B 112 Snits
B 114 Drylst
B 120 Akkrum
B 123a Nij Beets
B 125 Wynjewâld
B 127 Bakkefean

F 1 Warkum
F 2 Hylpen
F 3 Wâldsein
F 7 De Jouwer
F 10 Tsjalbert
F 17 Aldskoat
F 20 Jobbegea

F 26 Starum
F 28 Koudum
F 35 Sleat
F 36 Aldemardum
F 38 De Lemmer
F 40 Ychten

G 1b Appelskea



● plakken ôffrege yn it projekt foar de Fryske en Frysk-Nederlânske dialekten

◊ oanbuorjende plakken ôffrege yn it projekt foar de Nederlânske dialekten

Op kaart 3 binne de plakken fan it enkêtenet oanjûn. Ek oanjûn binne de oanbuorjende plakken yn Grinslân en yn de Stellingwerven dy't yn it projekt foar de Nederlânske dialekten ôffrege wurde (dat binne respektyflik: B 17 Sâltkamp, B 42 Grypskerk, B 72 Gruttegast, B 101 Mearum, en F 23 Easterwâlde, F 42 Wolvegea, F 43 Nijeholtpea, F 47 Noardwâlde en F 53 Skerpenseel).

At we it enkêtenet foar it projekt foar de Fryske en Frysk-Nederlânske dialekten fergelykje mei dat fan de *RND* (1955), dan is dúdlik dat it net fan de *RND* folle tichter wie. De folle gruttere omfang fan it materiaal dat no ôffrege wurdt makket de beheining yn 'e tichtens fan it enkêtenet needsaaklik.

4.3. It fjildwurk

4.3.1. De ynformant

Net allinne de items dy't ôffrege wurde moatte foar alle plakken yn it enkêtenet deselden wêze, dy unifoarmiteit moat ek jilde foar de ynformanten,

dy't de wurden dêr't we de útspraak fan op 'e bân fêstlizze wolle, útsprekke moatte. Oan dy unifoarmiteit wurdt foldien troch ynformanten te nimmen dy't yn de leeftydskategory 50-70 jier falle, autochtoan binne, en altyd it dialekt sprutsen hawwe fan it plak dêr't hja hikke en tein binne[13]. Mei in fariant op Chambers & Trudgill (1980:33) harren NORMs (Nonmobile Older Rural Males) kinne we sizze dat de wurdlist ôffrege wurdt by dialektsprekkers dy't NORs binne.

Oan it begryp *autochtoan* kinne fansels ferskillende gradaasjes ûnderskieden wurde. Sa is it bygelyks mooglik dat, njonken de ynformant sels, ek syn beide âlden út dat plak ôfkomstich binne. It kin ek wêze dat dat allinne foar syn heit of allinne foar syn mem it gefal is. Tred kin de ynformant wol hikke en tein wêze yn it betreffende plak, mar kinne de âlden earne oars wei komme. By it sykjen fan de ynformanten meitsje we gjin ûnderskie tusken boppesteande gradaasjes.

Sjoen de leeftyd, en sjoen it feit dat de ynformant autochtoan is en yn it deistich libben dialekt praat, meie we oannimme, dat er represintatyf is foar it dialekt dat yn dat plak sprutsen wurdt, en dat er dêr in goed byld fan jaan kin. Wy nimme fierder oan dat "die sprachliche Kompetenz, die sich in den Sprachproben manifestiert, mit der dialektalen Kompetenz des Sprechers mehr oder weniger identisch ist" (Menge 1982:546). Om dy reden wurdt folstien mei ien ynformant. In oare reden dêrfoar is, dat troch de tiid dy't it ferwurkjen fan de gegevens ferget (ik doel dêrmei op it transkribearjen en it ynfieren fan de transkripsjes yn de kompjûter), net mear as ien opnimming it plak makke wurde kin.

Dat betsjut fansels wol dat it materiaal, foardat it brûkt wurdt foar ûndêrsyk, kontrolearre wurde moat op krektens. Sa'n kontrôle kin ûnder mear dien wurde troch ferliking mei bânopnimmings fan spontane konversaasje dy't troch it P.J. Meertens-Instituut makke binne. Wêr't it mooglik is kin it fansels ek ferlike wurde mei gegevens út ûnderskate publikaasjes (taalatlassen, monografyen, artikels, etsetera - betingst is dan fansels wol dat dy publikaasjes ferlykber materiaal befetsje).

4.3.2. De wize fan ôffreegjen

Yn de literatuer wurdt nochal ris neamd dat observaasje de gaadlikste metoade is om taaldata te sammeljen (bygelyks yn Goossens 1977[2]:65). It foardiel fan dy metoade is ommers, dat by it optekenjen fan de data dy't men ûndersykje wol gjin sprake is fan in keunstmjittige sitewaasje, dat wol sizze, fan in sitewaasje dy't yn it deistich libben fan de ynformant net foarkomt (Menge 1982:545). Mar it is fansels ûnmooglik om troch observaasje yn betreklik koarte tiid materiaal te sammeljen foar in fergelykjend taalgeografysk ûndersyk. It hâlden fan in enkête is dus de iennichste wize om de gegevens dy't we witte wolle te registrearjen.

Fansels hinget de wize fan ôffreegjen ôf fan it doel fan it ûndersyk en, yn relaasje dêrta, fan it materiaal dat sammele wurdt. Wy moatte dêrom, sa't wenst is by lûdgeografysk ûndersyk, gebrûk meitsje fan de direkte (mûnlinge) metoade. Yn ús gefal is it ek mooglik om dy metoade te brûken:

it gebiet dêr't it ûndersyk yn hâlden wurdt is mar lyts, en it net fan de plakken dy't yn it projekt behelle binne is net sa mânsk dat de direkte metoade te djoer, of net te realisearjen is.

Hoe wurde de items dy't ôffrege wurde oan de ynformant oanbean? Oars sein: yn hokker foarm berikke him de stimuly dêr't de ynformant yn syn dialekt op reagearje moat? Fanwege de omfang fan it ôf te freegjen materiaal (likernôch 2200 wurden en wurdfoarmen) is de iennichste mooglikheid om de items skriftlik oan te bieden. De ynformant krijt dus in list mei "hochsprachlich formulierte Stimuli" (Menge 1982:545, yn ús gefal: Nederlânsktalige wurden) ûnder eagen, dy't er útsprekke moat sa't er dat yn syn dialekt wend is. Der wurdt fansels fan útgien "daß der Informant eine Art translatorischen Bewußtseins für die quivalenz hochsprachlicher und dialektaler Ausdrucksweise besitzt." (Menge, 545).

De wurden en wurdfoarmen wurde 'los' ôffrege, dus net yn sinsferbân (ôfsjoen dan fan de sandhiferskynsels, dy't net oars as yn sinsferbân ôffrege wurde kinne). Dat is yn oerienstimming mei de opfetting fan Goossens, dy't fan betinken is "dat voor het onderzoek van het segmentele gedeelte van de fonologie het afvragen van losse woorden verreweg boven dat van zinnen te verkiezen is. Het eigen vocalisme van woorden die in zinsverband in bijtonige positie staan gaat inderdaad zeer vaak verloren" (1977²:69,70, noat weilitten). De útspraak fan de wurden wurdt op 'e bân opnommen. Dat hat net allinne it foardiel dat dy fêstlein wurdt, mar benammen ek, dat it mooglik is om it materiaal letter altyd wer ôf te harkjen en boppedat ûnder sa geunstich mooglike omstannichheden transkribearje te kinnen.

Troch it feit dat de wurden en wurdfoarmen net yn sinsferbân, mar yn isolaasje ôffrege wurde, wurdt nei alle gedachten de keunstmjittige sitewaasje dêr't by it meitsjen fan de opnimming sprake fan is, noch fersterke. Dêrby moat lykwols betocht wurde, dat it hjir primêr giet om it dialektsysteem, en net om de funksje fan it dialekt yn bepaalde sitewaasjes of domeinen, of yn de taalferhâldingen. By dit projekt binne we "vielmehr an Sprachproben interessiert, die in möglichst rationeller Weise das zugrundeliegende sprachliche System zu entdecken helfen. Sprachliche Funktionen kommen dabei kaum in den Blick" (Menge 1982:545). Wy geane der fanút dat wat op boppeneamde wize oan dialekt fêstlein wurdt de "sprachliche Kompetenz" fan de dialektsprekker manifestearret.

Boppebeskreaune wize fan ôffreegjen is ferantwurde, mits de belêsting fan de ynformant net te grut wurdt. At bygelyks it oplêzen fan de items te lang duorret, dan wurdt de opnimming yn twa kear dien. Fierder is it foardiel fan de direkte metoade, dat de ûndersiker by de opnimming oanwêzich is, en dat dy, at it nedich is, oanwizings en útlis jaan kin, en boppedat de wurden dy't swierrichheden jouwe elisitearje kin (troch bygelyks fragen te stellen as dy't Chambers & Trudgill (1980:25, 26) neame).

4.4. It ferwurkjen fan it materiaal

Mei allinne it meitsjen fan opnimmings is fansels it oanlizzen fan in gege-

vensbestân fan fonologyske en morfologyske eigenskippen fan wurden fan 'Fryske' dialekten noch net realisearre. Dêrta is it allerearst needsaaklik dat it sammele materiaal ôfharke wurdt en yn skriftlike foarm omset wurdt. Dêrnei kinne de transkripsjes opslein wurde yn de kompjûter. Oer dy beide fazen yn de ferwurking fan it materiaal wol ik hjir hiel koart wat sizze. By de opmerkings oer de transkripsje behein ik my ta it oanjaan fan de **wize** fan transkribearjen: it is hjir net it plak om yn te gean op allegear swierrichheden en problemen dy't anneks binne mei it transkribearjen fan dialektmateriaal (yn de literatuer is dêr gâns oer te finen).

It opnommen materiaal wurdt ôfharke en transkribearre yn it alfabet fan de *International Phonetic Association*. Fan it spraaksinjaal wurdt in saneamde *narrow transcription* makke, dat wol sizze, dat de transkripsje net allinne fonematysk is (dus dat de betsjuttingsûnderskiedende segminten oanjûn wurde), mar dat yn de transkripsje ek omtinken jûn wurdt oan ek it fonetysk-akoestysk detail (bygelyks de frije en kombinatoaryske farianten).

Dêrnei wurde de fonetyske transkripsjes ynfierd yn de kompjûter (foar in diel fia in spesjale kodearring, omdat it alfabet fan de *IPA* ek tekens befettet dy't net op in gewoan toetseboerd te finen binne). Mei help fan de kompjûter is it mooglik om út de grutte hoemannichte dialektgegevens frij flot de fonetysk-fonologyske eigenskippen fan elk item dat ôffrege is te witten te kommen.

Pas at alle gegevens yn transkribearre foarm opslein binne yn it ûnthâld fan de kompjûter, sil it earste risseltaat, in bliuwende en permanint tagonklike databank fan lûd- en foarmferskynsels fan Fryske en Frysk-Nederlânske dialekten, mei dêrby de etymologyske ynformaasje oer fokalisme en folchkonsonantisme, realisearre wêze.

5. Ta beslút

Mei it boppesteande binne de wichtichste saken oer it projekt nei foaren brocht. Fansels haw ik lang net alles neame kind. Boppedat haw ik allinne praat **oer** it projekt: (earste) risseltaten fan ûndersyk oan 'e hân fan de gegevens dy't sammele wurde hawwe net oan 'e oarder west. At de faze fan it fjildwurk ôfsletten is, sille dy meidertiid, yn in oar ferbân, presintearre wurde kinne.

Fryske Akademy
Ljouwert

NOATEN

1. Yn de namme fan it projekt is it adjektyf *Fryske* tusken skrapkes set, omdat, sa't we fierder noch sjen sille, net allinne de Fryske dialekten yn it projekt behelle binne, mar ek de Frysk-Nederlânske (ming)dialekten.
2. Ferslach fan de gearkomste fan 21/9 1979 fan it *Wurkferbân foar Dialektology* fan de Fryske Akademy.
3. Oan 'e stúdzjes fan L.P.H. Eijkman, dy't folslein oriïntearre binne op fonetyske aspekten fan de dialekten (fan Grou, Hylpen en Skiermûntseach), geane we hjir foarby.
4. De stúdzje fan Tiersma (1979), dy't basearre is op it dialekt fan Grou, ûnderskiedt him fan de hjirboppe neamde monografyen troch it ûntbrekken fan wat Brouwer (1960) de "historische achtergrond" neamt. Om dy reden is dy stúdzje net opnommen yn it rychje dialektmonografyen.
5. Yn ûnderskate (dialekt)bibliografyen en oersjochartikels - bygelyks Brouwer (1960) en Århammar (1968) - is oer dat alles it nedige te finen.
6. Dat docht bliken út ûndersteand rychje wurdboeken fan de dialekten fan:
   * East- en West-Skylge (resp. Roggen 1976 en Van Wichen-Schol 1986);
   * It Amelân (Oud 1987);
   * Skiermûntseach (Fokkema 1968);
   * Hylpen (Blom 1981; yn dit ferbân kin ek it wurk fan Van der Kooy (1937) neamd wurde, dat foar it grutste part leksikografysk fan aard is - dêrnjonken wurdt û.o. omtinken jûn oan de skiednis, en oan oare aspekten fan it Hylpersk (fonology, morfology, dialekteksten)).

   Fierder besteane der plannen foar wurdboeken fan de dialekten fan Ljouwert en fan It Bilt (sjoch *Ut de smidte fan de Fryske Akademy* 21 (1987), nr. 3, side 8).
7. Fansels wol ik net beweare dat dialektwurdboeken allinne ornearre wêze moatte soene foar in publyk fan taalkundigen: sy binne fansels ek skreaun om lêzen en brûkt te wurden troch in oare doelgroep, de dialektsprekkers sels (ferlykje de opmerking fan Berns (1987:17)).
8. Ut soarte betwifelje ik net de brûkberheid fan de atlassen foar oarssoartich ûndersyk. Fierder is it likemin myn doel om te bewearen dat de yndirekte metoade net brûkt wurde kin by it sammeljen fan dialektmateriaal: der binne goeie redenen om fan dy wize gebrûk te meitsjen, bygelyks omdat op ienfâldige wize in grut gebiet bestrutsen wurde kin. Mar foar it fêstlizzen fan útspraakferskillen is de yndirekte metoade net botte gaadlik.
9. Alhoewol't sokke wurden miskien wol foarkomme kinne yn de Frysk-Nederlânske dialekten, is dochs besletten om dy ek yn dy dialekten net ôf te freegjen, en sa de list unifoarm te hâlden.
10. De útstellen ta wiziging en oanfolling binne besprutsen mei en fêststeld yn oerlis mei de begeliedingskommisje; yn dy kommisje sitte: A.C.M. Goeman (P.J. Meertens-Instituut), G. van der Meer (RAHS - R.U. Grins) en K. van der Veen (Fryske Akademy).
11. It die bliken, dat foar it projekt foar de Nederlânske dialekten de ûnderskate wizen fan tellen (mei foarkennis, of op basis fan de 'Kloeke-kaart' of in heksagoankaart) ta likernôch itselde oantal plakken laten. Uteinlik is it net foar dat projekt gearstald útgeande fan in gemiddelde fan ien plak it fakje op de 'Kloeke-kaart' (dus op grûn fan de yndieling sûnder foarkennis), mei lykwols ôfwikings dêrfan yn homogene taalgebieten (dêr in wat minder ticht net) of yn grinsgebieten (dêr in wat tichter net).
12. De taalgrins yn dat gebiet is sûnt Hof (1933) net feroare, sa't bliken docht út de stúdzje fan Jansma & Jelsma (1987).
13. Der wurdt gjin ûnderskie makke tusken manlike en froulike ynformanten. Foar it gemak tsjut ik de ynformanten hjir hieltyd oan mei de manlike foarm, en brûk ik de dêrby hearrende pronominale ferwizing.

BIBLIOGRAFY

Århammar, N. 1968 — 'Friesische Dialektologie', yn: L.E. Schmitt (ed.). *Germanische Dialektologie. Festschrift für Walter Mitzka zum 80. Geburtstag*, 264-317. Franz Steiner Verlag GMBH, Wiesbaden. (*Zeitschrift für Mundartforschung*. Beihefte, Neue Folge Nr. 5).

Berns, J.B. 1976 — 'De dialectologenconferentie. Een bericht', yn: *Taal en Tongval* 28, 67-82.

1987 — 'Het WALD en de andere dialectwoordenboeken', yn: *Den Schaorpaol* 8-4, 14-18.

Besch, W. et al. 1982 — *Dialektologie. Ein Handbuch zur deutschen und allgemeinen Dialektforschung*. Walter de Gruyter, Berlin [etc.]. (Handbücher zur Sprach-und Kommunikationswissenschaft. Band 1.1).

Boelens, K. & G. van der Woude 1955 — *Dialect-atlas van Friesland (Nederlandse en Friese dialecten)*. De Sikkel, Antwerpen. (Reeks Nederlandse Dialect-atlassen 15)

Boer, B. de 1950 — *Studie over het dialect van Hindeloopen*. Proefschrift Vrije Universiteit, Amsterdam.

Blom, G. 1981 — *Hylper Wurdboek*. Fryske Akademy, Ljouwert.

Brouwer. J.H. 1960 — 'De ontwikkeling van de dialectstudie in Friesland', yn: *Taal en Tongval* 12, 3-8.

Chambers, J.K. & P. Trudgill 1980 — *Dialectology*. Cambridge University Press, Cambridge [etc.].

Daan, J. & M.J. Francken 1972- — *Atlas van de Nederlandse klankontwikkeling (ANKO)*. N.V. Noord-Hollandsche Uitgevers Maatschappij, Amsterdam.

Daan, J. & P.J. Meertens 1963 — *Toelichting bij de Taalatlas van Noord- en Zuid-Nederland*. N.V. Noord-Hollandsche Uitgevers Maatschappij, Amsterdam. (BMDC 23)

Eichhoff, J. 1982 — 'Erhebung von Sprachdaten durch schriftliche Befragung', yn: Besch et al. (1982), 549-554.

Fokkema, D. 1968 — *Wezzenlist fan it Schiermonnikoogs mooi ieursatting yn it Friesk en Hollands*. Fryske Akademy, Ljouwert.

Fokkema, K. 1937 — *Het stadsfries. Een bijdrage tot de geschiedenis en de grammatica van het dialect van Leeuwarden*. Van Gorcum & Comp., Assen.

Fokkema, K. & J.J. Spahr van der Hoek 1967 — *Taalatlas fan de Wâlden/Linguistic atlas of the eastern part of Friesland*. Van Gorcum & Comp. N.V., Assen.

Goeman, A.C.M. 1984 — *Klank- en Vormverschijnselen van het Dialect van Zoetermeer*. P.J. Meertens-Instituut [...], Amsterdam.

Goossens, J. 1965 — *Die Niederländische Strukturgeographie und die "Reeks Nederlandse Dialectatlassen"*. N.V. Noord-Hollandsche Uitgevers Maatschappij. Amsterdam (BMCD 29).

1977[2]	*Inleiding tot de Nederlandse Dialectologie.* Wolters- Noordhoff, Groningen.
Heeroma, K. 1957-	*Taalatlas van Oost-Nederland en aangrenzende gebieden.* Van Gorcum & Comp., Assen.
1959	'Friese dialectologie', yn: *Philologia Frisica Anno 1959*, 79-92. J.B. Wolters, Grins.
Hoekema, T. 1979	*Lânfrysk – Skiermûntseager wurdlist.* Frysk Ynstitút [...], Grins. (Estrik 56).
Hof, J.J. 1933	*Friesche Dialectgeographie.* Martinus Nijhoff, 's Gravenhage.
Jansma, L.G. & G.H. Jelsma 1987	'Language, language borders, and social strata', yn: *International Journal of the Sociology of Language* 64, 21-35.
Jongen, R. 1982	'Theoriebildung der strukturellen Dialektologie', yn: Besch et al. (1982), 248-277.
Kloosterman, P. 1907	*Het vocalisme der beklemtoonde lettergrepen van den Metslawierschen tongval, historisch uiteengezet. Een bijdrage tot de kennis der historische grammatika van het Nieuwwestfriesch.* J.B. Wolters, Groningen.
Knop, G. 1954	*De spraakkunst der Terschellinger dialecten.* Van Gorcum N.V., Assen.
Kooy, T. van der 1937	*De taal van Hindeloopen.* Martinus Nijhoff, 's- Gravenhage.
Menge, H.H. 1982	'Erhebung von Sprachdaten in 'künstlicher' Sprechsituation (Experiment und Test)', yn: Besch et al. (1982), 544-549.
Miedema, H.T.J. & T.J. Steenmeijer-Wielinga 1972	*Dialecten van de Friese west- en zuidkust. Het veldwerk van Prof. dr. K. Fokkema.* Fryske Akademy, Ljouwert.
Oud, A.G. 1987	*Woa'deboek fan ut Amelands.* Fryske Akademy, Ljouwert.
RND	*Reeks Nederlandse Dialect-atlassen.* sjoch ek: Boelens, K. & G. van der Woude.
Roggen, C. 1976	*Woordenboek van het Oosterschellings / Wêdenboek fon et Aasters.* Fryske Akademy, Ljouwert.
Spenter, A. 1968	*Der Vokalismus der akzentuierten Silben in der Schiermonnikooger Mundart.* Munksgaard, Kopenhagen.
Taalatlas 1939-	*Taalatlas van Noord- en Zuid-Nederland/Taalatlas van het Nederlands en het Fries.* E.J. Brill, Leiden.
Tiersma, P.M. 1979	*Aspects of the phonology of Frisian based on the language of Grou.* Vrije Universiteit, studierichting Fries, Amsterdam.
Wichen-Schol, M. van 1986	*Woddenboek fan et Westers.* Fryske Akademy, Ljouwert.

NEIPETEAR

H.D. Meijering: ik bin wat kjel wurden fan de relativearjende manier wêr-op't jo oer Hof praten ha. Hof hat hiel sekuer harke.
D.H. Veenstra: ik ha allinne tekoarten wat it 'wurkgebiet' oanbelanget út-tsjut (de eilannen en de stêden net). Ik bin it mei jo iens dat Hof in goed oer-sjoch fan spraakferskillen jout.
R. de Boer: hoe binne jimme kommen ta dy 52 plakken en wurdt by dy iene ynformant per plak ek sjoen nei oplieding en berop?
D.H. Veenstra: op grûn fan achtergrûnkennis fan it dialektferskaat binne dy 52 plakken keazen en der is foar in goeie sprieding oer de hiele kaart soarge. Fierdere kritearia binne oansluting by oangrinzgjende dialekten en foarkommen yn it net fan it RND.
Nei oplieding is net sjoen omdat dat foar de leeftiidsgroep dêr't de ynfor-manten yn sitte, minder wichtich is. Ik sis der fuort by dat it net om it 'ideale' dialekt giet. It dialekt fan de ynformant stiet foarop en as dêr ynter-ferinsjes yn foarkomme, dan nimme wy dat sa op. Yn de praktyk is it wolris sa dat der noch immen by de ynformant sit dy't oanfollingen jout. Ik gean der fanút dat de ynformant represintatyf is foar in bepaald dialekt mar ik pretindearje net dat alle foarmen fan dat dialekt fongen wurde.
N.R. Århammar: hoe wurde de gegevens kontrolearre?
D.H. Veenstra: yn it foarste plak kinne jo monografyen, lytsere stúdzjes en wurken as de *Dialect-atlas van Friesland* brûke as kontrôlemiddel, foarsa-fier't de data dêr yn steane. Fierders binne der bannen mei spontaan taal-gebrûk fan it P.J. Meertens-Instituut.
A. Feitsma: jo rinne it gefaar dat jo as ûndersiker soms net fuort yn 'e gaten ha dat de ynformant ynterferearret, of in standertfryske foarm brûkt dy't net yn syn dialekt foarkomt. By twivel freegje jo troch, mar as jo ris net twi-velje, freegje jo net troch. Dêr sit in ûnegalens. En as guon minsken sûf-flearje, krije jo dan noch wol de suvere lûding fan jo ynformant?
D.H. Veenstra: ik sis tsjin de ynformanten dat it der om giet hoe't se it wurd dat se wend binne te brûken, útsprekke en net hoe se tinke dat dat moatte soe neffens de noarm.
A. Feitsma: it soe in earliker byld jaan as jimme by de dialektgeografyske yndieling rekken hâlden hiene mei in ferskynsel as it forinzeplak. De sprieding fan dialekten is no fansels oars as yn Hof syn tiid.
D.H. Veenstra: jo suggerearje dat it feit dat in soad minsken fan bûtenôf komme, syn wjerslach op it dialekt fan de autochtoanen hat. Dat kin, mar foar de útspraak fan de leeftydsgroep dêr't ús ynformanten yn sitte, sil dat wat tafalle. De fraach is fansels op hokker nivo dat syn wjerslach hat op de taal fan de autochtoanen.
J. Ytsma: wêrom beheint dit projekt him ta horizontale taalfariaasje? De dialektology ûntjout him dochs yn de rjochting fan de sosjolingwistyk.
D.H. Veenstra: sosjolingwistysk ûndersyk is op dit stuit mear yn 'e moade, mar dat betsjut noch net dat it oare dêrmei net mear wearde hat. De útein-

like bedoeling is dat mei dit ûndersyk letter ûndersyk nei taalferoaring en taalskiednis mooglik makke wurdt.
J.B. Berns: de bedoeling van het projekt van het P.J. Meertens-Instituut is om in één grote onderneming de klanken en de vormen monodialektaal van de Nederlanders vast te leggen, aansluitend bij de traditie van de monografieën met als referentiesysteem het Westgermaanse systeem. Het heeft dus een historisch-taalkundige dimensie. Alle relativeringen die er te maken zijn, zijn van te voren gemaakt. Het is een projekt met veel gebreken, maar dat hebben we altijd geweten. Het P.J. Meertens-Instituut zat nog met een witte vlek op de kaart van Nederland. Vandaar dit onderzoek in Friesland dat gezien moet worden als het aanleggen van een databank op basis waarvan later verdieping kan volgen.

Zur Rekonstruktion des altfriesischen Lexikons mit Hilfe der neufriesischen Dialekte

Prof. N.R. Århammar (Frysk Ynstitút Ryksuniversiteit Grins)

1. Einleitung

Auf dem Friesischen Philologenkongreß 1969 hielt Dietrich Hofmann einen Vortrag mit dem Titel "Die Erschließung des altfriesischen Wortschatzes". Darin legte er Rechenschaft ab über das von ihm in Arbeit genommene "Altfriesische Handwörterbuch" und stellte verschiedene Fragen der Bearbeitung und Präsentation des altfriesischen Wortmaterials zur Diskussion. Ging es Hofmann damals somit um die Erschließung des tatsächlich überlieferten Teiles des altfriesischen Wortschatzes, also um Erschließung im Sinne von 'Zugänglichmachen', so soll uns heute die Erschließung des - übrigens weitaus größeren - nicht belegten Teiles des altfriesischen Lexikons beschäftigen, "erschließen" hier also im Sinne von 'rekonstruieren', und zwar aufgrund der neufriesischen Dialekte Nord-, Ost- und Westfrieslands seit der ältesten Überlieferung, d.h. seit dem Ende des sechzehnten Jahrhunderts. Was Westerlauwers Friesland betrifft, so ist die Umschreibung "Rekonstruktion mit Hilfe der neufriesischen *Dialekte*" im weitestmöglichen Sinne zu verstehen, umfaßt also das Gesamt des volkssprachlichen Wortschatzes der sog. mittel- und neufriesischen Periode. Grundsätzlich in die Rekonstruktion einbezogen werden sollten holländische und niederdeutsche Dialekte auf friesischem Substrat, einerlei ob der Sprachwechsel Friesisch-Holländisch bzw. Friesisch-Niederdeutsch bereits im Mittelalter (so etwa in der nordholl. Landschaft Westfriesland) oder erst im Zeitraum vom 16. bis zum 18./19. Jahrhundert stattgefunden hat. Die Herausarbeitung des friesischen Reliktwortschatzes in den holländischen und niederdeutschen Dialekten der ehemals friesischen Gebiete mit Hilfe der einschlägigen Wörterbücher, Wortatlanten etc. stellt allerdings ein eigenes Teilprojekt dar, das sich ausgezeichnet als Dissertationsthema eignen würde.
Bevor ich ins Detail gehe, möchte ich ein- und überleitend Geburtsstunde und -umstände des hier erstmalig vorgestellten Gesamtprojekts kurz schildern. Geburtsort war die Sommerfrische an einem südwestfinnischen See. Dort las ich einige Sonderdrucke von meiner Nottinghamer Kollegin Christine Fell, darunter einen Aufsatz "Some domestic problems" (1985), der das altenglische Küchengerät anhand des bekannten Manuskripts "Gerefa" behandelt. Daraufhin schrieb ich der Kollegin u.a. folgendes (ich zitiere aus meinem Brief vom 26. Juli 1986):

"First I read your contribution to the Festschrift for Prof. Cross. This reading even created in me an idea for a (in my own view, at least) promising

project: The reconstruction of the Old Frisian lexicon on the basis of New Frisian. The lexicon of the New Frisian dialects is very archaic, and the attestation of the Old Frisian lexicon is rather fragmentary, Old Frisian tradition being little more than legal texts, what gives rich opportunity for such a reconstruction and certainly would be of great value for Germanic lexicology, as Modern Frisian is hardly known to scholars of Old Germanic [. . .].

In all North Frisian dialects OE *crohha* (a variant of *crocca* in Gerefa?) is the word for a (big) cast iron pot ('gußeiserner Kochtopf'), and so also in the very archaic East Frisian dialect of the Isle of Wangerooge (now extinct, but very well attested by Ehrentraut in his Friesisches Archiv 1847-1854; it is also attested in Old Frisian, but (to my knowledge) only in the meaning of 'brazier, a pan for holding lighted charcoal or embers'. In most North Frisian dialects OE *disc/dix* (in the form of *dask, desk*) is in use for 'serving-dish', which also seems to be a very archaic usage. For 'table' (High/Low Germ. *Tisch/Disch*) four different North Frisian words are used in the different dialects; the original 'Frisian' one seems to be *staal* in the dial. of the Isle of Sylt, also as second element in *boosel* (dial. of the Isles of Föhr and Amrum) from **bord-stall*. These three examples are, of course, inspired by your article.

If a certain word is only kept in North Frisian, this often is due to Old Danish interference ('lexikalische Stützung' ["lexical support"] I called it in a paper from 1965), for example *knif* 'knife', which – I thought (and still think) – perhaps became the general word also in Middle English because of Old Danish lexical support. I stress this point, because NFris. *dask, desk* (from ONFris. **disk*), which is not attested in West and East Frisian, might be due to lexical support from Old Danish, too."

Nun ist es natürlich wiederum nicht so, daß die bloße Lektüre des genannten Aufsatzes zum altenglischen Hausrat plötzlich und unvermittelt das friesische Rekonstruktionsprojekt in mir generiert hätte.[1] Zu erinnern ist zunächst an die groß ange-legten Untersuchungen der 60er Jahre von Ernst Löfstedt und Gotthard Lerchner[2] zum nordsee- bzw. nordwestgermanischen Wortschatz; von ersteren wird im weiteren Verlauf des Vortrags näher die Rede sein. Dazu kommt eine jahrzehntelange eigene Beschäftigung mit der neu- und altfriesischen Lexik, zuletzt im Rahmen des "Atlas Linguarum Europae" (ALE), bei dem gerade die historische und germanistisch-komparatistische Dimension des heutigen friesischen Dialektwortschatzes gefragt ist. In diesem Zusammenhang ist auch der auf dem 4. Friesischen Philologenkongreß gehaltene Vortrag "Die Herkunft des Insel-nordfriesischen im Lichte der Wortgeographie" (insbesondere die Übersichten im Anmerkungsteil) zu nennen, ferner die Studie über "Die friesischen Wörter für 'Rad' ('Wheel')" in der Festschrift für Peter Jørgensen (1969) sowie der Beitrag zur Gedenkschrift für Meinte Oosterhout

(Us Wurk 1972/73) mit dem Titel "A Frisian Supplement to Buck's Dictionary of Selected Indo-European Synonyms?".

2. Berührungspunkte mit dem geplanten Buck-Supplement und mit dem Friesischen Teilprojekt des Atlas Linguarum Europae

Der im letzgenannten Aufzatz vorgelegte Plan und das Projekt "Das Friesische im Atlas Linguarum Europae" haben sowohl untereinander als auch mit dem hier präsentierten Rekonstruktionsprojekt zahlreiche Berührungspunkte oder gar Überschneidungen aufzuweisen. Dies braucht kein Nachteil zu sein, eher umgekehrt, denn der wissenschaftliche Impetus, der von der Ausführung eines Projekts (bisher "Das Friesische im ALE") ausgeht, wird sich anregend und unterstützend auf die anderen, in ähnliche Richtung zielenden Projekte auswirken.

Zu Ihrer Information seien hier eben die quantitativen Daten der beiden älteren Projekte rekapituliert: die Planung des friesischen Supplements zu Buck sah bzw. sieht die Erfassung der friesischen Bezeichnungen möglichst aller Sprachstufen und Dialekte für beinahe 1450 Begriffe vor, verteilt auf 22 Sachgebiete, sowie deren etymologische Bearbeitung einschließlich der Feststellung von Lehnwörtern und Lehnübersetzungen. Der erste, ausschließlich den Wortschatz betreffende ALE-Questionnaire umfaßt nur etwas mehr als ein Drittel der Anzahl im Buckschen Lexikon enthaltenen Begriffe und deckt sich - da beide Werke sich naturgemäß auf die zentraleren Begriffe der verschiedenen Sachgebiete beschränken mußten - inhaltlich weitgehend mit diesem. Abgefragt wurden die 546 Begriffe in fünf westerlauwersschen Dialekten (darunter natürlich die drei stärker abweichenden von Terschelling, Schiermonnikoog und Hindeloopen), in dem einzigen übriggebliebenen ostfriesischen (also dem Saterländischen, durch Pyt Kramer) sowie in den drei nordfriesischen Inseldialekten und dem zentralen Festlandsdialekt (Mooringer Frasch). Die Bearbeitung des friesischen Materials wird durch den Vortragenden besorgt, dem seit 1984 zugleich die Leitung des germanischen Departements des ALE obliegt.

Aus dieser knappen Übersicht der beiden sich ergänzenden Projekte dürften die Unterschiede zum heutigen Rekonstruktionsprojekt hinlänglich deutlich geworden sein. Einerseits ist dessen Zielsetzung vom Umfang her beschränkter, indem es bei ihm 'lediglich' um die Ergänzung des überlieferten altfriesischen Wortschatzes mittels Rekonstruktion aufgrund des gesammelten nachmittelalterlichen Wortschatzes der heutigen oder vormals friesischen Sprachgebiete handelt. Andererseits - und das fällt natürlich ungleich schwerer ins Gewicht - müssen für die Ausführung des Gesamtprojekts gewaltige Wortschatzmengen gesichtet und - soweit relevant - bearbeitet werden. Schwierigkeiten können dabei bereiten sowohl die Feststellung der Relevanz so manchen Wortes (also die Beantwortung der Frage: "Darf mit ausreichender Sicherheit angenommen werden, daß dieses Wort dem Altfriesischen angehört hat?"), als auch die Rekonstruktion

der richtigen altfriesischen Wortform und -bedeutung selbst. Die Ausführung des Gesamtprojekts kann denn auch nur als Fernziel anvisiert werden, zu dem ein langer Weg kleinerer Schritte (sprich Teilprojekte) führt.

3. Wissenschaftliche Relevanz des Rekonstruktionsprojektes

Spätestens an dieser Stelle, angesichts der solchermaßen skizzierten Dimensionen des Rahmenprojektes, werden Sie, meine sehr geehrten Damen und Herren, sich und mir die berechtigte Frage nach Sinn und wissenschaftlicher Relevanz einer solchen Forschungsunternehmung stellen. Für die Rekonstruktion des altfriesischen Wortschatzes als isolierter Zielsetzung, gewissermaßen als frisistischen Selbstzweck, würde rein wissenschaftlich vielleicht in der Tat nicht allzuviel sprechen, es sei denn man verspräche sich von dem Vorhaben wesentliche Fortschritte in der sprachgeographischen und etymologischen Erforschung des Friesischen (unter gleichzeitigem Erkenntnisgewinn bezüglich der friesischen historischen Phonologie und Semantik), oder man sähe die Rechtfertigung für den Forschungsaufwand mit in den zu erwartenden Ergebnissen für Kulturgeschichte und Volkskunde der Friesen.
Im Hinblick auf das Letztgenannte sei auf zwei groß angelegte Werke verwiesen: die auf etwa 15 Großbände konzipierte zweite Auflage des "Reallexikons der germanischen Altertumskunde" sowie das rund 20 Bände umfassende "Kulturhistorisk leksikon for nordisk middelalder", in denen kultur-, sach- und wortgeschichtliche Artikel parallel laufen und sich gegenseitig ergänzen. In dieser Richtung ist nun denn aber auch die hauptsächliche wissenschaftliche Legitimation des hier präsentierten Projektes zu suchen, nämlich in der Erfüllung der Aufgabe, die der Frisistik als einem Teil der Germanistik, hier im weitesten Sinne verstanden, erwächst. Und obwohl das Friesische als ingwäonische Kern- und Restsprache mit besonderen Beziehungen zum Nordgermanischen eine Art Schlüsselstellung einnimmt, wird diese "kleine" Philologie (auch wohl das Mauerblümchen der Germanistik genannt) in Übersichtswerken wie dem Buckschen Lexikon viel zu oft, unnötig oft, außen vor gelassen. Im lexikalischen Bereich liegt das zweifelsohne teils an der recht einseitigen und lückenhaften altfriesischen Überlieferung, teils an der schweren Zugänglichkeit des so stark differenzierten neufriesischen Dialektwortschatzes. Gerade auf das Erlangen der dem Friesischen zukommenden Bedeutung innerhalb der historischen Lexikologie des Germanischen zielt das Rekonstruktionsprojekt. Wäre es – mag der eine oder andere Skeptiker einwenden – zur Verwirklichung der genannten Zielsetzung denn nicht ausreichend, ein friesisches Supplement zu Buck zu schaffen? Ich meine *nicht*; denn immer wieder muß festgestellt werden, daß in dessen doch recht begrenztem Begriffskorpus vielfach gerade die in wortgeographischer und/oder etymologischer Hinsicht besonders interessanten Wörter fehlen. Davon kann man

sich mit Hilfe der eingangs erwähnten Werke von Ehrentraut, Löfstedt und Lerchner sowie von Spenter (1968) und anderen überzeugen.

4. Konkretisierung des Rekonstruktionsprojektes anhand der "Beiträge zur nordseegermansichen und nordseegermanisch-nordischen Lexikographie" von Ernst Löfstedt

Nach den bisherigen allgemeineren Ausführungen wird es Ihnen, sehr verehrte Anwesende, sicherlich willkommen sein, eine exemplarische Konkretisierung des Rekonstruktionsprojektes vorgelegt zu bekommen. Dies kann nun am einfachsten und geeignetsten geschehen anhand von Löfstedts "Beiträgen zur germanischen und nordseegermanischnordischen Lexikographie", veröffentlicht in der in Lund (Schweden) herausgegebenen Zeitschrift "Niederdeutsche Mitteilungen" 1963-1969. Diese bieten für unseren Zweck verschiedene Vorteile: es wird ein im germanischen Rahmen wortgeographisch besonders interessanter Ausschnitt des friesischen Wortschatzes aller Perioden und Dialekte präsentiert, nach sieben Sachgebieten gegliedert. Dabei läßt sich direkt ablesen, ob ein bestimmtes Wort im Altfriesischen belegt ist oder nicht. Eine von Löfstedt selbst eingestandene Beschränkung bildet der Umstand, daß er den mittel- und neuwestfriesischen Wortschatz auf der Suche nach relevanten Wörtern nicht systematisch durchgesehen hat (zur Verdeutlichung: unter relevanten Wörtern sind hier ausschließlich solche Wörter zu verstehen, die im Nordseegermanischen oder Ingwäonischen, gegebenenfalls auch im Nordgermanischen belegt sind). Von den sieben Sachgruppen ist eine aus leicht ersichtlichen Gründen für unseren Zweck unergiebig, nämlich "VI. Rechtswörter"[3]; sie wird hier - auch bei den quantifizierenden Angaben -vernachlässigt.

Die beiden ersten Sachgebiete können kurz gefaßt "Landwirtschaft" und "Haus und Hof" überschrieben werden. Von den von Löfstedt gefundenen spezifisch nordseegermanischen oder nordseegermanisch-nordischen Wörtern, 75 an der Zahl, sind nur 20 auch im Altfriesischen belegt. Hier wirft die Rekonstruktion also einen beeindruckenden Zugewinn für das altfriesische Lexikon ab! Einige Beispiele mögen Art und Bedeutung dieser altfriesischen Neuzugänge für die germanische Wortgeographie und/oder Etymologie veranschaulichen:

Nicht altfriesisch belegt ist der Begriff 'Sense' (nl. 'zeis'). Aufgrund der ost- und nordfriesischen Mundarten läßt sich afries. **lē* rekonstruieren, daneben - von Löfstedt nicht genannt - die von Heeroma als ingwäonisch erkannte Bildung **sēnde/seinde*[4] nach Ausweis von wfries. *seine/* föhr.-amr. *sän'*, veralt. syltr. *sjen'*. Ganz zu schweigen natürlich von den Bezeichnungen der Teile der Sense. Ferner z.B. afries. **hrīve* 'Heuharke', ein ingwäonisch-nordisches Wort, zu rekonstruieren aufgrund aller drei friesischen Hauptdialektzweige.

Hinsichtlich der Getreidearten führt Löfstedt für 'Gerste' das aufgrund

von festl.-nfr. *beer* und ins.-nfr. *beri* rekonstruierte afr. Etymon **bere* bzw. **berīn* an; er ist sich natürlich dessen bewußt, daß das Wort wegen seines Vorkommens im Gotischen (got. *barizeins* 'aus Gerste', eine mit lat. *farīna* und altins.-nfr. **berīn* identische Adjektivbildung) eigentlich nicht zum exklusiv nordseegermanischen Wortschatz gehört. Im übrigen spukt in den etymologischen Wörterbüchern, zuletzt noch in Winfred P. Lehmanns neuem "Gothic etymological Dictionary", die afries. Geisterform *ber* 'Gerste' herum, die auf Jacob Grimms Erklärung von afries. *berielda* 'Gerichtsuntertan' als "Gerstenzinspflichtiger" zurückgeht[5]; auch v. Heltens Emendation von *hēregers* ('Pachtweide') in *beregers* 'Gerstenland' ist, wie Sjölin im Anschluß an Holthausen richtig erkannt hat[6], hinfällig. Übrigens sind auch die altfriesischen Wörter für 'Hafer' und 'Erbse' nicht belegt: **hever* (woraus auch wfries. *hjouwer*) bzw. **aret* (neben altins.-nfr. **eret*).

* een vrouw dient haar kind zelf te voeden, er zelf voor te zorgen, en het niet aan de zuigfles en de zorg van de dienstbode over te laten;
* vrouwen dienen niet naar de markt te gaan, maar thuis te blijven;
* vrouwen dienen van anders mannen af te blijven;
* vrouwen dienen niet te roddelen;
* vrouwen dienen geen bezoek te ontvangen;
* vrouwen dienen spaarzaam te zijn;
* vrouwen dienen de tradities op het platteland in ere te houden.

Wat Aagtje doet is hier nogal mee in tegenspraak. Een catalogus van haar ondeugden:

* Aagtje roddelt;
* Aagtje haalt mensen over de vloer;
* Aagtje is lui: ze besteedt haar naaiwerk uit aan Pytsjemuoi en ze staat te laat op;
* Aagtje weigert samen met haar man naar bed toe te gaan;
* Aagtje behandelt de dienstbode onjuist;
* Aagtje valt uit tegen haar kinderen als die dingen zeggen die haar niet welgevallig zijn, maar wel kloppen;
* Aagtje bespreekt haar ruzie met Tys met de buurvrouw;
* Aagtje staat op tegen haar man;
* Aagtje gelooft in mooie praatjes;
* Aagtje is bijgelovig;
* Aagtje wil dat Tys afziet van de gewoonte op het platteland om diegenen die afhankelijk van hem zijn, van spek te voorzien;
* Aagtje kan rekenen als het haar goed uit komt, maar niet als het haar slecht uitkomt.

Hoe zit het met Tys, de man van Aagtje? Hij maakt niet de indruk een boeman te zijn. Na de wat hysterische reaktie van Aagtje als bekend wordt dat Trien Bont over de vloer geweest is, probeert hij haar te sussen. Hij zegt dat hij best tevreden met haar is. Ook in de laatste gesprekken voor haar dood troost hij haar. Hij verzekert haar dat God van de mens geen in alle opzichten vlekkeloos gedrag verwacht. God geeft zijn genade niet aan "hekkepalen en blokken steen" maar aan mensen, zegt hij. Tys geeft vooral de indruk

met de zaak verlegen te zijn en niet goed te weten wat hij moet. Zijn opmerkingen, die verspreid in het verhaal voorkomen, komen er op neer dat vrouw en man hun plicht moeten doen, en voorts moeten vertrouwen op Gods zegen.

Het is niet aannemelijk en niet waarschijnlijk dat de normen die Aagtje zo goed kent haar door haar man opgelegd zijn, noch dat hij de oorzaak is van haar gespletenheid. Tys is nogal wettisch; zijn stelregel is dat men zich, voorzover menselijkerwijs mogelijk is, houdt aan de regels die God opgelegd heeft. Vrede en geluk zijn dan Gods gave aan de mens. Hoewel Tys weet hoe het hoort, mist hij de kracht om Aagtje te richten. De verteller legt de wortels voor Aagtjes verdorvenheid in haar jeugd en in haar afkomst. Ze is verwend en opgevoed door een moeder die ook al niet best was. - Interessant in dit verband is dat de verteller ons inlicht dat Aagtjes voorouders oorspronkelijk niet uit Friesland komen.[22]

We kunnen ons afvragen wat de oorzaak van Aagtjes gespletenheid is. Aangezien Aagtje geen patiënt is, maar een papieren mens, kunnen we het bij speculaties laten. Interessanter voor onze vraagstelling is het feit dat in dit verhaal vrij aardig een herkenbaar symptoom beschreven is. We mogen veronderstellen dat de schrijver dergelijk gedrag bij vrouwen waargenomen heeft. Als deze veronderstelling juist is, dan zouden we ook mogen veronderstellen dat het de voorgeschreven praktijk was om zulke vrouwen als Aagtje met harde hand aan te pakken. Deed men dat niet, dan waren de gevolgen duidelijk: schulden en disharmonie. Tys lijkt van Aagtjes dood geleerd te hebben. Hij begint al bij het sterfbed van Aagtje met het stellen van een daad: de kinderen moeten hem gehoorzamen en hun dood gedenken.

Werking

Verschillende letterkundigen hebben gewezen op de levendigheid waarmee Eelke Meinderts zijn vrouwenfiguren tekent; de beschrijving van Tys zou daarentegen vlak zijn. Men ziet dit als een tekortkoming van de schrijver. Het kan echter heel goed een gevolg zijn van de moraal die de schrijver predikt. Was er gezien de wijze waarop Eelke Meinderts de wereld voorstelt een levendiger Tys mogelijk?

Impliciete moraal in *It libben fen Aagtje Ysbrants* is dat man en vrouw één horen te zijn; zij horen één lijn te voeren in de huishouding. Worden er twee lijnen gevolgd, dan is de één de ander een plaag. Op verschillende manieren kan eendracht in het huwelijk bewerkstelligd worden. Of wel man en vrouw bepalen samen hun gedrag naar buiten toe, jegens kinderen, ouders en omgeving. Of wel de ene partij accepteert voetstoots de autoriteit van de ander, dan wel de ene partij legt de andere zijn/haar wil op. Een derde mogelijkheid is dat er op verschillende terreinen verschillende macht is: zo bepaalt de één meer de huishoudelijke zaken, terwijl de ander de relaties met buiten onderhoudt. Hoe zit dit in *It libben fen Aagtje Ysbrants*?

De verteller suggereert dat Tys de juiste voorstelling heeft van de financiële toestand van het gezin. Tys komt zorgelijk van de markt terug. De dieren die hij wilde verkopen op de markt, brachten zo'n lage prijs op, dat hij bang is de belastingen waaraan hij onderworpen is, niet te kunnen betalen. Aan het gelijk van Tys is Aagtjes koopgedrag onderworpen. (En ons oordeel daarover.) Immers zij moet in samenspraak met haar man haar inkopen regelen. Nergens is er daarentegen sprake van dat Aagtje een prijs bedingt voor de produkten die Tys naar de markt brengt. M.a.w. de objectieve bestaanscondities van het gezin Ysbrants worden, zo suggereert de verteller, door de man Tys gekend. Hij verschaft de Realiteit, de vanzelfsprekende orde der dingen.

Eigenlijk is niet Aagtje het onderwerp van het verhaal, maar de vanzelfsprekende orde der dingen. Het verhaal is een pleidooi voor de opvoeding tot onderwerping aan deze vanzelfsprekendheid. Kennelijk moet het vanzelfsprekende aangeleerd worden. In dit verband is het interessant dat de verteller ons nog even een blik gunt op het leven van Tys en zijn kinderen na Aagtjes dood. Dan valt op dat Tys zijn kinderen hard aanpakt. Vooral de jongste dochter Aagtje, die aardt naar haar moeder, moet het ontgelden. Door toezicht en bestraffing moet haar neiging tot verfraaiing, sier en opschik uitgebannen worden. Anders zal zij net zo eindigen als haar moeder.

Door de levendige en rake beschrijving van Aagtjes gespletenheid en haar hysterisch gedrag weten we dat de invoeging in de vanzelfsprekende orde der dingen niet zonder pijn en moeite gaat. *It libben fen Aagtje Ysbrants* is zo gelezen een verslag van een mislukte aanpassing van de individu aan de gewone orde. Uit het verhaal spreekt een optimisme, in die zin dat een juiste opvoeding verhinderen kan dat de aanpassing niet zou slagen. Het is echter een opvoeding in het teken van de dood, want immers in het gedenken van de dood ligt de reden om God te gehoorzamen (mutatis mutandis: kinderen hun vader) en zich te voegen naar de realiteit. Eelke Meinderts vrouwen lijken zich te verzetten tegen die dood en zich over te geven aan het leven, het hier en nu, en het genot. Ze eten en drinken lekker, ze brengen hun dagen plezierig door, ze kopen de dingen die ze mooi vinden. Hoewel hun genot ons niet verfijnd voorkomt, is de levendigheid waarmee de "zonde" getekend is een onbedoelde, onbewuste overschrijding van de doodsheid van Tys' realiteit. Eelke Meinderts verhaal heeft zo een dubbele boodschap: enerzijds dwingt de verteller ons tot de veroordeling van Aagtje, anderzijds kan hij de levenskracht van de a-religieuze Aagtje en haar gelijken niet geheel voor ons verborgen houden.

NOTEN

1. Meinderts, Eelke. It libben fen Aagtje IJsbrants of dy Frieske Boerinne. Magnus Rige. Bolsward, 1954. (Eerste uitgave 1779).
2. Ph.H. Breuker wees mij erop dat hij er niet van overtuigd is dat Eelke Meinderts de auteur is van *It libben fen Aagtje Ysbrants*. Hij neemt aan dat Feike van der Ploeg wel eens de auteur kan zijn geweest.
3. Riemersma, T. *Proza van het platteland*. Bolsward, 1984.
4. Poortinga, Y. *It Fryske Folkstoaniel 1860-1930*. Assen, 1940.
5. Poortinga, Y. *Spegel fan it folkslibben*. Estrikken nr. XXX, Groningen, 1960.
6. Zie b.v. Dijkstra, K. *Lyts hânboek fan de Fryske literatuer*. Leeuwarden, 1977.
7. Warren, A., Wellek, R. *Theory of literature*. (New Revised Edition) New York, 1975. p. 29-38.
8. Zie b.v. het werk van Michel Foucault en van Julia Kristeva.
9. Dijkstra, W. Leare of net leare. In: Dijkstra, W. en T.G. van der Meulen. *Fríske Winterjoune-nocht II*. Leeuwarden, 1864.
10. Halbertsma, J.H. Oan Eolus. In: J.H., E. & T Halbertsma, *Rimen en Teltsjes*. Bolsward, 1978 (eerste druk 1871).
11. E. Halbertsma, De Jonkerboer. In J.H., E. & T Halbertsma, *Rimen en Teltsjes*. Bolsward, 1978 (eerste druk 1871).
12. Zie b.v. Dijkstra, W. *De Fryske Thyl Ulespegel*. Bolsward, 1953 (eerste druk 1860).
13. Poortinga, Y. *It Fryske Folkstoaniel*. p. 29.
14. Idem, p. 29.
15. Poortinga, Y. *Spegel fan it folkslibben*. pag. 159-162.
16. Vandenbroecke, C. *Vrijen & Trouwen van de Middeleeuwen tot heden*. Brussel/ Amsterdam, 1986.
17. Vandenbroecke, *Vrijen & Trouwen*. p. 42.
18. Faber, J.A. *Drie eeuwen Friesland*. Leeuwarden, 1977. (zie vooral hoofdstuk II en III).
19. Dat men mijn analyse weinig invoelend vond, merkte ik ook aan de reacties van vooral vrouwen na afloop van de lezing die ik hield over *Aagtje Ysbrants*. Zij wezen mij op het feit dat ik geen begrip had voor de logica van het "gebod" geen bezoek te ontvangen. Men veronderstelde als vanzelfsprekend dat dit gebod te maken zou hebben met het vele werk dat een boerin met kleine kinderen heeft. Hoe vaak is het echter niet zo dat een bijzaak hoofdzaak wordt?
20. Zonder dit hier verder toe te lichten, wil ik erop wijzen dat er veel overeenkomsten zijn tussen de bevindingen van Vandenbroecke, maar ook kunnen door wat de analyse van Aagtje Ysbrants oplevert, vragen bij een aantal van zijn bevindingen gezet worden.
21. Freud, S. *Abriss der Psychoanalyse*. Frankfurt, 1977. p. 57 (Oorspronkelijke publicatie 1938).
22. De opmerkingen hierover verschaffen materiaal voor de analyse van "eigen" en "vreemd" in dit verhaal.

J. v.d. Weg-Laverman: Jo hawwe sein, dat jo by jo literêr-histoarysk ûndersyk útgean wolle fan de kultuer en de ideeën fan de hiele kontekst, dêr't in bepaald wurk yn ûntstien is. Wêrom brûke Jo dan by de analyze fan Aagtje Ysbrants jo eigen tweintichste-ieusk-feministyske útgongspunten?
E. Brouwer: Ik ha besocht te sizzen dat ik in allinnich literêr-estetyske benadering fan de njoggentjinde-ieuske literatuer net befredigjend fyn. Ik wol diz ze literatuer beskôgje as in part fan in discours. Hoe't je dat krekt dwaan moatte is in belangryk ûnderdiel fan myn dissertaasje-ûndersyk. Dêrby besjoch ik ferskillende teoretyske útgongspunten, ek dy't ûntwikkele binne binnen frouljusstúdzjes.
R. de Boer: hoe kinne jo it reële wrâldbyld fan de auteur skiede fan it fiktive of ideale wrâldbyld dat hy of sy sketst?
E. Brouwer: By mentaliteiten hearre idealen en as se ferskowe yn de rin fan de tiid, jout ús dat wichtige ynformaasje. Dat der mooglik in literêre konvinsje trochhinne spilet is in part fan it probleem fan de beskôging fan literatuer as in boarne foar mentaliteitsskiednisskriuwing.
G.R. Zondergeld: binne der literêre foarbylden? In literêr skema soe trochwurkje kinne.
E. Brouwer: Eelke Meinderts is net de skepper fan it sjenre of de tematyk. Oaren binne him foargongen. Lykwols safier as wy no witte is *Aagtje Ysbrants* gjin eksakte kopy fan earder wurk. Wy meie dan ek oannimme dat Eelke Meinderts ek oan oare discoursen as allinnich literêre ûntlient.
T. Riemersma: as jo mei in potlead by in literêr wurk lâns geane op 'e siik nei wat oer sekse, oer religy ensfh., dan geane jo folslein foarby oan it literêre prosedee, beskôgje jo in literêr wurk as in net-literêr wurk. Sels ha ik by myn proefskrift de grutste swierrichheden hân mei it oardiel oer in bepaalde misdied. Yn it iene ferhaal wurdt dy bestraft, yn it oare net. Soms hinget soks gear mei de ferhaalstruktuer en net mei de moraal.
E. Brouwer: De tekstuer, de fertelwize ensfh. binne yndied wichtich . Oars wurket in literêr wurk ek net. Ien fan de bedoelingen dy't ik mei myn ûndersyk ha, is dêr ek mentaliteitshistoaryske konklúzjes oan te ferbinen.
J. Krol: jo neame de njoggentjinde-ieuske literatuer tige moralistysk. Ik tink dat alle literatuer dat wêze kin, al is it soms mear ymplisyt as bygelyks de tweintichste-ieuske literatuer. Om de mjitte fan moralisme yn literatuer te bepalen liket my sadwaande slim, sa net ûndwaanlik ta.
E. Brouwer: It moralistyske karakter fan de folksskriuwerij is ien fan de arguminten dy't tsjin dit sjenre ynbrocht wurdt. Men liket mei "moralistysk" dan sokssawat oan te tsjutten as dat yn dit wurk de lear foarôfgiet oan it libben, en dat de moraal net alhiel trochlibbe oerkomt.
P. Gerbenzon: jo sjogge nei de mooglikheid fan in yn de tiid ferglidende moraal. Soe der ek in "ständisch" ferglidende moraal west hawwe kinne? Poortinga hat mei syn ferhaal oer de frijere mooglikheden om te frijen gelyk foar de legere stannen. G. Overdiep hat yn syn proefskrift mei 220

Drintske boereromans sjen litten dat de legere stannen in lossere moraal hiene as de hegere.
E. Brouwer: Eins geane Vandenbroecke en ik net út fan in yn de tiid ferglidende moraal. Wat ik ûndersykje is folle mear hoe't in beskate moraal dominant wurdt. It giet der dus net om dat der yn in beskate perioade mar ien moraal is, mar dat der yn de ferskillende maatskiplike ynstitúsjes (dêr't de literatuer ien fan is) in dominante moraal, of miskien in striid om de moraal, te ûnderkennen is. Ferskillende sosjologen binne der fan útgongen dat krekt yn de njoggentjinde en yn it begjin fan de tweintichste ieu de moraal fan de boargerij dominant wurden is. Undersyk fan de Fryske njoggentjinde-ieuske literatuer kin ús, hoopje ik, in idee jaan of dat trochkringen fan de boargerlike moraal ek hjir plak fûn hat, en hoe't dy moraal der presiis útsjocht. Miskien geane Overdiep syn konklúzjes ek foar de Fryske literatuer op.
J. Krol: as jo kategoryen as man-frou, jong-âld besjogge, dan woene jo ta op mear teksten as allinne teksten dy't dêr tematysk oer geane. Hokker teksten nimme jo dan en hokker seleksjekritearia brûke jo dan? Ik tink dat je gau sjogge nei teksten dy't mei it ûnderwerp te krijen ha, lykas Aagtje Ysbrants.
E. Brouwer: Aagtje Ysbrants is fansels in foarbyld fan in min houlik en ik behandelje no allinne de sekseferhâldingen. Yn Aagtje Ysbrants wurde bygelyks oer religy ek nijsgjirrige dingen sein. Op dit stuit ha ik in ynventarisaasje makke fan wat yn de tydskriften ferskynd is. It korpus is sa grut dat ik der net om hinne kin in kar te meitsjen. It kin wêze dat ik wat dit oangiet a-selektyf wurkje sil.
Ph.H. Breuker: wat it it ferbân fan jo foarbyld (Aagtje Ysbrants) en jo ynlieding oer semiotyk? Nei de analyze fan Aagtje Ysbrants komme jo dêr net wer op werom.
E. Brouwer: It is net sa maklik om nei analyze fan ien wurk werom te gean nei de algemiene fraachstelling fan myn ûndersyk, sa't ik dy yn it foarste diel fan myn lêzing presinteard ha. It giet der om om op grûn fan mear analyzes te kommen ta in beskriuwing fan grûntrekken fan de Fryske folksliteratuer, wêrnei ik mooglik beslute kin mei te sizzen dat hjir sprake is fan in discours, mei beskate hieltiten weromkommende aspekten.
W. Visser: it is fansels de fraach oft alle fenomenen benei te kommen binne mei in teory mei in foarsizzend fermogen. Jo wize marksistyske teoryen ôf omdat se dat fermogen net hawwe. Mar wat is no it foarsizzend fermogen fan jo teory?
E. Brouwer: It wie net myn bedoeling krityk op it foarsizzend fermogen fan de marksistysk ynspirearre literatuerwittenskip te jaan. Dy krityk is fan de mear positivistysk ynstelde literatuerwittenskip komd. Myn krityk op de marksistyske literatuerwittenskip leit op it flak fan har taal-, literatuer-, en ideologyopfetting.

Tusken libbensfeit en libbensbeskriuwing
Oer mooglikheden en beheiningen fan de biografy

Drs. J. Krol (Frysk letterkundich museum en dokumintaasjesintrum, Ljouwert).

0. Oanrin

Fral wannear't, lykas yn it gefal fan Douwe Kalma, in minske him op gâns ûnderskate gebieten yn wurd en died oppenearret en syn aktiviteiten histoarysk sjoen net alhiel sûnder belang binne, kin it tige winsklik wêze om net allinnich it wurk, mar ek it libjen en stribjen fan dy minkse neier te bestudearjen. Foar de skiednis fan de Fryske beweging en de Fryske literatuer is sawol de persoan as it wurk fan Douwe Kalma fan betsjutting. De biografy liket my in gaadlike foarm ta om de betsjutting fan Douwe Kalma op syn bêst útkomme te litten, om't krekt dêryn in beskriuwing fan sawol de persoan as it wurk kombinearre wurdt.

Foar en alear't lykwols mei sa'n ûndernimmen as it skriuwen fan in biografy fan Douwe Kalma út ein set wurde kin, hat it eigenskip om earst ris nei te gean wat in biografy no krekt is en wat de mooglikheden en beheiningen dêrfan binne.

1.0. Biografy. Algemien

Letterlik betsjut "biografy" fansels libbensbeskriuwing. Dy betsjutting laat fuortdaalks ta de fraach oft in beskriuwing yn prinsipe wol in adekwate werjefte fan it libben jaan kin. Yn it earste haadstik fan syn boek *De structuur van de biografie* – in boek dat foar dit ûnderwerp ûnmisber is – giet S. Dresden op dy fraach neier yn.[1] Dresden wiist derop dat yn elke beskriuwing, yn elk ferslach of ferhaal feiten oardere wurde en dat hieltyd wer – bewust of ûnbewust – in kar dien wurdt. It libben is lykwols mear as de som fan de feiten dêr't by hokker beskriuwing dan ek út keazen wurdt: it is in trochgeand, ûnûnderbrutsen proses, dêr't elk byld hieltyd wer fan ferfloeit en oergiet yn in oar. Dochs binne wy oanwiisd op wurden en bylden om ús kennis fan de werklikheid op oaren oerdrage te kinnen. Dêrmei besykje wy de werklikheid te beneierjen en lizze wy tagelyk de werklikheid in oarder op, dy't – as it goed is – út de werklikheid fuortkomt. Dresden hat dan ek gelyk wannear't er skriuwt dat de biografy in tsjinstridige struktuer hat:

> enerzijds is haar [dy fan de biografy] held bijna een romanfiguur, over wie een verhaal mogelijk is, sterker nog: die alleen in en door het verhaal is; anderzijds heeft deze held, onafhankelijk van het verhaal, werkelijk geleefd als een onvoorzienbaar menselijk wezen, waarvan zich geen beeld laat vormen, geen verhaal vertellen.[2]

Tagelyk is it sa - en dêr wiist Dresden ek op[3] - dat it fan it ferhaal ûnôfhinklik libben de mooglikheid jout ta in wittenskiplik beneierjen, om't krekt yn de wittenskip besocht wurdt om it krekte ferslach oer de werklikheid te jaan.

1.1. Beheiningen fan de biografy en konsekwinsjes dêrfan

In konsekwinsje fan it feit dat in biografy it ferrin fan in minskelibben nea folslein werjaan kin, is dat it byld dat yn in biografy fan in minske jûn wurdt nea sa definityf wêze mei dat in neiere ynfolling ûnmooglik wurdt. Definitive biografyen binne útsoarte ûnbesteanber. It wêzen fan it libben lit net ta dat dêr it lêste wurd oer sein wurde kin. Wol kinne de gegevens oer in minske beskreaun wurde. In minske libbet lykwols út syn ynderlik wei, hy fielt en tinkt op in manier dy't foar himsels likegoed as foar syn meiminske fakentiids min nei te kommen en dêrtroch min yn wurden te heinen is. Wol in biograaf syn wurk goed dwaan, dan sil er net folstean kinne mei it jaan fan libbensfeiten dy't objektivearre wurde kinne, mar sil er ek besykje moatte om it fielen, de tink- en motivaasjeprosessen fan dejinge dy't er beskriuwt op it spoar te kommen, sûnder dat er dêrby de betreklikheid fan de kennis fan in oar syn tinken en fielen út it each ferliest. Of, sa't Helen Gardner yn har krityk op de moderne biografy A.O.J. Cockshut oanhellet: "one necessity of a good biography [is] that its author remains aware of 'the mystery of human personality' and that he preserves 'a salutary humility ... in the august presence of another soul'."[4]

Hoefolle dokumintaasje in biograaf dus ek ta syn foldwaan hat, syn kennis fan in oar minske wurdt beheind troch it karakter fan it libben sels. Mar ek de dokumintaasje is nea folslein. Ommers, soe dat al sa wêze, dan soene wy dêrtroch by steat wêze om in minske wol folslein te kennen en dat is, lykas wy sjoen hawwe, net it gefal. Ek al is de dokumintaasje oer in minkse syn libben nea folslein, dochs kin it sa wêze dat dy sa oerfloedich is dat ûnmooglik alle gegevens bynei te kommen en te ferarbeidzjen binne. Op dy problematyk kom ik by it behanneljen fan de boarnen noch werom.

In biografy konsintrearret him op de libbensgong fan ien yndividu. Dat betsjut dat it net in monografy is oer in beskaat tiidrek, in beskaat fermidden of in beskate streaming. Dêrmei wol ik fansels net sizze dat yn in biografy de perioade en it miljeu dêr't de te beskriuwen figuer yn libbe hat net oan 'e oarder komme moatte. By it beskriuwen fan tiid, omstannichheden en miljeu sil de biograaf safolle mooglik útgean moatte fan dejinge dy't er beskriuwt. Allinne troch dy syn persoanlike belutsenheid dêrby wurde tiid, omstannichheden en miljeu yn in biografy eleminten fan belang. Men kin it mei Wadman ek oars sizze:

> Net de persoan yn it ramt fan de tiid, mar de tiid yn it ramt fan de persoan. Fan dat bigjinsel útgeande sjocht men fan de tiid allinne hwat "de helt" fan it forhael sels seach.

> Hwat sadwaende yn direkte sin biografy is, wurdt net mear as yndirekte skiedskriuwing: Men kriget fan de tiid in foringe en iensidich, mooglik krûmlutsen byld, mar dat leit yn 'e reden, om't men [yn in biografy] nou ienris net de tiid ta kennisobjekt nimt.[5]

1.2. Soarten biografy

De neamde beheiningen fan de biografy en de konsekwinsjes dêrfan binne fan belang by it beskieden fan de fraach hokker foarm fan de biografy at it gaadliks t is as libbensbeskriuwing fan in persoan as Douwe Kalma.

Op in tinkbyldige skaal dy't rint fan folslein objektyf ta folslein subjektyf ûnderskaat James L. Clifford yn syn boek *From Puzzles to Portraits*[6] fiif soarten fan biografy dy't wy sa op harren gaadlikens hifkje kinne.

Alderearst neamt Clifford de objektive biografy, dy't de dokumintaasje oangeande in minskelibben sûnder kommentaar presintearret. Niis is al sein dat, sjoen it karakter fan it libben, de dokuminten oer in libben yn prinsipe nea folslein wêze kinne. Yn Clifford syn kommentaar op dizze foarm fan biografy leit dat beswier ek besletten: "Only if one could do the impossible - collect everything which in any way touched on the life of his subject, or his friends [...] - could there be complete lack of personal involvement on the part of the author."[7] It sil dúdlik wêze dat dizze foarm fan biografy op himsels dus ûnmooglik is.

Yn it twadde plak neamt Clifford de wittenskip-histoaryske biografy. Yn dat soarte fan biografy wurde mei soarch útsochte feiten kronologysk pleatst tsjin de eftergrûn fan de skiednis. It troch Enno Endt publisearre dokumintaasjewurk oer Herman Gorter[8] kin bygelyks as in wittenskip-histoaryske biografy sjoen wurde. As dokumintaasje oer in minskelibben is de wittenskiplik-histoaryske biografy weardefol. It beswier fan ditsoarte biografy is lykwols dat it net sasear in libbensbeskriuwing is. Ommers, de seleksje fan it materiaal - dêr't ek yn ditsoarte fan biografy net oan te ûntkommen is - is net basearre op in fisy op dejinge oer wa't de biografy giet, mar liket ynjûn te wêzen troch it algemien histoarysk belang fan de dokuminten. By Dresden - dy't it nammers hat oer "de wetenschappelijke biografie" - kin dit beswier ek fûn wurde:

> Juist door te doen alsof het leven van de held alleen maar een opsommen van bekende feiten is, mist deze soort van biografie één der meest wezenlijke eigenschappen: de lezer begrijpt niet dát de held ook verder nog geleefd heeft en vooral niet hóe hij geleefd heeft. In alles wat de held gedaan heeft, is hij zelf aanwezig geweest; in bepaalde biografieën komt de lezer niet verder dan te vernemen dat hij bepaalde (kenbare en verhaalbare) feiten beleefd en verricht heeft. Wil men weten op welke wijze hij deze verricht heeft, dan wordt men teleurgesteld, tenzij de biograaf getracht heeft zijn held ook enigermate te "zijn".[9]

De wat Clifford "the artistic scholarly biography" neamt, kin it beswier dat de wittenskiplik-histoaryske biografy hat, weinimme. By dit soarte fan biografy giet, likegoed as by de wittenskiplik-histoaryske biografy, it sammeljen en bestudearjen fan de dokuminten foarôf oan de eigentlike beskriuwing. De artistyk-wittenskiplike biografy biedt lykwols de mooglikheid ta in beskriuwing dy't útgiet fan de fisy fan de biograaf op dejinge oer wa't de biografy giet. Of om it mei de wurden fan Dresden te sizzen, dy't net de beneaming "artistyk-wittenskiplike biografy" brûkt, mar it gewoan hat oer "de biografie":

> Zij [de biografy] is het verhaal over een persoon, die werkelijk geleefd heeft en wiens leven op enigerlei wijze bekend is, zodat zij zich nooit aan deze gegevens kan onttrekken. Maar zij is ook persoonlijke interpretatie van de historische feiten en moet in een gesloten verhaal de overtuigende kracht van deze interpretatie weergeven.[10]

Of, noch koarter: "Zij moet de persoonlijke overtuiging van de biograaf èn wetenschappelijke, controleerbare documenten van de historicus in zich sluiten."[11]

De lêste twa soarten biografy dy't Clifford neamt binne "the narrative" en "the fictional biography". Wam de Moor dy't yn de ferantwurding fan syn biografy oer Van Oudshoorn yngiet op Clifford syn yndieling ornearret dat dy lêste twa soarten earst skreaun wurde kinne wannear't it ûnderwerp dêrfan yn ien fan de earste trije troch Clifford neamde soarten biografy beskreaun is.[12] Yn dit stik fan saken tink ik dat De Moor troch de feiten wjersprutsen wurdt. Ommers, de yn fertel- en dialoochstyl skreaune "narrative biography" fan James Boswell oer it libben fan Dr. Samuel Johnson[13] wie der earder as de wittenskiplike biografy.[14] Ek de roman *Orlando*[15] fan Virginia Woolf, dy't foar in part basearre is op it libben fan Victoria Sackville-West, en foar sa fier dus as "fictional biography" typearre wurde kin, wie der earder as Victoria Glendinning har biografy oer Vita Sackville-West.[16] Dochs nimt dit net wei dat ik mei De Moor fan betinken bin dat de "narrative" likemin as de "fictional biography" gaadlik binne as wittenskiplik ferantwurde biografyen, om't dy twa soarten net yn earste ynstânsje útgeane fan kontrolearbere dokuminten.

It sil nei dit oersjoch fan ûnderskate soarten fan biografy dúdlik wêze dat allinne de wat Clifford neamt "artistic scholarly biography" foldwaan kin oan de eask om op grûn fan kontrolearbere dokuminten in adekwate beneiering fan it libben - en dus net allinne de libbensfeiten - te jaan. Datsoarte fan biografy fertsjinnet neffens my dan ek de foarkar as it om it yn 'e skiednis plakbepalen fan navenant wichtige figueren as Douwe Kalma giet.

2. Doelstelling en metoade

No't wy it karakter, de beheiningen en de mooglikheden fan de biografy neier formulearre hawwe, kin besocht wurde om krekter oan te tsjutten wat ús foar eagen stiet by in eventuele libbensbeskriuwing fan Douwe Kalma. Dresden syn algemiene omskriuwing fan it doel fan de biografy kin dêrby helpe. Neffens him moat de biografy "een beschrijving geven van de wijze waarop, tot bepaalde werken gekomen is, hoe een mens zijn gedachten, zijn emoties, kortom zijn leven getransformeerd heeft in zijn werk".[17] Yn in biografy oer Kalma sil dat proses ek neigien wurde moatte. Om ta dat doel te kommen sil lykwols earst socht wurde moatte nei konstanten yn syn wurk en aktiviteiten. Earst dan kin yn it gefal fan dizze man, dy't sa'n ûnhjirmlik soad út 'e wei en op papier set hat, ta in hichte beskaat wurde wat en wa't him ynspirearren. Op dy manier kin men komme ta in tekening fan de persoan en syn wurk. In ferklearring fan emoasjes en tinzen yn dy beskriuwing is lykwols útsletten, om't in yndividu net werombrocht wurde kin ta allinne objektive, fêst te stellen gegevens. Fanút syn fisy op dejinge dy't er beskriuwt moat de biograaf de feiten sadanich selektearje en oarderje dat de beskreaune yn oerienstimming mei it feitlike libben dat er laat hat, stal kriget. Op dy manier kin praat wurde fan wat Virginia Woolf neamt: "the creative fact; the fertile fact; the fact that suggests and engenders"[18], om't it feit dat op dy wize brûkt wurdt it libben evosearret. By dat skiftsjen en oarderjen kin de biograaf him liede litte troch konstanten dy't him yn it wurk fan en de ferslaggen oer dejinge dy't er beskriuwt opfalle.

As foarbyld wol ik yn ferbân mei it tema fan dit kongres wize op Kalma syn preökkupaasje mei de Fryske skiednis. Yn in biografy oer him sil dat dwaande wêzen mei de Fryske histoarje net ûntbrekke meie. Oan syn publikaasjes en aktiviteiten docht kleare bliken dat foar him de skiednis in ynspiraasjeboarne is. Sa formulearret er it ek sels yn it foarwurd by syn *Skiednis fen Fryslân*: "For my is it doel fen skiednis net: yet mear skiednisstúdzje, mar de skiednis is for my alderearst bisieljende krêft yn libben en striid".[19] Syn foarleafde hie fral de iere Fryske skiednis. Dat wurdt dúdlik net allinne út syn toanielwurk, mar ek út syn skiedkundige publikaasjes, dêr't de Fryske skiednis fan foar 1500 navenant mear omtinken yn kriget as de lettere Fryske histoarje. Yn Kalma syn idealen en aktiviteiten spilen dy leafde foar en dat weromsjen op it eardere, gruttere Fryslân net swak by. Wy kinne dêrby tinke oan syn op 'en nij plakbepalen fan Fryslân yn de wrâld, syn kontakten yn it bûtenlân, syn wurk foar de Grutfryske kongressen en syn politike hâlding foar, yn en nei de Twadde Wrâldoarloch.

Op dit pas kin de driuwende krêft dy't de Fryske skiednis foar Kalma wie fansels net yn 'e breedte útmetten wurde. Mar it sil dúdlik wêze dat dy leafde in faktor yn Kalma syn libben west hat dêr't yn in biografy oer him rekken mei hâlden wurde moat en dat, earst nei it op it spoar kommen fan soksoarte faktoaren, mei it skriuwen fan in biografy út ein set wurde kin.

3.0. Boarnen. Algemien

Om dy faktoaren op it spoar te kommen sil boarneûndersyk dien wurde moatte. Ear't ik yngean op de spesifike swierrichheden dy't de ûnderskate boarnen opsmite, wol ik earst wize op it algemiene probleem dêr't de biograaf fan fral njoggentjinde- en tweintichste-ieuske figueren mei konfrontearre wurde kin, ntl. de ûnwitend grutte mannichte oan boarnen. Lytton Strachey, dy't by it skriuwen fan syn biografyen ek mei dit probleem tangele siet, advisearret ienfâldichwei: "He [de biograaf] will row out over that great ocean of material, and lower down into it, here and there, a little bucket, which will bring up to the light of day some characteristic specimen, from those far depths, to be examined with a careful curiosity".[20] In prachtich, mar, neffens my, wat al te optimistysk byld; ik leau dat it gebrûk fan ammerkes, ek figuerlik sjoen, hjir net echt in oplossing biede kin. Yn syn boek *Writing Lives*, mei de deftich-Latynske ûndertitel *Principia Biographica*, bringt Leon Edel, de biograaf fan Henry James, it probleem fan de oerfloed oan materiaal ek op it aljemint. Mar syn algemiene riedjouwingen, lykas it advys om yn it gefal fan in letterkundige mei dy syn publisearre wurk te begjinnen,[21] helpe jin ek net folle fierder. Ik leau ek net dat wat dit probleem oanbelanget in oare oplossing mooglik is as it op eigen manneboet skiftsjen fan it materiaal troch de biograaf. Dêrby mei er fansels net oer iis fan ien nacht gean. Al skiftsjend en oarderjend, sil er him liede litte moatte troch it ynsjoch dat er op dy manier geandewei kriget. Lykas elke beskriuwing fan it ferline, sil ek de libbensbeskriuwing troch dat proses persoanlik kleure wurde.

3.1. Boarnen oer it libben fan Douwe Kalma

Oer hokker boarnen kinne wy yn it gefal fan Douwe Kalma no eins beskikke?

Alderearst binne dêr de troch Kalma sels skreaune wurken. It measte, mar net alles dêrfan is publisearre. Dat wurk allinne al beslacht tûzenen siden. It twadde skift boarnemateriaal, de dokuminten, omfiemet noch mear. Yn it earste plak hearre dêr de brieven ta; de brieven fan himsels, en de brieven fan oaren oan him, mar ek noch de brieven fan tredden oer him. Dêrnêst binne der de boeken, brosjueres, pamfletten, ferslaggen, kritiken, notulen ensafuorthinne dêr't syn persoan of syn wurk yn oan 'e oarder komt. Fierders binne der noch de realia. Dêrby kin tocht wurde oan akten, foto's, aginda's, lesroasters, rapporten, skoalskriften, syn boeken en tydskriften. As lêste, mar dochs tige wichtige kategory dokuminten kinne de petearen mei eachgetugen en tiidgenoaten fan Douwe Kalma neamd wurde.

3.2. Mooglikheden en beheiningen fan it gebrûk fan de boarnen

De nijsneamde boarnen hawwe allegearre har foar en tsjin. Ik gean hjir net wiidwei dich op yn, om't minsken as Maurois, Romein en Dresden[22] dat al dien hawwe. Mar dochs wol ik yn it koart formulearje wat neffens my de mooglikheden en beheiningen fan it gebrûk fan de boarnen binne.

De troch Kalma skreaune wurken liene har om hieltyd weromkommende tema's te bepalen en om sa op it spoar te kommen wat en wa't Kalma motivearren en ynspirearren. In gefaar fan it kreative wurk is om gau oerienkomsten tusken de beskreaune en de yn werklikheid besteand hawwende persoanen oan te nimmen en op dy manier ferkearde konklúzjes te lûken. Sûnder mis befetsje de brieven fan, oan en oer Douwe Kalma in skat oan ynformaasje foar in biograaf. Mar de tinzen en emoasjes dy't yn in brief ta utering brocht wurde, kinne fanwegen it feit dat se kleure binne troch alderhanne omstannichheden fan it momint net fuortdaalk karakteristyk neamd wurde. Ek dêr sil hieltyd wer rekken mei hâlden wurde moatte.

In neidiel fan de petearen mei eachgetugen en tiidgenoaten is dat se selektive waarnimmingen werjouwe. Tagelyk is dat ek it foardiel, om't se sa de dochs ek selektive waarnimming fan de biograaf oanfolje en korrizjearje kinne.

4. Slotopmerking

No't sa de mooglikheden en beheiningen oantsjut binne om op in wittenskiplik ferantwurde manier te kommen ta in biografy oer Douwe Kalma, ta beslút noch in opmerking oer it plak fan de biografy yn de wittenskip.

Likegoed as it literêre wurk, de lêzer en de wikselwurking tusken dy twa har rjochtlik plak yn de literatuerwittenskip hawwe, heart neffens my de skriuwer of dichter en de wikselwurking tusken him en syn wurk sa'n plak te hawwen.

Fyftich jier lyn, ear't yn de literatuerstúdzje de histoaryskbiografyske metoade ek yn Fryslân troch nije ûntjouwingen ferdreaun waard, lei der by de Fryske Akademy in troch dr. G.A. Wumkes opsteld wurkplan foar biografy.[23] Tweintich jier letter seit dr. J.F. Koksma yn syn jierrede dat it wurkplan foar biografy nei Wumkes syn dea yn it leech rekke is.[24]

Soe it no, dit jier, dêr't sa'n soad yn betocht wurde moat, net de muoite wurdich wêze om it plan fan Wumkes nij libben yn te blazen troch sadanich metoaden te ûntwikkeljen om de skriuwer en syn wurk te beneierjen dat se de moderne krityk trochstean kinne? Dêrmei soe Fryslân de literatuerwittenskiplike moade foar ien kear in slach yn it foar wêze kinne!

NOATEN

1. S. Dresden, *De structuur van de biografie* (Den Haag, 1956) 10.
2. Ibidem, 16.
3. Ibidem.
4. Helen Gardner, "Literary Biography", *Modern Language Review*, LXXV (1980) xxxviii.
5. Anne Wadman, *In skoalmaster yn 'e Dokkumerwâlden: Libbensgong fan Hjerre Gjerrits van der Veen* (Drachten, 1955) 8.
6. James L. Clifford, *From Puzzles to Portraits: Problems of a Literary Biographer* (Chapel Hill, 1970).
7. Ibidem, 84.
8. Enno Endt, *Herman Gorter. Documentatie 1864-1897* (2e pr; Amsterdam, 1986).
9. Dresden, *o.w.*, 80.
10. Ibidem, 58.
11. Ibidem.
12. Wam de Moor, *Van Oudshoorn* (2 dln.; Amsterdam, 1982) I, [x]xix.
13. James Boswell, *The Life of Johnson ...* (London, 1791).
14. Ferlykje bg.: Christopher Hibbert, *The Personal History of Samuel Johnson* (London, 1971).
15. Virginia Woolf, *Orlando* (London, 1928).
16. Victoria Glendinning, *Vita: The Life of V. Sackville-West* (London, 1984).
17. Dresden, *o.w.*, 222.
18. Virginia Woolf, "The Art of Biography" yn: Virginia Woolf, *The Death of the Moth and Other Essays* (5e pr.; London, 1947) 126.
19. D. Kalma, *Skiednis fen Fryslân* (Dokkum, 1935) "Foarwird" [net nûmere siden].
20. Lytton Strachey, *Eminent Victorians* (werpr.; London, 1922) vii.
21. Leon Edel, *Writing Lives: Principia Biographica* (New York/London, 1984) 106.
22. Ferlykje: A. Maurois, *Aspects de la biographie* (Paris, 1928) 201 e.f., J. Romein, *De biografie* (Amsterdam, 1946) 78 e.f. en S. Dresden, *o.w.*, 102 e.f.
23. Sjoch: P. Sipma, "Ta it wirkplan fen de Fryske Akademy. II Biografy", *It Beaken*, I (1938-1939) 36-46 en G.A. Wumkes, "It bigjin fen de Fryske biografy", *It Beaken*, I (1938-1939) 43-45.
24. J.F. Koksma, "Tweintich jier Fryske Akademy", *Ut de smidte fan de Fryske Akademy*, IX (1959) 13.

G.R. Zondergeld: foar in bibliografy liket my net allinne it materiaal dat jo neamd ha en materiaal út argiven wichtich, mar ek de konfrontaasje mei literatuer dy't der - yn dit gefal oer Kalma - al skreaun is.
J. Krol: jo dissertaasje stiet fansels ek in soad materiaal yn. Buma hat mei 'Wei en wurk' mear in libbensskets jûn. Ik tink dat der noch folle mear oer him te skriuwen wêze kin.
H.J. Oldenhof: As Clifford seit dat in wittenskiplike biografy der earder is as de 'narrative' of 'fictional biografy', bedoelt er dan net dat yn de geast fan dejinge dy't mei sa'n fictional biografy' oan 'e gong is, earst in wittenskiplik ûnderboud byld ûntstean moat ear't er syn ferhaal skriuwe kin?
J. Krol: De Moor seit dat der earst in wittenskiplike biografy skreaun wêze moat, foar't in goeie 'narrative' of 'fictional biografy' skreaun wurde kin. Ik bestriid dat op grûn fan de feiten. Boswell syn biografy wurdt algemien sjoen as in goeie biografy. V. Woolf hat Vita Sackville-West kend, dus hja kin ek in oardiel foarmje oer dy persoan. Hja hat dat werjûn yn in roman, in 'fictional biografy' dy't net basearre is op in wittenskiplike biografy.
A.M.J. Riemersma: is der ek in hiërargy yn de wearde fan de ferskillende boarnen (eigen wurk, dokuminten en realia, tsjûgen fan tiidgenoaten)?
J. Krol: ik gean fan Kalma syn wurk en syn aktiviteiten út. As ik der in bytsje in oardiel oer foarme en formulearre ha, sil ik sjen moatte nei wêr't Kalma him troch liede liet. De brieven dy't wy hawwe, kinne dêrby tige har nut hawwe. De boeken dy't er kocht en lies, binne op harsels ek wichtich. De petearen mei tiidgenoaten (âldere bannen fia de YSF en eigen ynterviews) jouwe mei-inoar in byld dat hieltyd wer de bylden dy't jo út it bestudearre materiaal krigen ha, beynfloedzje en korrizjearje kin. Dy hiërargy is betreklik. Jo kinne dy oanlizze, mar yn in minske kin it wolris trochinoar wurkje.
T.J. Steenmeijer-Wielenga: sjogge jo in biografy as doel op himsels of as middel ta better begryp fan it wurk?
J. Krol: yn de fyftiger jierren waarden grutte fraachtekens set by de mooglikheid om fia in biografy letterkundich wurk better te ferstean, en dat is noch hieltiten sa. Dochs kin it wol nuttich wêze. It giet my mear om syn aktiviteiten. Syn toanielwurken bygelyks sille ús miskien net it measte sizze mar ik tink wol dat syn wurk en foaral syn aktiviteiten ris yn in ramt pleatst wurde moatte. Dat stiet my foaral foar eagen.
A. Bor: ik neem aan dat er een zekere verwantschap, tenminste belangstelling bestaat tussen de biograaf en de persoon die hij beschrijft. Is het mogelijk dat er een moment komt dat u moet zeggen: ik kan er niet mee doorgaan, want ik ben de man daar niet voor?
J. Krol: ik ha wurdearring foar wat Kalma allegearre dien en skreaun hat, mar tagelyk krij ik der soms ek in hekel oan dat der sa'n soad fan is. It is in hiele opjefte alles yngeand troch te lêzen en konstanten yn syn wurk te finen, tema's dy't him hieltiten wer rekke hawwe en sa dus de motivaasjepro-

sessen op it spoar te kommen. Myn ynteresses fyn ik by Kalma soms werom en dat makket my hieltiten wer nijsgjirrich om mei it materiaal yn 'e slach te gean. It kin wêze dat der in punt komt dat ik sis: hjir kin ik net fierder.